

Feroaring fan lucht

Rink van der Velde

bron

Rink van der Velde, *Feroaring fan lucht*. Friese Pers Boekerij, Leeuwarden 2004 (zestiende druk)

Zie voor verantwoording: http://www.dbnl.org/tekst/veld024foro02_01/colofon.php

© 2010 dbnl / erven Rink van der Velde



Roman, befetsjende de skiednis fan in Wâldman, syn striid foar de frijheid en tsjin it establishmint. Mei gâns komise foarfallen en net te min oangripende scènes. Fersjoen fan in stik as fiif eksplikaasjes, tsjinjende ta in better begryp en om it net te lang te meitsjen.

't Lân moat ik it weardichste taskriuwe.

Dêr wol ik libje, wenjen bliuwe solang my God dit libben skinkt.

Ik hâld dan fêst yn 't fjild is 't bêst.

(Gysbert Japiks)

Haadstik 1

De lêzer komt yn 'e kunde mei de singeliere húshâlding fan Durk Lugtigheid, alias Durk Snoad.

Durk hat him oanwend om it spul earst even troch it gat te sjen. In murd of in foks docht ek altiten in pear slaggen om de hoale ear't hy der yn giet. En in ljip sil net gau deun by 't nust delstrike, mar rint earst in ein troch in greppel of sleatswâl.

Durk giet dêrom noait de reed lâns. Hy komt fan achteren yn en as er yn it beskûl fan de droege sleat stiet, kin er it hiem oan de doar ta oereagje. As der minsken op him wachtsje dy't er leaver net ûnder eagen komt, hat Foekje dy almeast op de reinwettensbak sitten. Durk jout him dan del yn 'e rûchte fan de beamwâl en wachtet oant dat folkje syn nocht hat en ôfset. By min waar moat Foekje se der fansels wol ynlitte, mar de doar stiet dan heal iepen en dan wit Durk wol hoe let it is. Hy makket noch in loopke troch de bosk en om healwe seizen besiket er it wer. As it amtners fan sociale saken binne, dan duorret it noait lang. Tsjin fiven wurde dy mannen ynienen gleonhastich, deabenaud dat der in kertier fan har eigen tiid yn sitten giet.

Durk hâldt it knyntsje dat Bijke ûnderweis snipt hat, ûnder de mesjester jas. Der is gjin frjemd folk op it hiem, mar Feike Dam mei graach yn 'e bosk op 'e side fan 't hiem tahâlde, achter in grouwe beam en soms mei de kiker foar de eagen. Durk stiet dy boskwachter wol, dêr giet it net om, mar as it net hoecht moat men gjin spul ha. En it hoecht net as hy dat stikje wyld even mei it kopke ûnder de linkerearm triuwt, sadat der neat te sjen is en hy de beide hannen frij hat om syn dingen te dwaan.

Hy stapt de bou oer, dêr't de geit yn de kjitten omslacht. It túnkjen is fan 't jier net folle wurden. Hy hie der fan 't maitiid net rjocht aardichheid oan, dat der binne allinne jirpels yn kommen. Foekje hat noch wat giele beantsjes en tusearte boud, mar dy binne wei woarn yn it túch. Hawar, de geit hat der goed fretten oan en de beide skiepkjes hawwe har part ek hân. Dochs hie it oars moatten, mei dy strange winter foar de doar.

Op healwe de bou sjocht er twa fan syn beide jonges út de âld linebeam wei rûgeljen. Se hawwe him net yn 'e gaten, want lyk as altiten binne se yn 'e slach. Se tuge inoar ôf dat it in lust is en Durk bliuwt der foar stean. Hindrik, neffens syn roai no tolve jier, is de jongste en de lytste, mar fierwei it feninichst. Hy huft der sa bot yn, dat Bearend it lang net hâlde kin. Dat jonkje krûpt op 't lêst fan benaudens oer de grûn en siket om in kneppel. As er in eintsje peal bemachtige hat, is Hindrik as in kat de beam yn klattere en kin Bearend him net mear benei komme.

Lêsten kaam Hindrik, dat baaske, thús mei in knyn dy't er eigenhandich pakt hie. Hy seach him yn 't leger lizzen, slûpte derhinne en plofte der boppe op. Dan moatte jo goed handich wêze. En hy streupt as in grut kearel, as hy in strûp op in knineloop set hat, dan mist it net. Der sit jacht yn dat jonkje, dat jout neat.

Durk stapt op de pomp ta en tapet himsels in mûlfol kâld wetter.

'Hui,' ropt Hindrik út de linebeam wei.

Hy sit op ien fan de ûnderste tûken út te pûsten, Bearend stiet derûnder te hymjen.

'Ik krij dy noch wol, rotsak,' ropt er omheech. 'Ik slaan dy hartstikkene kroandea.'

Ut 'e hûs wei komme de lûden fan de froulju, allegear

tagelyk oan it wurd fansels en de lytsen der trochhinne raze.

Durk hat yn it hok de knyn ûnder de jas weihelle en hinget it bistje oan in spiker. Dan nimt er de hoarn fan de planke en stapt nei bûten. Hy dikert it fjild oer nei de heide; der hinget in mûzebiter yn 'e loft en Durk wachtet oant de rôffûgel nei ûnderen saait. Dan dangelt er it hiem oer nei de kninestjelpen. Hy hellet Bijke even oan dy't tsjin him opspringt en yn it foarbygean seit er tsjin Bearend: 'Kinste Hindrik net ha?' 'Hy is gemien,' beart Bearend, 'wy ha tegearre in útkykpost yn 'e beam makke, mar no wol dy rotfint der hyltiten yn.'

'Kinne jim der tegearre net yn?'

Durk sjocht omheuch en nimt tusken it gieljende blêdsel in protsje planken en balken waar.

'Der kin mar ien tagelyk yn.'

'Ik soe sizze dan makkesto ien foar dysels. Der leit hjir en dêr noch wol in stikje hout.'

'Dy rotsak hat alles ynpikt.'

'Dan giest hinne en helje wat gaadlike peallen en prikken út 'e bosk. Ferduld, do kinst dy dochs wol rêde.'

Bearend sil daliks mar it hok yn om de bile en spanseage, mar Durk seit: 'Wachtsje mar oant nei iten, ik sil no earst appèl blaze. It is tiid.'

Hy giet nei de midden fan it hiem en set de hoarn oan 'e mûle. De reveille skattert troch de bosk. It is sa'n moaie blakstille septimberdei en dan klinkt it fier. It is suver wat te waarm foar de tiid fan it jier. Oer it lân wurdt it dizenich en yn de bosk oan de oare kant fan it hûs hinget de damp al tusken de beammen. It komt fan de waarme middeissinne dat it sa gau belûkt.

Durk blaast de taptoe der noch achter oan, omdat it

hjoed sa goed wol. Dêrmei hat er fuort it heule repertoire ôfwurke. Mear kriget er net út de âld hoarn; twa fan de trije fentilen sitte fêst en de bern ha der mei de hammer op om timmere, dat der is ek net folle mear oan te ferhelpen. It ding is al tweintich jier âld en it koper skynt út 'en grienens.

Durk wachtet even en dan blaast er nochris. Dat is in warskôging foar Bouwe, dy't op 'e side fan it hûs mei syn brommer dwaande is. Altiten lit er it ding raze as Durk appèl blaast.

De froulju komme derút, de lytsen derachter oan. Foekje is de lêste, mei lytse Durk oan 'e hân en Pytsje op 'e earm. Durk strykt de lytsen yn 't foarby gean oer de holle.

'Goeie heit,' roppe de bern en Foekje seit: 'Hast bloed yn dyn boesgroen.'

Se skoot mei de frije hân syn mesjester jas fansiden.

'En hjir noch folle mear, it is allegear bloed.'

Se tilt syn earm op en wiist it oan.

'Bijke hat dat knyntsje justjes te bot biten,' seit er. 'Hy wie nochal fûl, fernaam ik wol.'

Hy jout syn folkje even de tiid, dan stiet elk kreas yn 'e rige foar de pomp. Durk jout noch in stjit op 'e hoarn en dan pas komt Bouwe om 'e hoeke.

'Do bist altiten te let, Bouwe,' seit Durk. 'Elk moat op dy wachtsje.'

'As ik mei de brommer oan 'e gong bin, kin 'k de boel der samar net hinne smite.'

'Do bist altiten mei dat ding dwaande, mar do hast dy oan de regels te hâlden. Ik jou elk de tiid om dien te meitsjen.'

'Wat wit heit no fan moters ôf. Ik kin dy fine skroefkes en moerkes samar net op 'e reed lizze. As der sân oan komt en ik krij dat yn de karburateur dan draai ik de moter stikken.'

‘Ho mar, ik leau dy wol, mar likegoed hast der by te wêzen.’

Durk stelt him foar it front fan syn húshâlding op en sjocht nei Foekje. ‘Elkenien presint, mem?’

‘Tsjerk en Willem binne der noch net, Durk.’

‘Dat is de earste kear net.’

‘It binne grutte jonges, Durk,’ seit Foekje.

‘Ik mei der min oer,’ seit Durk. ‘Elk dy’t hjir yn de kost leit, moat der om seis oere wêze. Tensij it noadsaken binne.’

Hy sjocht Foekje oan.

‘Ik wit net wat se by de ein ha.’

‘Moai, dus gjin permisje frege. Wel, dan hoechsto gjin iten foar harren waarm te hâlden. Wa’t net op ‘e tiid oan ‘e krêbe is, giet foarby.’

‘No ja ...’

‘Gjin gepraat, regel en oarder moat der wêze. Rapport, mem.’

‘Neat bysûnders, Durk.’

‘Nimmen oan ‘e doar west hjoed?’

‘Net ien.’

Durk sjocht by de rige lâns. ‘Klaske?’

‘Nee, ik ha ek neat te melden.’

‘Wêr is dyn poppe, leave?’

‘Yn ‘e hûs, hy slept krekt, heit.’

‘Dan moat ik dy aans mar even oersjen. Hoastet er ek noch?’

‘It is hast wer oer, it wie net slim.’

‘Moai sa, bern. Gryt?’

Syn eagen geane der by del. It fanke hat al wer in oare jurk oan, liket him sa ta. En slim opmakke, oan ‘e teannen fan de fuotten ta. Hy wol der wat fan sizze, mar bedimmet him. It bern hat de jierren, se moat it sels mar witte.

‘Ik woe fan ‘t winter yn Drachten bliuwe, heit. Wy

wolle meiinoar in flatsje hierre en dan kostet it net safolle. Dat sparret my fan 't winter de reiskosten út en ik fyn it folle geselliger.'

Der is Durk wat opfallen. Hy wiist nei de feint, dy't achter Gryt nuveraardich stiet te gysgobjen.

'Hé, do bist aardich feroare,' seit Durk. 'Hoe is de namme ek al wer?'

'Dit is Johan, heit,' seit Gryt sljochtwei, 'en hy hat hjir noch net earder west.'

Durk sjocht ferheard.

'It is ommers út mei Peter,' ferklearret Gryt, 'dat ha ik heit fan 'e wike al sein en doe ha 'k ek sein, dat Johan no myn freon is.'

'It is ek sa,' stint Durk en hy prakkeseart der op om.

'Ik bin op 't heden tefolle fan hûs. Heule dagen oan it wurk, in soad oan 'e kop, hawar, it sil wol oerbetterje.

Hoe skriuwt de jongkeardel him?'

'Ik bin Johan de Vries,' seit de jonge.

'Bêst Johan, wel do skikst aans mar mei oan ast der nocht oan haste, mar wy hawwe hjir op 'e pôle ús eigen regels en dêr hast dy oan te hâlden.'

'Ik fyn it hjir hartstikkene leuk,' seit Johan.

'Fersjoch dy der net op, jonge. It libben stelt hjir syn easken ek. En wat ik sizze woe: do fynst dit miskien wat in frjemde fertoaning, mar as ik net ienkear deis appèl hâld dan ûntkomt der my tefolle. Sa machtich as wy binne ...'

'Jawis, dit is de manier,' seit Johan fol begryp.

'Moai sa, dan geane wy no fierder. Bouwe? Ho wachtsje even, wêr hiesto it niis oer, Gryt?'

'Ik wol fan 't winter yn Drachten bliuwe, mei syn fjouweren op in flatsje en dan ...'

'Dêr sille ik en mem oer prate.'

'As heit it net goedfynt, doch ik it dochs. Ik bin op 't lêst mearderjierrich, ik mei it sels witte.'

‘Wel ja, sprek mar op, likegoed sille ik en mem it der oer ha. Do wiest oan bar, Bouwe.’

‘Ik leau dat ik takom' wike opsis,’ rapporteart Bouwe noartsk. ‘Ik kin mei foegjen maklik hûndert daalders wyks fertsjinje.’

‘Do kinst wol miene, datst ek al by de grutte minsken hearst, mar sa is it fansels net. As der opsein wurde moat, dan sille wy dat earst goed beprate.’

‘Hy moat by Visser bliuwe,’ bringt Foekje der tusken.

‘Hy kin dêr in soad leare.’

‘Leare, leare,’ hunet Bouwe. ‘Ik doch oars net as stien sjouwe, spesy meitsje en hout tûgje.’

‘Kinste foegje?’ freget Durk.

‘Ik ha it yn 'e slach. No ja, ik kin fansels noch net sa hurd as de oaren, mar as ik fjirtjin dagen op 'e steiger stien ha, dan sille jim ris wat sjen. Jan Sloothaak wol my graach ha. En hûndertfyftich gûne helje ik altiten. Kin 'k teminsten in nije brommer keapje.’

Durk seit: ‘Wy sille der jûn oer prate, ik en mem. Wy moatte dit goed ûnder eagen sjen. Hoe âld bisto op 't heden?’

‘Hy moat noch njoggentjin wurde, Durk,’ seit Foekje.

‘Hy hat noch in soad te learen.’

‘De behanneling fan dit fersyk wurdt oanholden,’ is Durk syn beskied. ‘Folgjende.’

‘Willem is der net, Durk.’

‘Dat is ek sa, ik sil it him jûn sizze. Jantsje?’

‘Ik wol jûn graach fuort, heit. Ik ha mei in pear famkes op 'e Sweach ôfpraat.’

Durk sjocht Foekje oan.

‘It is gjin bern mear, Durk. Se wurdt aans sechtjin.’

Durk sjocht nei it fanke en stint: ‘Bliksem, wat giet de tiid hurd. Hoe let moat se thús wêze, mem?’

‘Net letter as tsien oere, hie 'k tocht.’

‘Verzoek toegestaan, nachtpermisje oan tsien oere ta.’

Bearend?’

Bearend skodhollet. De lytse Durk hat memme' hân loslitten en stelt him parmantich neist heit op.

‘Hindrik?’

‘Gjin bysûnderheden.’

‘Gjin bysûnderheden,’ kraait de lytse Durk.

De nije feint fan Klaske hat der wille om.

‘Dat wurdt in goede huzaar,’ smyt er der samar tusken.

‘Wat witsto fan de huzaren?’ freget Durk.

‘Ik ha ek by de huzaren tsjinne,’ seit de jongkeardel.

‘Dat is aardich, sa'n ien ha wy hjir noch net hân.’

‘Ik bin der noch net iens salang út,’ ferklearret Johan him neier. ‘Yn jo tiid wienen der noch hynders, hen. Klas hat my f erteld, dat jo by it hynstefolk west hawwe.’

‘Dei en nacht tusken de hyns, wat tochtsto.’

‘Ik ha noait in hynder sjoen, allinne mar tanks.’

‘Der binne gjin hynders mear, dat ha 'k heard,’ seit Durk. ‘De hynders binne der allegear út. Mar hoe kinst no huzaar wêze sûnder hynder?’

‘Tradysje man, oars net as tradysje.’

‘Oars wol aardich,’ seit Durk. ‘Wy moatte der alris oer prate. Och hearken, wat ha ik wat belibbe by de huzaren. Hast wolris fan de ritmeester Van Schaick heard?’

‘Nee, dy namme ken 'k net.’

‘Ik sprek no fansels fan sa'n tritich jier herwaarts, mar ...’

‘Sille wy earst net even dien meitsje, Durk?’ freget Foekje.

Se pakt mei dat lytse bern om en de oaren wolle der ek wol ôf wêze.

‘Hast al wer gelyk, leave, wy geane fierder.’

Hy sjocht freegjend nei lytse Foekje dy't al lang net

lyts mear is, mar altiten wol sa neamd wurde sil, salang hja alteast ûnder itselde dak ferkeart as mem Foekje. De âldste bern hawwe besocht har Femmy te neamen, mar dy namme hat Durk ferbean. Durk sil him trouwens noait fersinne, want grutte Foekje is by him altiten mem.

Foekje, de lytse, hat al wat.

'Ik moat in stretsbroek ha, heit. Alle bern op skoalle ha in stretsbroek.'

Durk sjocht syn frou freegjend oan.

Gryt seit: 'Dat is in lange broek, mar dan in nauwenien en mei bantsjes ûnder de fuotten lâns.'

'Is dat itselde as in penty?' freget Durk, want dat wurd hat er ûntholden fan in earder petear oer frouljusklean.

'Nee, dat is gjin penty,' seit Jantsje, 'in penty is heul wat oars.'

'Binne dy miskien al wer út 'e moade?'

'In penty is wat oars, dat is in broekje mei hoazzen der oan.'

'Mem moat dit mar ris besjen,' makket Durk him der ôf. 'Ik wit ek net hoe't it op 't heden mei de sinteraasje liket. Is sa'n ding djoer?'

'In pear tsientsjes.'

'As it mem fan 'e wike net past, dan krigest ien fan my,' belooft Gryt gol. 'Ik ha al wer opslach krigen en as dat bern graach in stretsbroek ha wol ...'

'Sa mei 'k it hearre,' beart Durk, 'de iene komt foar de oare op, soks docht deugd. It is ek wol ris oars, mar as it derop oankomt dan binne wy ien.'

Hy sjocht grutsk nei Gryt har feint. 'Sa giet dat by ús, jongkeardel.'

Durk priizget Gryt en Foekje seit ek, dat it in merakel is.

'Hoefier binne wy, mem?'

Durk sjocht it hear oer. De lytse Durk hat sines der al ta dien. Pytsje slept op memme' earm en der wurdt fierders troch nimmen wat nei foaren brocht.

'Moai, dan mar even de tsjinstlist. Mem, wa binne oan bar?'

Foekje sjocht de rige by lâns.

'Klaske, soesto net ...' hifket se.

'Sa kinne wy net, mem,' ûnderbrekt Durk har. 'Strikte rechtvaardigheid, sei de ritmeester altiten en dêr hâlde wy ús ek oan.'

'No, as jo de huzaren bedoele dan ha ik it wol oars meimakke,' seit de jonge fan Gryt frijmoedich.

'Wat seisto my dêr, kin men by de huzaren fan Boreel net mear op inoar oan?'

De jonge bynt gau yn, want Durk sjocht goed gleon.

'Der binne minnen by,' seit er, 'ûnder de offisieren, bedoel ik.'

Durk heart der nij fan op.

'Smearlappen,' seit de jonge manmoedich, 'grutte smearlappen en sa is 't.'

Durk sil begjinne út te pakken.

'Durk,' seit Foekje, 'it is ommers tritich jier lyn datsto ûnder tsjinst leist. It kin allegear wol feroare wêze.'

'It is ek sa, mem,' seit er berêstend. 'Ik wol it gjin ligen hjitte, it is in rare wrâld.'

Mar ûnder de ritmeester Van Schaick ha ik noait meimakke, dat der immen ferkeard bejegene waard. Us ritmeester wie dêr fûl op. Fan findeldrager oant faandrich, allegear poer la patry. Sa sei er dat en it betsjut sokssawat as mei inoar ien.'

'Foar it faderlân,' seit de jonge eigenwiis.

'Sa'k sei, sokssawat,' antwurdet Durk ûnfersteurber, mar hy kriget syn nocht hast al fan de jonge syn grutte mûle.

Foekje hat yn 'e hûs west en langet Durk in stik pa-

pier oer. It is de tsjinstlist dêr't fan elk op stiet wat er te dwaan hat en wannear.

'Ik wol hjir al mei dy oer prate,' seit Durk tsjin de jonge. 'It is my nuver yn 'e wei dat it no sa mal liket mei de huzaren.'

'No ja, sa mâl giet it ek wer net, mar der binne al smearlappen by, lyk as rûnom en dêr dogge jo neat oan.'

'Wat let my en skriuw de ritmeester in brief,' seit Durk. 'Ik doar te wedzjen dat er der wurk fan makket.'

'Durk, dy man kin ommers wol dea wêze,' moannet Foekje.

'Sa âld kin er oars noch net wêze,' prakkeseart Durk.

'Mar ja, it is fansels wol goed tritich jier lyn, dat is sa.'

Hy hat de list krigen en giet mei de finger by de nammen lâns.

'Klaske hat moarn korvee en Tsjerk en Jantsje moatte jûn jirpelskile.

'Ik soe jûn frij ha,' ropt Jantsje.

'Dat is ek sa. Dan skoosto op en is it Bearend syn dei.'

'Ik soe ...'

'Gjin protest of it moatte noadsaken wêze.'

'Ik soe jûn te fiskjen.'

'Dy fisken bliuwe der wol.'

'De iel wol op 't heden goed bite.'

'Moarn ek wol, dit binne gjin noadsaken. Wel, ha wy it sa hân, mem?'

'Ik moat nei myn jirpels ta, Durk. Se steane te sieden.'

'Hast gelyk mem.'

Durk set de hoarn oan 'e mûle en blaast de ôfmars.

'Oer in kertier oan 'e krêbe,' ropt er der achteroan.

'En no wol ik mei dy prate, jongkeardel.'

Hy wiist nei Johan.

'Kin dat letter net, heit?' freget Gryt. 'Wy soenen even

mei de lytsen boartsje.'

'Dat is goed, bern.'

Durk bringt de hoarn yn 't hok en ferset de kninestjelp. De geit en it skiep moatte ek ferstutsen wurde. Bearend freget oft heit him helpe wol om in útkykpost yn de linebeam te meitsjen.

'Nei 't iten miskien, mar dan moat heit earst noch even in knyntsje út 'e jas helpe.'

'Wol drok,' seit Johan dy't it oanheart, 'wol drok, sa'n grutte húshâlding.'

'Hjir op 'e pôle hat elk wol wat te dwaan, jongkeardel. Nimmen hoecht him hjir te ferfelen.'

Durk giet even op it potrak neist de pomp sitten te bekommen.

Haadstik 2

Pake fertelt, of: de tiid fan doe, ferklearre foar de jongerein fan no.

Dit is in âlderwets ferhaal, it giet oer in minskesoarte dy't eins net mear bestiet. Wurdt soks anno 1990 noch wol begrepen? kin men jin ôffreegje. It sil der bytiden oan ha. Sjoch, krapoan tweintich jier lyn ferskynde fan dit boek de earste druk en doe lei de tiid wêryn it him ôfspilet ek al wer in jier as fyftjin achter ús. De âlde generaasje heucht dat tiidrek fansels skoan, mar dêr giet it net om, dy hat it boek al lang út.

Nee, it punt is: kin men it jongfolk soks noch lêze litte? Kin dy it sûnder neiere útlis allegear neikomme? Want foar de generaasje fan no is dizze nije útjefte ornearre. Wurdt der hjoeddedei dan noch lêzen? sille guon skeptisy har ôffreegje. It wol jin hast net oan, no. Der binne ommers sokke spannende searys en safolle moaie films op de televysy en der is sa'n grut ferskaat oan ferdivedaasje, hoe sil men dan oan lêzen takomme? En dan ha 'k it der noch net iens oer, dat dit boek by wize fan ekstra handicap yn it Frysk skreaun is. Mar de ûndersiken wize it út, it lêzen bliuwt bestean en it Frysk lêzen sit selds yn 'e lift, dêr't ik sa'n wurd om sis.

Vraag niet hoe het kan, maar profiteer ervan, sei de útjouwer. Der moat in nije útjefte fan Durk Snoad komme. Omstaverre fansels, want yntusken is de skriuwwize fan de Fryske taal neffens de easken fan de tiid (taal is kommunikaasje en hoe't jo it skriuwe nukt neat mear) sterk ferienfâldige. Akkoart, ha 'k sein, mar dan mei hjir en dêr in ferklearring derby. Dat sadwaande.

Wat wie dat foar in tiid, dy earste tweintich jier nei

1945, om ús dêrta te beheinen? Ik wie fansels mar in broekje (fan 1932), net iens yn it ferset sitten, dus alheul gjin rjocht fan praten. Mar ik wit wol dat it libben aardich oersichtlik wie. Us Indië (Indonesië) moast befrijd wurde en dêr wie elk it mei iens, op in pear kommunisten en wrâldfrjemde pacifisten nei. Mar lit ús de polityk der bûten hâlde, dêr is in sljochtwei minske noch noait better fan wurden. En yn dit boek giet it om gewoane minsken.

Wolno, it wie de tiid (ik gean no even yn grutte trêden troch de maatskippij fan doe) dat arbeidersbern arbeider waarden, de tûksten nei it MULO gyngen, de aldersnoadsten nei de HBS en de bern fan de hegerein nei it Gymnasium. Der wie ek noch in ambachtsskoalle dêr't handige jonges timmerman, skilder of machine-bankwurker wurde koenen. Froulju gyngen almeast net te learen, dy trouden mei de tiid dochs. As se foar dy tiid al wat woenen dan koenen se nei de húshâldskoalle.

It wie de tiid, dat boargemasters baas wienen yn in gemeente, wethâlders it dêrmei iens wienen en riedsleden allinne mar gear kamen om ja te sizzen en de gemeentelike sigaren op te smoken. Dêr sjocht men hjoeddedei bytiden suver wer nei út, nei sa'n autoritaire boargerheit dy't gjin tsjinspraak duldet en it lak hat oan ynspraak, demokratisearing, brede maatskiplike diskusjes en datsoarte keunsten. Brek my dêr de bek net oer iepen. Mar goed, soks leit ek al bûten it bestek fan dit boek.

It wie de tiid, dat trouwe moatten in skande hjitte en hokje (húzje sei men doe trouwens) noch slimmer. Ho, wat wie trouwe moatten? Pake fertelt. Trouwe moatte, myn jonge/fanke, dan wie 't eins wat yn 'e war. Dan hienen de feint en de faam it túntsje te gau yn 'e bou. Wat bedoelt pake dêrmei? No ja, bern-

tsjes, it kaam derop del dan hienen se it brea al yn de oven noch ear't se de bakkerij kocht hienen. Wol pake wat dúdliker wêze? Wie 't miskien sa, dat se al in baby krigen en noch net foar de wet troud wienen? Sa is 't, bern, al waard in baby doedestiids wol algemien in poppe neamd en kaam sa'n berntsje yn in ruft te lizzen ynstee fan yn in pamber.

It wie de tiid, dat de plysje it foech hie om minsken dy't net om lyk woenen om te seamjen sûnder dat der gedonder fan kaam. Dat ienkear in dief altiten in dief wie, al wie it mar in fyts. Wat sei dat der op syn minst trije moanne foar stie, dêr't jo hjoeddedei hast ien foar dea meitsje kinne, mei in bêste kâns dat je der subsidiair mei 150 oeren tsjinstferliening ôfkomme.

It wie de tiid dat âlden de bern wolris in draai om de earen joegen en dat dy bern jûns lykwols wer thús kamen, omdat der noch gjin subsidiearre opfangadressen wienen dêr't se beskerming sykje koenen tsjin de agressy fan heit en mem.

It wie de tiid, dat de milieutsjinst reiniging neamd waard, Jan Keutel de personifikaasje dêrfan wie en dat elke boer Jan Keutel syn 'mestoverschot' wol ha woe en der ek noch jild foar betelle.

It wie de tiid, dat foar minsken dy't in fyts hienen de wrâld iepen lei. Lykas foar pake, leave berntsjes, dy't doe noch in feint wie en beppe jit faam. Ja, dat wol jim fansels net oan, mar pake en beppe ha ek jong west.

Op 'e fyts, bêste bern, hie men op saterdei- en snein-tejûn in aksjeradius fan wol tweintich kilometer. As de ferneamde dûnsband De Amalfi's yn Akkrum spile, wat sei 'k, as dy in optreden fersoarge, dan stoden wy dêr út Beetstersweach wei op de fyts hinne. En it Hearrenfeanster fuotbal, dêr't Abe Lenstra doe foar master opsloech, gyng oan ús net foarby. Allegear

tanksij de fyts.

It wie de tiid, dat der gjin televisy bestie. Wat seit pake, wie der gjin televisy? Wat dienen de minsken dan alle jûnen? Ja bern, dêr freegje jimme my wat. Wat dienen wy op dagen yn 'e wike dat wy net nei de faam (freondin) mochten? Dêr ha 'k sa wol oan. It sille wol drege jûnen west ha, hoewol't my soks net sa goed heucht. Ik leau net dat wy ús no sasear ferfeelden. Beppe, witsto noch wat wy yn ús jonkheid, doet der noch gjin televisy wie, alle jûnen dienen? Wat seiste? Breidzje, jawis, en dat seach doe in feint, hy lake sa, ik skamme my, mar ik breide ta. Sa wie 't, net âlde? Ja berntsjes, dat wie sa'n sankje, in tophit kin 'k wol sizze, 't hat altiten wol in fearnsieu by de earste tsien west. Wat sei beppe? En fansels betiid op bêd, jawis. Net letter as njoggen oere. En net nei de bar, nee fansels net, kin je begripe. Ik mei beppe nei de bar, ús folk soe raar guod spuid ha as ik mei in faam thús kaam wie dy't ik yn de herberch opdien hie. No ja, by de útfiering fan it sjongkoar of de toanielferienting op 'e boppeseal, dat soe noch kinne. Mar in fanke dat samar nei de herberch gyng ... Dat koe fansels gjin kant út, sokken doogden net, dêr sieten losse stekken oan. Wat sei beppe? O, Willemke, jawis, dat wie sa'n-ien, Willemke mei it winkeltsje ûnder de skelk. Pake, wat is dat, in winkeltsje ûnder de skelk? Dat is de rike Fryske taal, bern. O, beppe wol wat sizze, wat woest sizze, âlde? Ha jim it heard, bern? Nee fansels, beppe hat altiten al wat preuvele en as se it gebyt der net yn hat, dan is se min te ferstean. Mar se seit: do moatst dy bliksemse bern net wizer meitsje as se al binne. Dat is sa, jim binne fierstente gau grut foar jim leeftyd.

It wie de tiid, dat elk noch arbeidzje moast foar de kost en dat elk soks normaal fûn. Jawis, ek de ww-ers,

wao-ers, aow-ers, wwa-ers, doppers, jutters, lammen, blinen, kreupelen. Wie niet werkt, zal ook niet eten. Yn elk gefal gjin patates mei of sûnder, nassyballen of frikandellen. Op syn bêsten in timpke genedebrea fan de earmfâd, mar dan moasten jo wol goed âld of fierhinne dea wêze. No hat dat nei de oarloch aldergeloks net sa lang mear duorre, want doe kaam minister Drees en dy skikte alle âlde minsken in traktemintsje ta. Dat wie wat, dat wie wat, alle moannen jild barre en der neat foar dwaan. Us heit sei noch: dit hâldt gjin stân, tink om myn sizzen, sa rint de wrâld op 'e non. Och heden, wat soe de âldman as er no noch libbe nuver om him hinne sjen. Want letter krigen de kostwiners dy't in slimme krupsje ûnder de lea hienen en dêtroch net mear arbeidzje koenen, ek in útkearinkje. Mis fansels, heulendal mis. Sokken as Durk Snoad hienen fuort foar it ferstân dat dit de kâns wie om de loaie lea der foar wei te winen. Altiten en erflik yn de syktewet, in minne rêch no. Mar it lizzende wurk koed er skoan neikomme, och heden ja. Hoefolle bern hienen se wol net, witsto it noch, beppe? Wat seiste, gjin skuin praat tsjin de bern? Nee, dêr tink ik wol om.

O, beppe wol it ha oer it skoalreiske, Jawis âlde, dat wie moai, allegear op in pear boereweinen, twa molkbussen mei ranje mei en dan nei de dunen yn Bakkefean, in heule lange dei. Wy leinen der nachten yn 't foar wekker fan. Mar ik wit net, beppe, oft dat de bern wat skille kin. Welmoed hat ommers krekt yn it ramt fan de wrâldoriëntaasje in wike nei Parys west, wat maalt sa'n bern om Bakkefean? Stil even, beppe, Welmoed wol wat sizze. Ja, dat is ek sa leave, sij hjit op 't heden Wendy, it gyng pake even troch it sin. Nee, neat op tsjin, mei de tiid meigean, ha 'k altiten al sein. Sa hawwe wy jim mem ek opbrocht, tiden haw-

we tiden.

Ik ha oars noch wol wat foar dy, Iwan, jawis, oer it skoallibben, mar dan op 'e Mulo. Pake hat op 'e Mulo west, dat witst wol. En pake mocht krekt lykas dy graach fuotbalje. Wy hienen fansels net in echte bal, net iens san gummyding, nee, wy moasten it dwaan mei sa'n tennisbal. Wy trafen alle wiken ien stikken, elk in stoer en wy hienen wer in nijen-ien. Mar doe woenen wy in kear ûnder de gymnastykles in wedstryd spylje tsjin de grouwe Mulo. Wat seist, myn jonge, wat wienen grouwen? Noait fan heard, seiste? Toe dan mar, mar it wie yn dy tiid sa, jo hienen finen en jo hienen grouwen en hjir en dêr in pear roomsen, mar dy telden net mei. Dat jo hienen eins mar twa soarten minsken, finen en grouwen. Neffens my hie it sa bliuwe moatten, want ik ferslaan der no yn. Krekt lykas mei it ûnderwiis. Ik wit noch noait wêrsto no op sitst, vwo, hbo, leao, pabo, mavo, lhbo, heao, ito, lbo of ien fan dy oare o's. Wêrom kin it hjoeddedei net ta mei ambachtsskoalle, mulo, hbs en gymnasium. Dêr ha wy it yn ús tiid dochs ek skoan mei rêden?

Mar goed, wy woenen in fuotbalwedstryd hâlde. Mar tochtsto dat soks mocht. Gjinn sprake fan. Jimme binne hjir om te learen en net om te boartsjen, sei menear Draayer. Wat sei, jawis, de masters fan de Mulo wienen menearen, gjinn dosinten, gjinn Kezen of Jannen, mar menearen. En wy mochten net fuotbalje, wy wienen der om wat te learen. Dêr hie dy man fansels gelyk oan. En fuotbaljen is dom wurk, behalven ast de kost der mei fertsjinje kinste, dan wol ik der neat fan sizze. Mar om de wille achter sa'n bal oandrave, is sa dom as wat. Dêr moattst mei ophâlde, heite. Ast de lea dochs reppe wolste, kinst yn de fakânsje better in krantewyk nimme.

Mar do krijst fansels bûsjild fan jim heit, dat ha 'k

wol heard. Alle wiken in grou tsientsje en dêr kinst net iens mei ta. Ik sil jim sizze, jimme wurde fierstente weeldrich opbrocht. Dan wy. Fjouwer wike fekânsje hienen wy op de Mulo, mear net. Mar earst fjirtjin dagen te jirpelsykjen foar twa kwartsjes de roede, dan hienen wy in pear sinten en koenen wy in wike nei Gasterlân of Appelskea te kampearen, by in boer yn 'e skuorre. Yn de earste jierren nei de oarloch hienen wy ek noch bonnen mei. Ik sei bonnen. Noait fan heard? No, dat siet sa, der wie distribúsje. En distribúsje betsjut dat jo net sa mar f an alles keapje koenen, ek al hienen jo sinten. Nee, jo koenen bygelyks mar ien bôle de man krije en dêr moasten jo dan twa dagen mei ta. Wy hienen him fansels yn in heale dei op en dan moasten wy it fan de 'vruchten des velds' ha, koalrapen, woartels, hofkesjonge as de apels en parren ryp wienen.

Hofkesjonge? Ek al noait fan heard? Beppe, wat witte dy bern hjoeddedei in bliksems lyts bytsje. Hoe moat ik dat no útlizze? Wat dogge jim eins op sa'n skoalle. Maatskippijlear, dat is op 't heden dochs in fak? No dan. Wat seist, âlde? Dat sei 'k niis al, se leare neat mear. As ik dy no freegje, Iwan, wat wie der yn 1600, wat seist dan? Neat, hy seit neat. Hie 'k wol tocht. No jonge, ik kin dy sizze dat it de Slach by Nieuwpoort wie. En de 'Tachtigjarige oorlog' wannear wie dat? Nee fansels. Fan 1568 oant 1648, jongfeint en der siet noch in 'Twaalfjarig Bestand' tusken, mar dêr ha 'k no sa gau wol oan. En wat seist fan Soemba, Soembawa, Flores en Timor? En fan de Boven- en Benedenwindse eilannen? En dan sil ik dy mar net freegje om even op de blinde kaart Londen, Greenwich, Dover, Brighton, Portsmouth, Southampton, Plymouth, Bristol, Cardiff en Cork oan te wizen. Witst fansels ek net wat Willem de Zwijger sei ear't er yn Delft troch

Balthazar Gerards fermoarde waard. Wat seist, Iwan? O, do hast gjin Frâns yn dyn pakket. Ja, dan hâldt fansels alles op. Wy hienen dat op de skoalle foar Christelijk Volksonderwijs oars ek net. Likegoed wist ik it doe al. Harkje ta, feint, dit sei de Vader des Vaderlands: Mon Dieu, mon Dieu, ayez pitié de moi et se pauvre peuple. Dat is dochs moai sein, jo moatte der mar op komme as je op stjerren lizze.

Slach by Warns, ek noait fan heard fansels en dat is dochs aardich tichter by hûs. Wol even langer lyn, 1345 of dêromtrint. Leaver dea as slaaf, stiet der op dy grouwe balstien. Dat is ryklik, tinkt my, mar ja, dy Fryske bewegers oerdriuwe gauris. Jo kinne it as slaaf altiten besykje, soe 'k sizze, want dea kin altyd noch. Mar goed, wy dwale ôf. En beppe wol ek noch wat sizze, de tafel fan njoggen. Eén keer negen is negen, twee keer negen is achttien ensfh. en negen keer acht is 72 en negen keer negen is 81. Mar dat hoecht net mear, âlde, dêr ha dy bern op 't heden rekkenmasyntsjes foar.

Wat sizze jim? O, jimme moatte al wer fuort. Ho mar beppe, ús tiid is om, Wendy en Iwan ha noch oare ferplichtings, dy bern ha in drok bestean. Wel, pake woe mar sizze, leave berntsjes, jimme moatte dit boek mar ris lêze en as der wat is wat jim net begripe, dan komme jim mar by pake en beppe, dan lizze dy it wol út.

Haadstik 3

Foar in amtner in frjemde tiid om op besite te gaan. Der kin dan ek neat gjin goeds fan komme.

‘Goejûn,’ seit de man sljochtwei mar net ûnfreonlik, wylst hy de fyts tsjin de muorre set. ‘Moai dat ik jo thús tref.’

It komt Durk nuver oer 't mad. It miel is behimmele, de alderlytsten binne oan 'e kant en hy is dwaande it knyntsje dat Bijke middeis snipt hat, te strûpen. Hy hat de knyn oan de daksgoate hingjen en docht der krekt de lêste hantaasten oan. Tsjerk, dy't noch krekt op 'e tiid wie foar it iten, is mei Bearend oan it jirpelskilen. Se sitte plat op it gat yn de blikke en fuorje de skilen oan de geit en de skiep. Yn de achterein ûnder it skeane tek binne de froulju oan it ôfwaskjen.

In fredige jûn en Durk hat niis noch tsjin Foekje sein, dat se aans wol in eintsje rinne kinne, de Sânleane út of in loopke oer de heide. It kin no noch.

‘Ik tink dat jo Durk Snoad binne,’ seit de man.

Durk nimt it hearskip op, mar kin him net thús bringe. It sil wol in amtner wêze.

‘Wa binne jo?’ freget er.

‘Ik bin De Vries fan sociale soarch.’

De man stekt de hân út en wachtet oant it Durk haget om te fûstkjen. Hy faget syn hân ôf oan 'e broek, mar it bloed wol der min ôf. De man hat it dan al sjoen en lûkt syn hân gau werom.

‘Letter mar ris fûstkje,’ seit Durk. ‘En ik moat even dit knyntsje tameitsje foar de panne. De jonge hat him ûnder de brommer hân. Begrutlik fansels, mar jo dogge der net folle oan. En it is iten, dat ik slachtsje it dierke mar even.’

‘Jo ha gelyk, it is goed iten, sa'n wyld knyntsje.’

‘As wy der wat oan ha sille, dan moatte wy eins fiif tagelyk yn 'e panne ha,’ antwurdet Durk.

Hy giet mei de knyn nei de pomp en spielt him ôf wylst ien fan de bern foar him pompt. Bijke hat it yngewant bút makke en draaft der mei nei in feilich plakje.

‘Jo sjogge wol der giet hjir neat ferlern,’ seit Durk.

‘Elk kriget der sines fan en it feltsje is ek noch in pear kwartsjes wurdich.’

Durk wasket de hannen, jout de kninebout om 'e hoeke fan 'e doar oan 'e froulju en as er de hannen droech fage hat, draait er earst in sjekje.

‘Ik ha jo hjir net earder sjoen,’ seit er tsjin de man.

‘Dat is sa, seis wike lyn bin 'k hjir beneamd. Ik bin my noch oan it ynwurkjen en sadwaande gean ik jûns wat op ferkenning út.’

‘En moat soks yn jo eigen tiid?’

‘Och, it is moai waar te fytsen. Ik sjoch wat om my hinne.’

‘Just,’ seit Durk, ‘wel, ik bin Durk en myn fan is Lugtigheid, mar op 'e Sweach sille se jo wol sein ha dat ik Durk Snoad wie.’

‘O, nim my net kwea ôf, wie dat jo bynamme?’

‘Dat sil't wol. Woenen jo mei my prate?’

‘Dat sa sear net, it is mear om even yn 'e kunde te kommen. Wy sille inoar wol faker sjen, want ik ha dit rayon fan Anema oer krigen. Anema hat promoasje makke, dat witte jo miskien wol.’

‘Ik ha der fan heard en it muoit my neat dat ik net mear mei dy man te krijen ha. Ik mocht net oer him, dat sil ik jo fuort mar sizze.’

‘Died er it jo net nei 't sin?’

‘Ik ha heul wat mei him te stellen hân, mear wol ik der net fan sizze.’

Durk is op de reinwettersbak sitten gien en sjocht om him hinne. Foekje komt mei de skûteldoek yn 'e hân út 'e hûs wei.

'Mem, dit is De Vries, de nije man fan de gemeente,' stelt Durk foar. 'Hy wol it spul even troch it gat sjen. Ik soe sizze do moatst om him mar in bakje kofje sette.'

'Dach mefrou,' groetet de amtner en hy jout Foekje in hân.

'Om my oars gjin drokte, hear, ik kom letter wolris om kofje.'

Mar Foekje is der al yn.

'Mem, it hoecht net,' ropt Durk har nei. 'Hy komt letter te kofjedrinken.'

En tsjin De Vries: 'Wy drinke allinne op saterdagen en sneins kofje, sjoch. Kofje is djoer en in minske kin der sûnder. In mûlfol kâld wetter is miskien sa sûn noch wol. Net dat ik net graach in bak kofje mei. As it ús barre mocht, dronken wy alle dagen kofje. Mar de húshâlding giet foar, sa stean ik der ûnder.'

'Just jawol,' seit De Vries en hy wol him neist Durk deljaan op de reinwettersbak. Durk sjocht nei de bern dy't om har hinne strune.

'As jo my te wurd wolle, kinne wy miskien better in eintsje te kuijerjen,' seit er.

'Dat is my ek goed, skoander waar, is 't net wier.'

Se stappe tegearre nei de leane en De Vries nimt de âld keet op.

'In rottekleaster, as ik it sa sizze mei, mar in moaier stee as dit ha 'k yn dizze omkriten noch net sjoen. Oan de iene kant bosk, greide neist it hûs, fierderop de Liphúster heide, in âld rivierke neist de doar ... It kin hast net moaier.'

'Simmerdeis is 't hjir moai,' antwurdet Durk. 'Wat út de minsken, mar wy hawwe ornaris ek genôch oan

ússels en net sa slim ferlet fan oaren. Winterdeis is 't in lijen, fral foar de bern. De âldsten rêde har der wol mei, mar de lytsen, hen. Se moatte seis kilometer rinne om by skoalle te kommen. En ik wol se nei skoalle ha, se moatte wat mear leare as wy. It is sa belangryk, dat de bern goed ûnderrjocht krije. As jo wat leard ha, stiet de wrâld foar jo iepen, sis ik altiten. Ja, it skoalgean dêr bin 'k fûl op. It moat al rûch waar wêze as ik de bern net nei skoalle stjoer. Mar it beroerde is, dat ik se net allegear in fyts jaan kin. Soms ha 'k sels twa op myn âld rydrak en dêr moat ik dan in oere lean om stean litte. Dat is it my wol wurdich, mar it is faak al frekte beswierlik.'

'Jawis, it ûnderwiis is belangryk, dêr ha jo gelyk oan.'

Se steane op de Alddjipsbrêge, fier genôch om gjin lêst te hawwen fan de bern. De Vries sjocht it hear oer.

'In ferduld moai plakje. Ik kin my wol begripe dat jo hjir net wei wolle. Ik soe der sels ek tsjin oan grize.'

'Net wolle, net wolle ...'

'Wat ik sizze woe, jo ha dochs twa kear foar de kantonrjochter west foar skoalfersom. Nim my net kwea, mar ik seach it yn 'e stikken stean.'

Durk suchtet djip. Hy giet tsjin de brêgeleuning stean en flybket yn it wetter dat stadich ûnder har foarby giet.

'Ik ha der hinne west,' seit er muoisum, 'ik tocht dat ik it de hearen wol útlizze koe, mar se ha my de kâns net jûn. Tweintich gûne boete en it moast net wer barre. Ik sei: edelachtbare, mar hy hammere en dy plysjeman sette my der út. En no freegje ik jo: is dat rjocht? Ik ha de prins der in brief oer skreaun. Jawis, ik ha prins Bernhard skreaun. Ik ha ús koaningshûs heech. Doe't ik noch by de huzaren fan Boreel wie,

ha 'k in hân hân fan de âld koaninginne. Se kaam om ús te ynspektearen, wy stienen neist de hyns en se gyng der mei grutte trêden bylâns. Mar by my bleau se stean en ik krige in hân. Sa'n man as de prins hat it fansels drok, dat wit ik wol. Ik ha al berjocht werom hân, mar hy hie it sels net skreaun en ik wit ek net krekt mear wat deryn stie. It hie neat om 'e hakken, safolle ha 'k der wol fan begrepen. Letter ha 'k Marcus Bakker der foar spand, mar dy man docht ek neat mear foar in arbeider. En dy kantonrjochter foel my goed ôf. Sjoch, jo witte dat miskien sa krekt net, mar eartiids wie it op 'e Sweach sa dat de adel, de Harinxma's en sa, dy wienen ek kantonrjochter. It wie in grut skandaal sa't dy hearen mei in streuper om sprongen. As jo yn har fjild in stikje wyld streupt hienen, waard it altiten Crackstate, trije moanne tichthûs. Grutte rakkerts wienen it. En yn 'e oarloch doe't wy yn de illegaliteit sieten, is ús altiten sein woarn: dy tiid komt net werom. Wel, de Harinxma's binne gjin kantonrjochter mear wurden, dat is sa, mar foar in arbeider is der neat feroare.'

'Hoe kaam it dat jo de bern thús holden? Wolle jo in sigret?'

'Dat slaan ik net ôf. Ik rook sjek en dan is sa'n klearre sigret wol ris lekker. Ik ha ien pakje sjek wyks, oars wurdt it my te djoer. Mei sa'n húshâlding as mines moatte jo it oer lizze, oars rêde jo it net. No is roken it slimste net, och heden nee. It skynt ek noch goed ferkeard te wêzen, sizze de gelearden. Dat ik doch mysels net te koart, sil 'k sizze. Nee, as roken it slimste wie ...Sjoch, as de snie wit hoe heuch leit sadat de lytse bern der oan 'e knibbels ta yn geane, wat moat ik dan? Kinne jo sokke lytse bern de bare winter yn stjoere? En as se goed klean oan 'e lea hienen, dan soe 'k it noch wol oandoarre.'

‘Mar dat iene jonkje fan jo ha se doe pakt foar streuperij. Sa heech lei de snie blykber net, dat er net achter de kninen oan koe.’

Durk laket myld.

‘Jo begripe der net folle fan, hear ik wol. Dat nim ik jo net kwea, hear. Sjoch, dat jonkje wie doe in jier as alve-tolve. As sa'n mantsje in heule dei thús sitten hat, dan wol er der even út, in eintsje de bosk yn of oer it fjild swalkje dêr't de snie ôfwaaid is. As sa'n jonge dan in stikje wyld benei komme kin dan snipt er it. Jawis, it mei fansels net. Dat wyld is net fan ús, wy ha derôf te bliuwen. Dat sis ik de bern ek geregeld. Mar no moatte jo goed begripe, sa'n jonge waakst yn it fjild op, yn de frije natuer. Sokke bern sit automatys jacht yn, dat kin net oars en jo krije it der net maklik út. En dan tinkt sa'n bern ek noch oan syn heit en mem en oan syn broerkes en suskes dy't winterdeis lang net altiten genôch yn 'e roppert krije. Ik wol net kleie, hear, och hearken nee. Wat ha ús bern it goed as ik neigean hoe't wy der yndertiid trochhinne skarrele binne. Dan is 't op 't heden allegear lúkse. Likegoed moat der foar in húshâlding lykas mines heul wat komme. Sa'n jonkje wit dat en hy is sa grutsk as wat as er mei in knyntsje thús komt. Moat ik him dan bestraffe? Jawis, ik moat him der oer ûnderstean en dat doch ik ek. Mar ik soe gjin goede heit wêze as ik him der al te hurd om foel. Miskien doch ik it wol ferkeard, hear, mar sa fiel ik it oan.’

‘Dy jonges fan jo sille dochs wol graach streupe meie.’

‘Dat sis ik, der sit jacht yn en dat kin al min oars. Sjoch, dit hontsjje ...’

Hy hallet Bijke oan dy't neist de baas sit en gjin each fan him ôf hat.

‘Dit hontsjje is in fûl dier. Hoefolle murden as dizze hûn net pakt hat ... En foar in foks giet er net op 'e

rin. Hy pakt se en hy docht se dea lykas wie 't in knyn. Mar gesechlik is er ek. Hy sil gjin stap dwaan as ik it him sis. Is 't net sa, Bijke? Likegoed giet er geregeld achter de kninen oan, dat krije jo der net út. Fan 'e wike snipte er ek noch ien. Ik wie der krekt op 'e tiid by en koe dat knyntsje noch rêde. Hy pakt sa'n knyn yn 'e rêch, skoddet ien kear mei de kop en dan binne se dea. Mar hy wit dat it net mei, dat hy wachtet oant ik der bin. Ik ha him even bestraft en op sa'n stuit wol er ek om sizzen jaan. Mar heulendal ôfleare, nee, dat kin net.'

'De twadde kear dat jo foar komme moasten wie 't gjin winter,' seit de amtner.

Durk sûget oan syn peukje sigret.

'Ik fernim wol dat jo goed op 'e huchte binne. Anema sil wol net folle goeds fan my sein ha. Wy koenen net, dat ha 'k jo al ferteld.'

'It stiet allegear yn it dossier, dêr kin ik ek neat oan dwaan.'

'De twadde kear, dat sil fan 't maitiid west ha. Foekje wie doe swier fan Pytsje.'

'De hoefolste wie dat ek al wer?'

'De tolfde, ja is 't net moai? Krekt tolve, as hie 'k it der om dien. Mar ik hie it sels net yn 'e rekken. Lytse Foekje -dat is no tsien jier lyn- hie nei alle gedachten de lêste wêze kind. In jier as fjouwer lyn doe kaam lytse Durk ek noch. Wat sei? Dat ha wy mei opset sin dien. Doe't wy njoggen hienen, doe ha 'k tsjin Foekje sein: no is elkenien ferneamd, no is 't oan ússels ta. As der no noch in famke komt dan wurdt it in Foekje en as it in jonkje is dan moat it mar in Durk wurde. It waard in famke, in heule aardichheid. Foekje sei: no is 't dien, ús âldste froulju moatte mar foar in Durk soargje. No, ik hie ek tocht dat Foekje de lech út hie. En ferduld, seis jier letter dochs noch in Durk. Is 't

net in aardichheid. En doe fan 't maitiid lytse Pytsje der noch oerhinne. Pytsje is in muoike fan Foekje, frijfaam, altiten húshâldster west en se hat der in hûske fan oerholden. Mar Foekje hat in pak ruften fan har krigen, oars neat. Dêr hie it dus net om hoegd. Oars in ferduld leaf berntsje. Wêr hienen wy it oer.'

'Dat skoalfersom fan fan 't maitiid.'

'It is ek sa. Wel, ik leau dat it Bearend en Jantsje wienen. Dy ha 'k doe thús holden en yn 'e húshâlding set, want Foekje wie út stel.'

'Jo ha dochs wol âldere dochters, dy't net mear learplichtich binne?'

'Dy sille har eigen drokten wol hân ha. Us Gryt is by Philips yn Drachten en jo witte hoe't it giet by it grutkaptal. In kertier te let op it wurk dan is 't al maleur en in frije dei leafst fjirtjin dagen fan te foaren oanfreegje. Klaske wie der doe ek net, ik wit net krekt wêr't it bern op dat stuit siet. Der bart by ús sa'n soad, moatte jo rekkenje. Ik kin dat allegear net byhâlde, al doch ik myn bêst. Oars wie 'k sels thús bleaun, mar ik stie doe krekt by Miedema yn 't wurk. Ik leau dat wy oan it kuiljen wienen, ik koe dy man yn elk gefal net sitte litte.'

Op 'e side fan it hûs is 't ynienen grut trelit. Hindrik en Bearend binne wer yn 'e slach en it giet Klaske nei alle gedachten te rûch, want dy reaget der yn om. It jout har oars net folle. Bearend sit Hindrik op 'e hûd en beart dat er him smoare sil. Hy knypt ek goed ta, dat is skoan te hearren, want Hindrik pipet der oer. Dan komt Bouwe mei in amer fol wetter om 'e hoeke en kwakt de heule bats oer de beide mantsjes hinne. It is ynienen dien, mar no sille se tegearre oer Bouwe gear. Op dat stuit komt Foekje der tusken. Om der boppe út te kommen, moat se omraak raze, mar dat kin se as it wêze moat. De kloft ferdwynt om 'e hoe-

ke fan it hûs, dêr't it skellen en rachen noch in moai skoft oanhâldt.

Durk glimket.

'It binne sokke ychels, hen. Mar jo sjogge it wol, Foekje is se treast. En as it nypt en wedernypt dan binne se o sa ienriedich. As jo bygelyks Bearend wat dwaan soenen dan krigen jo daliks Hindrik op 'e hûd. Wy ha dat okkerjiers hân mei Feike Dam, dy is hjir boskwachter. Eartiids in earsten streuper en in minne hont, oars hienen se him dat baantsje ek net jûn. Yn 'e oarloch, doe't wy as ûnderdûkers wol streupe moasten om wat yn 'e panne te krijen, doe gyng hy mei de Dútse offisieren te jeien. En nachts siet er ús achter de broek. It sil no twa jier lyn wêze doe pakte er hjir op 'e heide ús Bouwe. Dat jonkje hie in nust einaaien opkrigen. Hy bûn de jonge mei in tou oan 'e fyts en sa soe hy der mei nei it plysjeburo op 'e Sweach. Wakker bliid fansels dat er ien fan ús hie. Bouwe sil doe sechtjin west ha. Hy is no aardich bykommen, mar Bouwe wie doe noch in behindich mantsje, suver skraal. En Feike Dam is in boal fan in keardel. Ik wie der net en dat hat Feike Dam witten, dat hy doarste hjir wol lâns mei de jonge. Se wienen hjir op 'e brêge doe begûn Bouwe te âljen. It moat op in woansdeitemiddei west ha, want de measte bern wienen thús. Foekje heart de jonge om mem roppen en stoot der fansels út. De trije bern derachter oan, Jantsje, Bearend en Hindrik. Goed om tinke, dy beide mantsjes sille doe alve en tsien west ha en Jantsje trettjin. Doe't se Bouwe achter de fyts oanbongeljen seagen, doe hie Feike Dam it by harren goed bedoarn. Foekje hat my de jûns ferteld hoe't it syn beslach krigen hie. Se sei: Durk, it hat neat skild of ús bern hienen Feike Dam dea dien. Jantsje klaude him mei de fine fingerkes suver de eagen út 'e kop, Bearend hinge him fan achteren yn 't

hier en Hindrik, dy poask, hie him fêstbitten yn ien fan Feike syn grouwe kûten, krekt in jonge hûn. Se hienen him op 't lêst op 'e rêch op 'e reed lizzen en rekken him wêr't se him reitsje koenen. Foekje sei: ik ha se der ôfskuorre moatten, sa fûl wienen se. Feike Dam hat net wer nei Bouwe taald, noait in kear. Is dat no net in lust, sa't dy bern foar inoar opkomme? De fûlens ha se fan Foekje; o sa evenredich, mar as se ûnrjochtfearnich behannele wurdt, dan binne jo fuort net mei har klear.'

'Dat ha 'k niis wol sjoen,' seit De Vries. 'Ik woe freegje ...'

Bearend en Hindrik komme troch de blikke, springe oer it sleatsje en drave nei de brêge. Beide ûnder de swarte moude troch dat amerfol wetter fan Bouwe.

'Mem seit dat wy ús yn it Djip ôfspiele moatte,' seit Hindrik. 'Ik spring fan 'e leuning ôf, hear.'

Hy lit him by de brêge del rûgelje en Bearend springt achter him oan.

'Dat folkje fan jo liket aardich sûn,' seit De Vries.

'Sykte ha wy aldergeloks in heul lyts bytsje en soks is in segen. It soe ús trouwens ek oer de meuch gear as dat der noch by kaam.'

'Hoe is 't mei jo kwaal?'

Durk leit de hannen op it izer fan de brêgeleuning.

'Fan 't selde,' seit er berêstend, 'altiten itselde en ik mei gjin hope ha, seit dokter. In rêch is in raar ding, fral as it yn de ûnderein sit. Ik reitsje hjir net wer ôf. Ik ha mysels yn de goede jierren net mijd en dat moat ik no belije. Hat Anema jo ferteld hoe't it der mei my foar stiet?'

'Ik seach it yn 'e stikken. Foar santich persint ôfkeurd, is 't net sa?'

Durk laket bitter.

'Foar santich persint. Ik hear it Anema noch sizzen:

ik moast bliid wêze dat se my net foar hûndert persint oan it wurk setten. Foekje makke har der lulk om. Se woe him de doar wize, mar ik bleau der kalm ûnder. Ik sei tsjin Anema: no wol ik der gjin praat mear oer hearre. Op dit stuit sille wy akkoartsje en dat dogge wy sa: ik byn moandei de lep oan 'e fyts en gean nei 't wurk. As ik moarn in oannimmer belje dan is dat samar klear. De Boltsjes wolle my graach ha, want ik ha in soad ûnderfining yn it grûnwurk, al sis ik it sels. Dus ik stap der moandei wer foar en fansels foar it folle wurk, krekt lykas eartiids. En dan sille wy ris sjen hoe lang dat duorret. Mar as se my mei de stikkene rêch thús bringe, dan soargje jo foar myn hûshâlding. En tink derom, it folle lean. It is op jo ferantwurding. Jawis, mar dat woed er fansels net. Ik sei: man, wat kin it skille. Ik bin goed fyftich, ik bin aardich oer de helte, ik ha it measte hân en as se my dea út 'e put helje, dan hat myn wiif in bêste útkearing. Widdopensjoen, taslach foar de bern en gean sa mar troch. Ik bin dea aardich mear wurdich as libben, as ik mar op it wurk stjer. Dit wie fansels al wat wreed en Foekje gâlde it op 't lêst út.'

'Jo binne op 't heden al oan it wurk, ha 'k begrepen.'

'Jo kinne it gjin arbeidzjen neame,' seit Durk. 'It is eins mear pielen, ik bin wat oan it sleathekkeljen.'

'Mar it wurdt betelle.'

'Ik bar in bûssint, mear net.'

'Dêrom ha jo it mar net opjûn.'

'It hat neat om 'e hakken. Ik wol net liddich rinne, dêr kin 'k net oer. Al docht my de bealch altiten sear, ik moat wat om hannen ha. Dat is myn aard. Doe kaam Bouma en dy sei, dat er tsjin de heide oan noch in ein sleat lizzen hie en oft ik dy ek foar him hekkelje koe. Hy koe der mei de hekkelmasine net by, sadwaande. Wel, dêr griem ik no wat om. Hekkelje

kinne jo it net neame, dat kin 'k om 'e rêch net dwaan. Ik helje it der op 'en rûchsten út. Se komme mei 't skouwen sa fier noait it fjild yn, dat it hipt net sa krekt.'

'Mar jo dogge it net fergees.'

'Ik krij der gjin jild foar. Ik ha fuort tsjin Bouma sein: gjin jild of it soe in bûssint wêze moatte. Ik wol gjin lijen mei de syktewet, dêr ha 'k in goede ôflear fan hân. Mar as ik fan 't winter by jo kom om in pear mingel molke foar myn bern en om in pear kuorfol jirpels dan rekkenje ik al op jo.'

'Dus sa skarrelje jo in bytsje troch de tiid.'

'Skarrelje, sis dat wol, mar wat kin ik der fierders oan dwaan? Ik ha it net mear yn 'e macht. Soms tink ik wolris: wie 'k hjir mar wei. Mar sa meie wy net. Ik moat by myn húshâlding bliuwe.'

Foekje komt om 'e hoeke fan 't hûs en ropt: 'Moat ik no noch kofje sette?'

Durk sjocht de amtner oan.

'Duvekater, wat is 't al let,' seit De Vries wylst hy op syn horloazje sjocht. 'Ik ha myn tiid ferdien, ik hie de frou sein dat ik mar even fuort bliuwe soe.'

Hja rinne tegearre werom nei de fyts.

'Wy sille jo wolris wer sjen, tink?' seit Durk.

'Dêr moatte jo al op rekkenje.'

De Vries stapt op 'e fyts, seit freonlik dach en set ôf.

Durk sjocht him nei.

'Dit liket min,' seit er tsjin Foekje.

'Soe 't in minnen-ien wêze, Durk?'

'In rakkert, tink om myn sizzen, in grutte rakkert. Dizze kin wol tsien kear om Anema hinne, dat ha 'k him al ôfloerd. Wy moatte op ús iepenst wêze, mem.' Foekje tapet kofje en docht der in grou stik koeke by. Durk sit yn tinzen en seit: 'Ik leau dat wy in swiere winter temjitte geane, mem. It wurdt ús wer fergund.'

Haadstik 4

In wurdmennich oan de lêzer, miskien tsjinjend ta in better begryp.

It is der no wat út, mar eartiids stie der ûnder in koart ferhaal gauris, dat it wier bard wie. No wurdt it ferhaal fan sa'n meidieling net better of minder en eins docht it der dus neat ta. Dochs hat it my altiten oansprutsen. Duvekater, wier bard, dat makket it nijsgjirrich. Wêr soe it bard wêze? Mar soks waard der hast nooit by sein en dat hat my altiten min nei 't sin west. Ta dy sûnde sil ik yn dit boek dan ek net ferfalle. Ik fiel der folle mear foar om de lêzer fuortdaliks witte te litten yn hoefier hy ferlakt wurdt. Twad is der neffens my alles foar te sizzen om net mear fia flashbacks en oare keunstgrepen it ferline fan de haadfigueren op te ikkerjen. As it foar in better begryp fan it ferhaal noadich is, jou dan ynienen alle ynformaasje dy't foarhannen is. Dan wit elk wêr't er oan ta is.

Dêrom by wize fan eksplikaasje de folgjende background information. Dit ferhaal is optocht, mar soks wol net sizze dat it net wier bard is. It soe alteast skoan wier bard wêze kinne. En oer wat west hat mei Durk-en-dy dan noch dit. Hy en syn Foekje binne fuort nei de oarloch troud. Yn 'e oarloch siet Durk yn 'e hannel en dêr wie hy sa drok mei besteld dat er pas ein 1944 oan de befrijing fan it heitelân ta kommen is. Dat seagen jo faker. Och, elk hie sa syn drokten. En yn it lêst hat Durk dochs noch aardich dwaan kind. Hy hat bygelyks noch in pear doarmjende Dútse soldaten mei oppakt. Letter woenen se himsels pakke omdat syn hannel yn 'e oarloch net alheul legaal west hie. Mar hy hie de foarspraak fan guon dy't er gauris geriïfd hie mei in stikje spek en sa, dat

hy hat mar ien dei sitten.

Foekje wie achttjin doe't er har troude. Aaltsje, no sels al jierren troud, wie der al mei fiif moanne, mar woech likegoed krapoan njoggen pûn. Noadsaken fansels, dy trouwerij, mar doedestiids waard soks stil holden. Doe't Aaltsje sels trouwe moast -se wennet yn Drachten yn in kreas wenningwethûs, mei man en twa berntsjes- doe woe Foekje der wat fan sizze. Sa fan: hie dat net wat oars kind. Mar Aaltsje sei: dêr hie mem sels om tinke moatten. Durk brocht der tsjinyn, dat de jongelju fan fuort nei de oarloch oars net folle hienen, wylst it no allegear ferdivedaasje is, mar by einbeslút sei er: mem, hâld der mar oer op, wy hawwe it sels ek altiten graach dwaan mocht. En dan moat men net te bot krimmeneare as der wat fan komt, dat ha wy ek net dien.

Foekje sei doe noch, dat it op 't heden gjin noadsaken mear wêze hoege. Der wie ommers genôch oan te dwaan mei al dy automaten by de dyk en sa.

Yn it fierdere ferrin fan dit ferhaal komt dizze problematyk noch heechút ien kear oan 'e oarder. Soks is noadich, wat sei funksjoneel, omdat Durk en Foekje in stikmennich pearripe froulju hawwe. Mar de lêzer moat him hjir net op fergapje. Wat de seks oanbelanget wurdt it yn dit boek soberearen. Elk fan ús hat him der ommers wol mei rêden, dat wêrom soe men der wiidweidich oer skriuwe. Boppedat binne der rûnom aardige boekjes te keap, dy't yn wurd en byld fleurich op yn alle ferlet fersjogge.

Durk en Foekje hawwe harren nei wenjen set yn de fierste helte fan wat eartiids in kreaze dûbele arbeiderswente wie, op healwe de Sânleane tusken Beetstersweach en Lippenhuzen, deun by it brechje oer it Alddjip. Kadastraal bekend Lippenhuzen, om even krekt te wêzen, mar it wurdt altiten ta it gebiet fan

de Sweach rekkene. De Sweach is in delsetting fan amtners, in pear ferhûddûke jonkhearen en freules en in stikmennich rinteniens. De lêste jierren strike der ek wat Drachtster forenzen del, dy't miene dat it tusken de nearzige strewellen te heljen is. Se hawwe der almeast ûnsjogge bungalows boud, dy't se nei ferrin fan jierren troch natuerlik ôfstjerren ferlitte of frijwillich omdat it dochs net tafalt yn sa'n frjemdsoartich doarp, dat gjin fisk is en gjin fleis. Lêzers mei histoarise belangstelling wurde ferwiisd nei in nijsgjirrige stúdzje, dy't de Fryske skriuwer Sjoerd van der Schaaf yndertiid ûnder de titel 'Abbingawâld' oan de Sweach wijd hat. Fierders berêst der it ien en oar yn de archiven fan de Fryske Akademy, de neilittenskip fan de Wâldenkommissje. De Sweach fungearret yn dit boek allinne mar as leveransier fan amtners dy't Durk en syn soarte hjitfolgje en dat is al slim genôch.

Wa't Durk syn wenstee sjen wol, moat by Harinxma-state -yn it kampke lân foar dy state nusteale eartiids in eibert-de Sânleane yn neiLippenhuzen. It is in smûk skaadzjende leane mei oan wjerskanten fermôge ikebeammen. Op healwe leit anno 1990 oan de noardkant -o grouwel- in golfbaan dêr't rike stjonkerts by moai waar en mei in krûme prikke yn 'e hân achter in baltsje oanstappe, dat se hyltiten wer in eintsje fierder reagje. It is mar goed, dat Durk Snoad dit net mear meimakke hat.

De Sânleane wurdt ek wol Ald Hearrewei neamd, dat is nei alle gedachten in ferbastering fan Heirwei en as dat sa is, moat er dus yn de Romeinse tiid oanlein wêze. Yn elk gefal is it de histoarise ferbining tusken East- en Noard-Fryslân. Bonifatius moat hjir lâns kommen wêze krekt foardat dy heidense Dokkumers harren oan him fergrypt hawwe.

Wêr't de bosk ophâldt en de mersken by it Alddjip

lâns begjinne, stiet de wenning dêr't Durk Snoad en syn húshâlding taholden. Hjoeddedei stiet der 'Feroaring fan lucht' op, want it is in rekreaasjewenning wurden. Dêr kin ik ek neat oan dwaan. It hûs sil om 1800 boud wêze. Eartiids wennen der boskarbeiders fan Bieruma Oosting. Dy eallju binne lykwols fierhinne útstoarn en dat waard miskien wolris tiid. Harren arbeiders binne al ridlik gau nei de oarloch opnommen yn it kapitalistise produksjeproses fan de grutte yndustry. Sadwaande is der plak kommen foar Durk. De earste jierren wenne yn de oare helte âlde Jaap Leegsma, dy't sa'n bytsje ûnbesoldige boskwachtere. Nei it ferstjerren fan Jaap is syn widdo nei it bejaardentehûs fan de Van Teijens rekke. Dat ienkeammerwenninkje neist Durk sines hat in pear moanne leech stien, mar doe fûn Durk út, dat de tuskenmuorre aardich weak wie en net botte grou. Doe't hy de kalk út de foegen pluze en der in brekizer yn sette, foel der samar in gat yn de tuskenmuorre. Allinken is dat gat grutter wurden, sadat de bern der trochhinne strûkten. Doe hat Durk it gat noch wat grutter makke. Ear't hy der erch yn hie, hie Foekje de keamer oan de oare kant al yn gebrûk nommen en stadichoan ha se sa dy heule oare helte derby krigen. Wêrom sil men sa'n hûs ek net brûke as it dochs leech stiet? Dat sei Durk ek noch doe't se der wat fan seinen: Sa'n leech hûs giet hurd fan jin ôf. Wês bliid dat wy it bewenje, sa kriget it syn ûnderhâld.

Ferstannich praat en it kaam ek moai út, omdat Durk foar syn oanwinnende húshâlding hyltiten mear ferlet fan romte krige. It boaze mar oan by Durk en Foekje, yn de earste jierren suver mei elk skot in einfûgel: Aaltsje, Klaske, Gryt, Tsjerk, Bouwe, Willem, Jantsje, Bearend, Hindrik, even skoft en dêrnei Foekje. Doe de grutte pauze, mar neitiid like fleurich op nei de

alfde en de tolfde.

Yn de earste jierren nei de oarloch wie likernôch alles krap en sadwaande hienen Durk-en-dy it aardich rom. Durk wie betûft yn de hannel yn distribúsjebonnen, mar yn kninen en geiten siet doe ek noch aventuer. Boppedat tilde it doedestiids yn de Sweachster bosken op fan it wyld. De boeren hienen der slim lêst fan en Durk geriifde harren troch gâns oerstallich wyld op te romjen. Goed besjoen hat er doe nuttich wurk dien foar de 'voedselvoorziening.' Want alle kninen en reeën dy't hy snipte koenen net mear ta de rogge, de weet en de rapen en dat iten wie doe slim ferlet fan. It wie ek moai meinommen, dat in knyn twa ryksdaalders opbrocht, in faisant al gau in tsientsje en dat de poelier yn Drachten foar in ree samar twa bankjes deltelde.

It waard minder doe't de heerejagers wer patroanen krije koenen en sels yn it wyld om begûnen te reagjen. De klap kaam lykwols troch de myxomatose, de besmetlike sykte dy't suver alle kninen útroege. Jierren letter doe't it wyld de slach te boppe wie, rûnen de prizen tebek. De minsken hienen sa't like leaver sa'n bleke, bloedearme pyk út de djipfries as in krûdige knyn. De streuperij leanne eins net mear. En de boskwachters waarden sa fûl, se leinen jûns by Durk ûnder de glêzen, dat hy koe gjin stap oerdwars dwaan.

De frije hannel rekke yn dy snuorje de fleur ek út. Durk hie wol yn 'e feehannel wold en hy hat ek in pear skiep, in pinke en ien kear sels in kêde kocht, mar de rjochte aardichheid hie hy der net oan. Hy soe it lykwols rêden ha, seit hy der sels fan, as er mar jild hân hie. In keapman moat in dofke jild ha om it útsjonge te kinnen. Mar wa wol in arbeider mei in stik as tsien bern gerive? Sa is dizze maatskippij; kaptaal siket kaptaal en in arbeider stiet der altiten bûten.

Durk is yn it grûnwurk rekke, earst foar in oannimmer, doe yn de DUW en letter yn de DACW en hoe't it fierder mar hjitte mei. Grouwe stikken waarden der net fertsjinne, mar it joech fêstichheid en de bernetaslach smiet aardich oan. Hy hie stomme graach yn de ploech bliuwe wold en dat hat er ek mear as ien kear tsjin de hearen sein, as syn rêch it mar net sitte litten hie.

Wat moat men fan dy minne rêch fan Durk sizze? Wa kin der oer oardielje oft men mei sa'n krupsje oan 'e lep stean kin? Wa kin sa'n man yn it moarch fan de rêchbonke sjen? Nimmen, ek de knapste dokter net, dat wy moatte it sa mar litte. Durk is út it wurk rekke. Yn it earstoan wie der noch wolris in rite dat it saksearre en dat de dokter sei hy moast it mar wer besykje. Dat like Durk skoan ta en moedich gyng er mei de ploech op reis. Mar mei twa wike wied er al wer thús en doe wie 't ek goed yn 'e war mei de rêch. Letter hat er it nochriss besocht, de lêste kear - mar dat is no al jierren lyn - duorre it ien dei. Se hawwe him doe yn 'e auto thús brocht en Durk ornearre, dat de rêchbonke der no wol los yn lizze soe. Dat gefoel hied er alteast. Net dat soks te sjen wie, mar it sit fansels fan binnen. Al hoe't it Durk ek muoit - en it brânt him noch alle dagen yn - hy hat sûnt dy kear gjin slach wer dien. Noch in gelok dat se him in útkearinkje taskikten, dat linkendewei lytser waard, mar noait heulendal opbolden is. Hy hie der sels net op rekkene, sei er tsjin Anema. Hy sei: Dat jout neat, mar it is nei de oarloch foar in arbeider al better wurden. As ik neigean hoe't ús heit troch de tiid moast as dy in skoftsje út stel wie, dan is it in stik better wurden.

By sa'n gelegenheid hat er de hearen ek útlein, dat er dy minne rêch net fan frjemd hat. Heit siet der mei tangele en as it him goed heugde pake ek. Net ien fan

beiden is dan ek âld wurden. Se fergje Durk der de lêste tiid geregeldwei op dat er it nochris besykje sil. Dat is te sizzen, se wolle dat er oar en lichter wurk siket.

'Ik wol alles besykje,' hat Durk sein, 'en der handicht my ek in soad, al sis ik it sels. Wat hienen de hearen tocht?'

Wel, de hearen woenen dat er him 'omskole' liet. Hy koe nei in rykswurkpleats en dêr in fak leare, timmerjen, mitseljen, bankwurkjen, ynstrumintmeitsje en folle net genôch. Hy soe der earst foar test wurde. It like Durk mar wakker goed ta en hy hat ek foar dy test west. It wie gjin slim eksamen, bytiden suver ûnnoazel, sei er sels letter. En dochts pakte it heul ferkeard út. Anema sei: 'As wy op dy test ôfgeane dan binne jo foar likernôch alles ungeskikt.'

Durk wie der ferstuivere fan.

'Dat leau ik net, ha se har net fersind?'

Se hienen har net fersind. Durk sei dat it him slim yn 'e wei wie. Hy hie him der eins al op fergappe en dan ynienen sa.

'Ik leau net sa bot oan dy test,' sei Anema.

'De gelearden sille it wol witte,' sei Durk berêstend.

'Dy witte it ek wol, mar guon minsken witte noch mear. Hoe is dat yndertiid gien, yn 1945 doe't jo eins nei Indië moatten hienen. Binne jo doe ek net ôfkeurd?'

Nuver praat fan sa'n man, mar Durk hat altiten ynskiklik west, dat hy lei it Anema geduldich út. Goed, it soe nei de oarloch earst wêze. Allegear mei inoar nei ús Indië om dat te befrijen en sa't al bliken dien hat, ferstie Durk syn heitelânse plichten. Hy hâldt it koaningshûs heech en hy hat fan de ritmeester Van Schaick wol safolle meikrigen, dat er dêrom allinne al de fiere reis wol ûndernimme wold hie. Mar doe't

er der nochris goed oer neitocht, is hy ta oare gedachten kommen. Net ien woe him op dat stuit leauwe, mar hy sei doe al: dy minsken moatte der sels mei rêde. As se perfoarst op harsels wêze wolle, dan moatte wy der net yn omreagje. Wis, se stienen tsjin harsels, dy brune mantsjes en se soenen letter noch gauris oan ús tinke, mar wy hienen der gjin taak mear. Mar Schermerhorn, Drees, Romme en de oare foaroanmannen fan dy tiid woenen net nei Durk harkje. De tiid hat him yn it gelyk steld, wier of net? Hy is doe trouwens ek ôfkeurd, dat oan in prinsipiële stellingname is it net takommen. Mar sa faak as it te praat komt, seit er dat er der foar stien hie.

Goed, dat lei er Anema nochris út, mar by einbeslút sei dy, dat Durk in bepaald soart wurk altiten aardich neikomme kind hat. Lykas doe noch hast alle jierren bliken die, en hy lake der fluensk by.

'Ik bedoel it lizzende wurk,' sei er der folslein oerstallieh noch by.

Durk is doe knap lulk wurden en hat it oanbrocht by de direkteur.

'Dit ûnhuere praat wol ik net wer hearre,' sei er planút.

'Ik wit wol dat in arbeider him in soad sizze litte moat, mar der binne grinzen. As jo dit gewurde litte, besykje ik it hegerop. Ik ha by de huzaren fan Boreel west, ik wit wêr't ik myn rjocht sykje moat.'

De brief foar prins Bernhard hied er al yn 'e bûse. De direktur foel him net ôf. Hy hat Anema der daliks oer ûnderstien en dy man woe doe wol om lyk.

It kaam fansels ek fan Klaske, dat Anema sa frijmoedich waard. Hy tocht dat it by Durk alles lije koe omdat dy krekt om bystân foar it fanke frege hie.

'As der ien byspringe moat dan binne jo dat,' sei Anema.

Praat fan neat fansels. Wat moat in heit dwaan as syn

fanke mei de brut thús komt? Moat er sizze: nee bern, it past my net, wy kinne der gjin kostgongers by ha? Dat soe ôfgryslík wêze. Trouwens, yn sokke sitewaasjes spilet Foekje ek net swak by. Dy hie it bern der al ynhelle ear't Durk der wat fan sizze koe. Hy waard foar it blok set en der wie gjin ferwin mear op. Sjoch, Klaske is de doar útgien doet se in jier as achttjin wie. Earst yn in winkel yn Drachten, letter yn Ljouwert. Doe woe se op harsels wêze en dat moatte jo as âlder sijnde ynskikke. In flatsje yn Ljouwert mei in pear oare froulju, net sa faak mear thús, al gau ferloofd, even te foarlik yn it frijen, yn ferwachting, ferloving út.

'Ik wiis myn bern de doar net,' hat Durk mei trijend lûd sein. 'Ik soe sels ek stomme graach wolle dat it trouwen waard, mar it bern hat 21 west en wit sels it bêste wat der dien wurde moat.'

Wel, Klaske woe alheul neat en bleau moai by mem. Dat jonkje fan har belibje se oars alle dagen freugde oan. In helder baaske en it waakst mei syn omke Durk en tante Pytsje op, kin it moaier? It jonkje hjit Jehannes, Klaske neamt him John en dat is eins it iennichste dêr't Durk argewaasje fan hat. Fierders is er o sa wiis mei dizze pakesizzer.

Anema sei letter dat er al besocht hie om wat foar Klaske te dwaan, mar it is op neat útdraaid. Och, it giet der wol om troch. Oft der no sechtjin of achttjin man om 'e tafel sitte, in soad makket it net út. En romte is der genôch yn de âld keet. Yn 'e keamer dêr't Jaap en syn frou eartiids wennen, steane in stik as trije ledikanten en as it moat kin der noch ien by. Klaske en de lytse jonge, Gryt, Jantsje, lytse Foekje en lytse Durk hawwe dêr mei inoar in skoander plak. Durk en Foekje hawwe sels it alkoof ta har foldwaan en dêr stiet ek it ledikantsje fan lytse Pytsje. No, en

de grutte jonges sykje sels har plak wol. Op 'e souder en yn it achterhûs fan Jaap syn helte binne legersteeën by de rûs. Yn 'e regel is 't sa, dat de earsten dy't har deljouwe op 'e fierste bêden krûpe, sadat de oaren dy't letter komme der net oer hinne hoege. Sa rêdt him dat allegear o sa maklik. Ienris wyks moat elk syn eigen koai wierje en Foekje sjocht derop ta, dat de grutjonges dêr net mei sloere. Foekje is datoangeande skytskjûn, fral ûngedierte kin se net ferneare.

Durk hat it der gauris mei minsken fan de gemeente oer hân. Jierren lyn kamen se al om buordsjes mei 'Onbewoonbaar verklaarde woning' op 'e muorre te spikerjen.

'As jim in oar en better stee foar my ha, leafst net tefolle yn de minsken, dan sil ik dat yn my omgean litte. Mar wy moatte der fansels wol allegear yn kinne.'

Hy wist fansels skoan dat se gjin oar plak foar him hienen. De buordsjes ha der in aardich skoft op sitten, want se sieten net ien yn 'e wei. Mar op in stuit koe Durk mei ien fan dy stikken blik krekt in gat yn it kninehok ticht krije. En it oare paste sa moai op in wrak stee yn de flier fan it gonkje. Oars hie der in nije planke yn moatten, no koe dat plaatsje blik it krekt dwaan. Foekje hat der noch in stikje matte oerhinne lein, doe wie 't sa kreas as wat.

Der is ek noch in kwestje mei it hûs en dêr moat ik wol even oer op 'e tekst, omdat it fierderop yn it ferhaal wer te praat komt. De dûbele wenning Zandlaan 6 en 8 hat lang fan de Bieruma Oostings west. Doe't de lêste of op ien nei lêste út dat laach de bosken en buorkerijen ferkocht, die bliken dat it hûs fan Ale de Haan wie, in hearachtige frijfeint fan de Sweach. In nuver hearskip, in swankebast mei jild dy't oan it Alddjip in moai grut fjild sines neame koe. Hoe't hy oan dat hûs fan de Bieruma Oostings kommen is,

moat wol út te finen wêze. Der geane trouwens brike ferhalen oer, mar safolle kin dat net skille. Ale de Haan gong in soad mei de hearen te jeien. Miskien ha se der nei ôfrin fan sa'n jachtpartij gewoan om kaartspile of dat hûs ta ynset makke fan in weddenskip wa't de measte kninen sjitte koe of de measte slokjes tille. Soks koe by de hegerein op 'e Sweach yndertiid allegear, as men de ferhalen leauwe mei.

Goed, dat hûs wie op in stuit fan Ale de Haan en dy hat Durk noait hier ôffrege. Durk die it sleathekkeljen foar him en as Ale allinne te jeien wie, gong Durk gauris mei as driuwer en wylddrager. De mannen koenen wakker goed. Ale hie nocht oan Durk syn grutte húshâlding en hy naam hast altiten wat mei foar de bern, snobberij, apels en parren út eigen hôf en in dûbeltsje foar elk as it Sweachster merke wie. Foar Foekje hie hy in swak. In pear kear hat er har klean meinommen, dy't syn húshâldster net mear pasten omdat se alle jierren grouwer waard. Eartiids slepte er by har, hat er Durk omstandich útlein, mar se waard him letter fierstente swierlivich en hy doarste ek net in farskenien mear oan te heljen. Hy wie doe ek al sa âld, dat it ferlet net sa grut mear wie.

Ale hie wakker wille as it Durk slagge om in grouwe reebok te streupen, benammen as dy út it fjild fan de baron kaam. Hy hie in grutte hekel oan de adel, sei er. Dêrom gong er ek mei dat folk te jeien, om har merke te litten dat se minne skutters wienen en om har jûns yn har dronkenskap bespotte te kinnen. Jawis, it soe heul skoan kinne dat er by sa'n gelegenheid oan dat hûs fan Durk slagge is.

Ale is der in jier as fiif-seis lyn hommels útpykt. De iene deis noch mei Durk te jeien en nei ôfrin aardich opnommen. Durk lykas wenst de húshâldster even helpe om dat lange lichem op bêd te krijen. De oare

deis wer sa sûn as in fisk by de tafel en mei Durk prate oer in foks dêr't se in wraam op dwaan soenen. En de jûns dea yn 'e stoel. Hy wie 69 en dan binne jo aardich oer de helte. Likegoed kaam it Durk raar oer 't mad. Se hienen noch in soad oan inoar ha kind, Durk fanwegen de deihier en de oare emoluminten as driuwer en Ale omdat dy oars net folle oanhâld mear hie. Dat er de lêste jierren wolris oanstriid hie om Foekje de lange hân op it gat te lizzen en dat er benammen de âldste fammen graach oer it hier strike mocht, koe wol ynskikt wurde.

Se hawwe him dan earst ek wol mist oan de Sânleane. Hy hie Durk noch yn safier te fiter, dat der yn it testamint neat stie oer it hûs, wylst hy dat Durk withoefaak en mei grutte klam tasein hie. Durk soe it âld hûs ha, dat wie goed ôfpraat. Foekje wie derby en de húshâldster hie der weet fan. Ale de Haan hat it grif ek fan doel west, mar is der deagewoan net oan ta kommen. De húshâldster krige alles en dat wie al likemin in geheim. 'Voor bewezen diensten' moat der yn it testamint stien ha, want Ale hie in frjemd gefoel foar humor. It groufrommes hat der in moaie haal mei dien en dochs woe se Durk noch betelje litte foar it hûs. Foar fiiftûzen gûne koe hy it krije.

'Yn gjin fiiftûzen jier,' hat Durk sein.

Hy is nei dat frommes tagien en hat har goed sein wêr't it op stie.

'Dat hûs is mines, dat witte jo krekt likegoed as ik.'

Letter kaam der in saakwaarnimmer fan de húshâldster dy't it him ûntstride woe, mar dy hawwe se de doar wiisd. De húshâldster hat it net troch set.

Sa, de lêzer wit no it measte. Wy moatte mar gau fierder mei it ferhaal, want der is noch gâns te fertellen.

Mar earst noch even dit. Guon sille no al in ferhoalen

sympaty foar Durk en syn húshâlding fiele. It wurdt ek sa gau idealisearre. Sa'n ploechje noch fierhinne ûnbedoarne minsken yn in âld hûs middenmank de frije natuer, net oantaast troch de ynfloeden fan de moderne maatskippij en de by behearrende kwalen fan dizze tiid. Mar fersjoch jimme der net op. Sa'n libben is bytiden wreed en sokke minsken misse in soad, al binne se it har net altiten bewust. It moat dochs in swier bestean wêze sûnder pil, bankstel, gas, elektrys en meastal ek noch sûnder televisy omdat it âld ding op in akku rint, dy't almeast leech is. Al dy moaie Amerikaanse searjes, de showprogramma's en natuerfilms dêr't oare minsken de geast mei ferrykje, geane oan harren foarby. Nee, lit ús soks beleaven net te moai meitsje.

Der sil dan ek alle war dien wurde om it a-sociale gedrachspatroan fan dizze húshâlding yn positive sin om te bûgen, en wol sadanich dat se har by einbeslút ynpasse litte yn ús tsjintwurdige maatskippijstruktuer, wêrby fansels in team fan doch-helpers foar adekwate begelieding soargje sil yn de perioade fan oanpassingsswierrichheden, al sil de help ek wer net sa fier gean moatte, dat se net troch selswurksomens har eigen ynbring yn it proses hawwe, mar har alhiel rjochtsje op wat harren út it fjild wei oandroegen wurdt oan oplossings en mooglikheden. Soks moat perfoarst net, want it soe fan gefolgen wêze kinne, dat se letter wer ta har âlde milieu ferfalle, omdat se har sitewaasje net foldwaande trochtocht hawwe. Benammen yn de effektrapportaazje moat dêr goed om tocht wurde, dat jou ik de nije amtner fan sociale saken alfêst te rieden.

Mei oare wurden en no wer yn minsketaal: oan 'e ein fan dit ferhaal moat eins elk syn draai fûn ha. Durk yn in skjin en passend baantsje en mei in hobby, by-

gelyks nifeljen en byneed angelfiskjen, as er it âlde bestean yn it frije fjild dochts net alheul ferjitte kin. Foekje achter de automatise waskmachine en as lid fan de Plattelânsfroulju tuskentiden op de kursus: Hoe kom ik foar mysels op. De bern foar de televisy en trochkrûpt yn de kennisse fan de Top-40. It soe ek moai wêze as de jonge, dy't Klaske sa raar sitte litten hat, op in stuit werom komt en ferjeffenis freget. Dat is út 'e tiid fansels; hjoeddedei soe 'k fan Klaske in 'bijstandsmoeder' meitsje kinne, dy't harsels skoan rêdt. En fertoande sa'n feint him dochts, dan krige er fan Klaske in klap oan 'e kop. Mar goed om tinke, dat koe yn de tiid dat dit ferhaal spilet noch net. In frommes mei in oerwûn bern wie feroardiele ta in ienlik bestean en moast al bliid wêze as se húshâldster wurde koe by in rintenerjend boer dy't widner wurden wie. Dus moat ik, as ik op in happy end oan wol, dy jonge werom komme litte. Klaske moat him dan yn de earms falle en as dy feint dan foar de earste kear syn jonkje sjocht, dan moat er mei triennen yn de eagen en triljend lûd ferklearje: hoe koe ik salang wachtsje, hoe koe ik sa tsjin mysels stean?

Duvekater, dit soe in heule moaie scène wêze foar ûnder de krystbeam of op âldjiersdei. De skriuwers fan de Kristlik Fryske Folksbibleteek moatte harren de fingers der by ôfslikje, sa oangripend moat it wurde. It sil besocht wurde.

Haadstik 5

Durk makket risselwaasje foar in lange, kâlde winter en op 'e Sweach binne se fan betinken dat der trochpakt wurde moat.

Hy hat oerdei, wylst hy by Lútzen Bouma oan it sleathekkeljen wie, syn bestek makke. De jûns seit er nei it appèl: 'Bern, no noch even wachtsje, wy moatte mei inoar in pear dingen beprate. It is sisa gelegen, ik stean dy nije amtner fan sociale saken net. Dy man besiket it grif en it sil my gjin nij dwaan as jim heit aans wer foar de keuring moat. Dêr sit heit net oer yn noed, mar ik doar te wedzjen dat er ek by Lútzen Bouma west hat om út te fiskjen wat ik dêr fertsjinje. En dan sille se jim heit syn útkearing wol wer leger sette.'

'Ik fûn it net in aardige man, heit,' seit lytse Foekje.

'In mislike fent,' is Hindrik fan betinken en Bearend is it dizze kear mei him iens.

'Yn it earste oankommen like it dochs net sa'n minnen-ien,' bringt Gryt der tsjinyn.

'In mûske,' seit Bouwe, 'dat hie 'k daliks yn 'e gaten.'

'Wy moatte it ôfwachtsje,' seit Durk. 'It kin tafalle, mar heit moat him in slach foar wêze. It komt goed út dat wy jûn ûnder eigen folk binne, dan kinne wy fuort ôfprate.'

Nei it jûnsmiel jout Durk syn oarders.

It liket derop, dat Gryt har fan 't winter yn Drachten deljout. Der is al faker oer praat woarn. Se hat de leeftyd en by Philips hat se it nei 't sin. Eins fielt se har oan de Sânleane net mear sa bot thús. Ferline winter hat se ek al wiken yn Drachten ferkeard. It bern begjint easken te stellen. Se wol allinne sliepe, se wol har net mear yn de tobbe waskje mar bliuwt der in bus foar oer en giet dan nei de douche-ynrjochting.

Skytmerakels fansels. Se hat ek alris tsjin Foekje sein, dat mem en heit eins in oar hûs ha moasten, mei wat mear geriif en leafst op it doarp. Doe hat Foekje planút tsjin har sein: 'Bern, asto dy foar ús skammest, dan sikest mar in oar kosthûs.'

Dochs hat se fan 't simmer noch hin' en wer reizge tusken Drachten en de Sânleane. Mooglik docht se it om it jild. Thús hoecht se it measte net te jaan en yn dat Drachten kostet it fansels in soad. Gryt sparret, al jierren, en se skynt in moai dofke op it boekje te hawwen. Trouwen hat se lykwols net yn 't sin. It binne freonen, seit se en se feroaret gauris. Foekje hat har der oer ûnderstien, mar se laket mem út en se seit, dat se skoan op harsels passe kin. Yn elk gefal better as mem yndertiid. Dat is bretaal sizzen fansels, mar sa is de jeugd fan tsjintwurdich. Dy Johan sil him ek wol net wurde. Hy hat der ien kear west en omdat de nije man fan sociale saken doe krekt kaam, hat Durk net wer mei him praat. Se soenen it oars noch ha oer de huzaren fan Boreel.

'Ik wit net oft er wer komt,' sei Gryt doe't Durk der nei frege.

No, dan witte jo it wol.

Mar Gryt wol yn dat Drachten oerwinterje. It is net oars, al griist it Foekje oan. Se sil it bern earst al geweken nimme; se moat better oppasse as Klaske.

Nei Gryt komt Tsjerk, njoggentjin jier, chauffeur op in sânauto. In wylde bruier dy't soms nuvere oanslaggen hat. Mar hy komt dochs alle nachten thús te sliepen. Soms davert er mei syn kypauto de Sânleane del en lit der Willem yn ride. Willem wurket by Dalstra. Dalstra hat yn Lippenhuzen in leanbedriuw en Willem sit almeast op sa'n ûnbidige trekker. Wreed en rûzich wurk, it liket Durk nei fleanen, mar Willem skynt der aardichheid oan te hawwen.

Bouwe is in jier âlder as Willem. Hy sit yn 'e bou en der is útmakke dat er it mar as foeger besykje moat, as er dat no sa graach wol. De trije jonges moatte fan 't winter in binlik kostjild jaan, ornearret Durk. It hat al jierren 25 gûne west, mar dêr kin it net mear foar. Durk stelt it op 35 gûne foar Tsjerk en trije tsientsjes foar Bouwe en Willem.

Tsjerk grânzget der tsjinoan. 'Hy ropt: Hoe sit it, moat ik jim troch de winter bringe?'

Durk is koart yn dy dingen. 'Asto hjir fan 't winter yn 'e kost lizze wolste dan joust 35 gûne en ast foar dat jild in better plak krije kinste, dan pakst mar op.' En dêr is it praat mei út.

Bouwe freget: 'As ik der mei de froast útreitsje, moat ik dan ek trije tsientsjes jaan?'

'Dan sjogge wy wol wer. Ast tachtich persint barst, kinst it ek noch wol jaan.'

Dat is dan regele. Jantsje is fan 't simmer krekt fan skoalle kommen. Dochs kriget it bern as faam by Bolhús op 'e Sweach al fjouwer tsientsjes wyks. In grou stik jild, mar se wol ek nei Drachten dêr't se yn it fabryk mear fertsjinje kin. Foekje hat it tenearsten opkeard. Se moat earst mar ris sechtjin wêze en by bakker Bolhús kin se it húshâlden leare, dat is ek wat wurdich. Jantsje hat noch gjin kostjild jûn, mar it sil no wêze. Fyftjin gûne, seit Durk en mem moat der om tinke, dat se it oare jild net ûnnut fergriemt.

'Klean keapje,' seit Jantsje, 'ik ha suver gjin klean.'

'Do hoechst dochs alle wiken net foar 25 gûne klean?' freget Durk.

'Durk, it is wat oars as yn ús tiid,' seit Foekje.

Durk hâldt him mar stil.

De oare bern binne noch net oan fertsjinjen ta, mar sokke groujonges as Bearend en Hindrik kinne skoan in hantaast dwaan.

‘Jimme tûgje ús it hok fol hout,’ hjit Durk harren. ‘En gjin prikkeboel mar goed en dreech hout dat lang leit. Dat sparret ús fan ‘t winter in moai soad swarte brant út. Ik sil jim in pear deade iken en in stikmennich spjirren wize en dy slane jim der ôf.’

Foekje is it der folslein mei iens. ‘Wy ha te rij libbe, Durk,’ seit se. ‘It hie wol oars kind. As wy fan ‘t maitiid de bou ynoarder makke hienen dan koenen wy no de kelder fol jirpels ha en dan hienen wy griente ynlizze kind. Jantsje nimt it op ‘t heden mei fan de Sweach en in krop slaad jildt al in kwartsje. It griist my bytiden oan, safolle jild giet der my by ‘t húshâlden troch de fingers.’

Durk bûcht skuldbewust de holle. ‘Mem, do hast gelyk, wy ha te weeldrich libbe. It sil oars, wy moatte ússels wer rêde. Ik sil sjen dat ik foar net tefolle jild de kelder fol jirpels krij.’

‘Ik ha trije lege wekpotten te stean,’ seit Foekje. ‘Eartiids hienen wy dy fol sâlte tusearten en ik ha ek noch in nust wekflessen. En ús bou leit foar fûgelweide en...’

Foekje wurdt der fûl ûnder. Se hat it sa faak sein, mar Durk liet it sloere.

‘Ik wit it mem, ik wit it, it hie oars moatten. Mar myn rêch hat it fan ‘t simmer nuver sitte litten, dat witst ek wol.’

‘Nee Durk, do hast de heule maitiid te aisykjen west en fan ‘t simmer oars net dien as fiskje en omhingjen.’ ‘Jawis, omhingje, wat moat ik oars as my de rêch pleaget.’

‘Aisykje koest wol,’ seit Foekje in bytsje bitter.

Durk hâldt him stil. Foekje moat har út en troch útprate en dêr kin men dan better net tsjinyn gean, want oars wurdt it minder. Se docht it nammers net as de bern der by binne.

‘Dy wekflessen kin 'k noch wol fol krije,’ seit er as Foekje útpraat is. ‘Dêr sil ik it aans even mei de jonges oer ha. Griente is it te let foar, mar foar fleis net en dat is de helte djurder as griente. As wy de slachter in skoft foarby stjoere kinne, skilt ús dat in stik.’

‘Dat wol ik net, Durk, it is te nuodlik,’ seit Foekje.

‘Stil mar bern, ik ha it goed foar it ferstân.’

Dan komt Klaske derby. ‘De lammen ha de heule simmer de molke fan de skiep opsûpt,’ seit se. ‘Wêrom makket mem der gjin skieppetsiis fan? Ik fûn it altiten sa lekker.’

‘Mar ikke net,’ ropt Gryt, ‘skieppetsiis, bah.’

‘Keapje do yn Drachten mar djoere tsiis,’ seit Klaske. Durk seit: ‘Klaske hat gelyk. Lytse Foekje moat it melken leare en mem makket wer skieppetsiis. It is skoander iten, helte better as dy megere tsyskes fan 't fabryk.’

‘Ik sil se wol melke,’ slacht Klaske foar. ‘Ik ha froeger ek sa faak molken en as mem my it tsiismeitsjen leart, dan doch ik dat derby.’

Lytse Foekje wol ek wat dwaan. ‘Heit, ik gean te toarnbeisykjen. Ik wit in heule soad te sitten en dan moat mem der toarnbeisop fan meitsje.’

‘Leave, dêr seist wat,’ ropt Durk. ‘Der is neat lekkerder as toarnbeisop mei grôt en krinten en it is o sok sûn iten, waard der eartiids sein.’

Durk kriget der suver aardichheid oan.

‘As men dat sa neigiet,’ seit er jûns op bêd tsjin Foekje, ‘dan kin men jinsels fierhinne rêde. Dat ha wy yn 'e oarloch ommers ek moatten. Mar it libben is op 't heden te lúks en dan wurdt in minske maklik, dat is 't him.’

‘Do yn elk gefal wol,’ seit Foekje koart en se jout Durk nochris it leksum.

‘Och heden,’ stint Durk, ‘Dit falt my ôf. Ik hie tocht:

sa'n bêste dei en wy wienen it sa iens, wy soenen it jûn nochris besykje.'

En hy strykt har even oer 't gat. Mar Foekje stuitert nei de oare kant fan it ledikant ta.

'Ik ha der heulendal gjin nocht oan, Durk, de kop stiet my der net nei.'

'Dat merk ik. No, dan moat ik dat mar te goede hâlde.'

'En ik wol net ha datst wer te streupen gieste.'

Dêr hat Durk lykwols syn eigen gedachten oer.

'Ik wol ien haal dwaan,' seit er, 'en dan hasto fuort alle wekflessen fol. Ik ha in grouwe reebok op it each, it dier rint my de heule simmer al yn 'e wei. Fan 'e middei seach ik him noch mei in stik as fiif geiten, sa mak as in laam. Hy is oan my wend, wy kenne inoar al. Hy hat dêr fan 't simmer weide en salang ik der oan it sleathekkeljen bin, is hy der yn 'e neimiddei ek. Dat mist noait. En hy is sa fet as in slak. Ear't er begjint te jachtsjen en alle fleis derôf is, wol ik dy reebok yn it hok hingjen ha.'

'Do moatst it net dwaan,' seit Foekje mei klam. 'Feike Dam hâldt dy yn 'e gaten en it is him wat wurdich as er dy pakke kin.'

'Feike Dam wol my graach ha, dat is sa, mar hy leit hjir net alle jûnen mear foar de doar. Hy wit wol dat ik út en troch in knyntsje snip, mar hy wit ek wol dat ik der net mear op út bin om in soad wyld te fangen. Nee, dit komt altiten goed. Om my leit er hjir trouwens alle jûnen ûnder de hage, dat hindert neat. Ik wol dat ree by ljochtskyndei snippe, gewoan ûnder it wurk, begrypst wol?'

Durk hat it goed yn him omgean litten en der jûns mei de jonges oer praat. Net dat er it net sûnder de jonges ôf kin, mar se moatte him nachts even hantlangje.

Hy hat trouwens al folle mear beoardere.

Hy is moarns earst nei Lútzen Bouma tagien mei it boadskip, dat de rêch him begûn te pleagjen. 'Ik meitsje it dien,' sei er, 'mar rekkenje dan mar net mear op my. Jo sille trouwens de mannen fan de gemeente wol op it dak krije. Se fergunne my dizze lytse fertsjinst wer. As se my likefolle koarte op myn útkearing as okkerjiers dan ha 'k der neat oan hân. De rêch heal stikken en der gjin stoer better fan wurden.'

'Ik moat it al opjaan,' sei Bouma.

'Dat begryp ik skoan.'

'Ik hie oars fan 't winter al in bytsje op dy rekkene mei 't melken. As it sa ris útkomt, op in saterdei of snein. De jonge dy't ik op 't heden ha, kin it net oan en ik doar him der allinne ek net foar te setten. In hampelman, moatst rekkenje. Hy hat der heulendal gjin aardichheid oan. In ûnferskillige bongel en ik trape him leaver hjoed as moarn fan it hiem ôf. Mar moatst fansels al bliid wêze, dat der noch in gek is dy't by de boer wol. Knukkelhouwers, oars kinst net krije. Wa't wat mear kin, giet net by de boer. En dan sis ik wolris: se ha grut gelyk, it soe myn lêste ek wêze.'

Sa stinde Bouma der op om, oant Durk sei: 'Dat ha ik altiten al sein. Dêrom ha ik noait foar fêst by in boer wold. Boere-arbeider dat is it lêste, sei ús heit altiten en dêr ha 'k my oan holden. Us heit kaam op in dei thús, hy hong de seine yn 't hok en hy sei tsjin ús mem: sa, no ha 'k mei de boeren ôfdien. Dat stie derby fansels, ús mem gâlde deroer. Mar ús heit hat noait wer in stik ark yn 'e hannen hân. Altiten yn 'e hannel sitten. Likegoed hied er syn rêch mei dat bealgjen by de boer wol sa knoeid, dat er noait wer sûnder pine west hat.'

‘Noch twa jier dan kin 'k yn de sanearing,’ sei Lútzen Bouma. ‘Salang moat ik it folhâlde. Hoe liket it, kin 'k út en troch op dy rekkenje?’

‘As ik dy pear sinten net ferantwurdzje hoech dan bin 'k net ûngenegen.’

‘Dat rêde wy wol, 25 gûne kin 'k wol út 'e boeken hâlde.’

Durk hat oars in hekel oan kij en it melken hat er noait aardichheid oan hân. Mar Lútzen Bouma hat in masine en dêr kin Durk him aardich mei rêde. Bouma hat ek mar in stik as tweintich kij.

Fan Lútzen Bouma is Durk doe nei de Lege Ein ûnder Koartehimmen fytst. Hy hie Ids Bergsma yn tiden net sjoen. Oan 'e taap yn ‘De gouden klok’ woenen se okkerdeis al ha dat Ids dea wie. Dat blykte letter ta te fallen, mar hy moast syn âld maat dochs ris dach sizze en no koed er fuort syn boadskip kwyt.

‘Ik kom der hast net mear út,’ sei Ids. ‘Myn skonken litte it sitte, mar ik bin oars noch sa sûn as in fisk.’

‘Bist oars knap grou,’ stelde Durk fêst.

‘Dat komt fan it sitten, hoe sil it oars?’

‘Komst it fjild net mear yn?’

‘Sa'k sei, myn skonken wolle net mear, ik wit net oft it fan 't winter wat wurdt.

Ferdomd Durk, ik leau dat ik it hân ha en ik woe oars stomme graach noch wat streupe.’

Durk hie suver wat begrutsjen mei Ids en dat hoegde oars net. In bêste maat foar yn it fjild, mar fierders in hont fan in fent, wreed as tou, ek foar eigen. En fierstente folle drank brûkt fansels, dêr't er dan ek noch grutsk op wie. Durk jonge, ik ha safolle drank hân, do kinst der in húshâlding mei grutte bern yn fersûpe, wie syn sizzen.

It hat wolris sa west dat Durk him it gewear ôfkrije moast omdat it net mear fertroud wie. En dan sa. Mar

hy hat it himsels oandien. Likegoed deart it jin fansels wol oan as jo sa'n man as in stumper yn 'e stoel sitten sjogge. De frou wei, de bern de doar út en dy tale net nei him, en dan allinne achter bliuwe mei in pear skonken dy't net mear wolle.

'Ik krij alle wiken in mingel skjinne, dat nimt de buorjunge foar my mei,' sei Ids. En dy syn frommeske kaustert de boel hjir in bytsje. Se wolle my hjir wei ha, mar dat doch ik fansels noait.'

Sa sieten dy mannen inoar wat te beselskipjen, mar by einbeslút moast Durk fansels wol mei syn boadskip fanwegen komme en dat hie Ids skoan yn 'e gaten.

'Ik woe graach wat fan dy brûke,' sei Durk.

'Dat hie 'k wol tocht, oars wiest hjir net kommen.'

'Ik ha faak fan doel west om nei dy ta, mar myn húshâlding, hen. Do witst dat ik der wat oars ûnder stean as dy. Ik kin der sa faak net by wei.'

'Sis it mar.'

Durk die syn ferhaal, oer dy grouwe reebok dy't alle dagen by it Alddjip mei syn fiif geiten kaam te weidzjen.

'Mar ik wit net hoelang it noch duorret. Se kinne aans wol ris begjinne te reizgjen.'

'As de Harinxma's begjinne te jeien dan hoechst it fansels net mear te besykjen, dan wurde se sa wyld as wat.'

'Sa is 't krekt. It is no noch rêstich yn 't fjild. En dat bistje is sa nuet, ik kin him hast mei in stien besmite.' Ids luts oan syn skonken. 'Dat wie oars al wat,' gnoarre er. 'Bliksem Durk, as dy poat...'

Hy knypte himsels yn 'e knibbels en tilde ien fan de skonken mei de hannen op. 'Dat kin in moaie loop wurde, Durk, mar ik wit net, sa'n reis nei it Alddjip dat wurdt my te machtich, bin 'k bang. Do soest my fansels ophelje kinne.'

Dat wie Durk alheul net fan doel, om lds deryn te beheljen, net heal.

‘Dit wurdt dy te beswierlik, lds. Ik soe dy graach mei ha wolle, mar as wy Feike Dam achter ús oan krije hoe moat it dan mei dy?’

‘Dan nukst my mar yn it Djip, dan bin 'k der yn ien kear ôf. As wy earst dy bok mar krije.’

‘Gjin healwiis praat, lds. As dy poat fan dy better is, geane wy wer tegearre. Ik sil dizze put allinne dwaan moatte. En myn jonges hantlangje my even.’

Hy hat it lds noch ris omstandich útlein. ‘Ik wit syn loop wol en mei de strûp soe 'k him krije kinne. Mar do witst hoe nuodlik soks is. Dy strûp moat der oeren hingje en Feike Dam komt der alle dagen lâns. En dan it kabaal dat sa'n dier makket as ik him deryn ha. As er begjint te razen en it is wat in hoare jûn, dan is 't fier te hearren. En ik kin der net deun by lizzen gean, do witst hoe skerp sa'n bok rûkt. Hy hat Feike Dam al út bêd balt ear't ik der by bin.’

‘Hast dyn âlde dûbelloops net mear?’, frege lds.

It jachtgewear leit yn in grou pak fette lapen al twa jier achter de skoarstien op 'e souder en Durk is net fan doel om it der wei te heljen.

‘Ik ha der gjin patroanen mear by, lds. Dêr is wol oan te kommen, mar mei hagel krij ik him net yn ien kear dea. Dat wurdt moardzjen, sokke grouwe hagel kin 'k der net yn dwaan of hy rint my fuort.’

‘It kin wol,’ sei lds, ‘ast him mar goed yn 'e kop rekkest.’

‘Ik moat him mei ien skot ha, lds. Hy moat my net de bosk yn stowe en him dêr deljaan. Bijke soe him wol fine, dat is 't him net, mar de boel is dan al nuver ferballe. Ik doar soks net mear te aventoerjen, lds, ik bin sa rûch net mear as eartiids. Wat kostet it my as se my snippe? Trije moanne, foar minder dogge de rjochters

it net.'

'Do fertrouwt dysels ek net sa bot mear,' sei lds spytgnyskjend.

'Ik woe dyn fjoerbuks graach mei ha, mei de lûddemper der by.'

'Dat hie 'k al tocht.'

'Do hast him dochts noch wol?'

'Hy sit ek yn 'e fetlapen.'

'Mei sa'n njoggen milimeter hoech ik der net te ticht op,' hat Durk syn saak mei ynmoed bepleite. 'Ik sjit him wylst ik oan it sleathekkeljen bin, om healwe fiven hinne. Ik doch it gewear oan 'e kant en lûk moai kalm myn jas oan. Mei it breatrompke ûnder de earm kuierje ik nei de reed. Underweis snij ik him even de hals út, bestopje him en dan set ik lykas oars op hûs oan, begrypst wol? De jûns helje wy him op. Tsjonge lds, dit kin net misse en mei sa'n lûddemper derop komt net ien my oer 't mad. Ik kin it my oan tiid dwaan en al soe ik Feike Dam tsjinkomme, hy hat der gjin euvelmoed yn, want ik kom der alle dagen lâns. Ik ha deroer tocht om myn âld sten út de illegaliteit ûnder de flier wei te heljen. Ik ha der noch sa'n hâlder mei patroanen by. Mar it binne dingen fan neat, dat witsto ek wol. Ast wat reitsje wolste, moast der boppe op stean en dy kringen meitsje in soad lawaai. Ik wit net iens oft de patroanen it noch wol dogge, se sille wol dampich wêze. En sa'k sei, it is sjittersark fan neat.'

'Dat ding kinst wol weismite, dat ha 'k altiten al sein.' 'Ik ha him nei dy iene kear dat wy der in reegeit mei dea krigen ha, ek nooit wer brûkt.'

lds is sunich op syn jachtark, mar Durk hat de fjoerbuks dochts mei krigen. Yn twa stikken yn 'e fytstas en fiif patroanen der by. Lange patroanen mei in holle kop, sokken bringe it boadskip goed oer. De lûd-

demper yn 'e binnenbûse fan de jas.

'Oare wike hast him wer, lds en ik nim dy in pear pûn reefleis mei.'

'En in mingel skjinne,' sei lds doe't Durk al yn 'e doar stie. 'Dy buorjunge hâldt my koart.'

'Dat mingel krigest ek.'

It is min nei te gean hoe't dat sit mei Durk. Slooft er him no út foar de húshâlding of begjint it streupersbloed fannijs te sprekken? Wa sil 't sizze. Soms rint it troch inoar. Durk hat yn elk gefal in bêst sin. Hy hie de moarns al oanstriid om dy bok noch deselde deis te sjitten. Mar dat soe dom dwaan wêze, sokke dingen moatte mei ferdrach dien wurde.

Sa leit de saak der hinne en de oare deis stapt er wer op 'e fyts. Earst nei Aldbeets dêr't er by Kees Jeensma foar net tefolle in mud as tsien jirpels keapet. Net fan de bêsten, mar de priis is der neffens en mei in stik reefleis der by wurde de minste jirpels lekker. 'Set se mar klear,' seit er tsjin Kees, 'ús Tsjerk komt fan 'e wike wol even del mei de kypauto, dan krij ik se op 'en makliksten thús.'

Op 'e Sweach stekt er op 'e weromreis oan yn 'De gouden klok' en keapet in mingel Bearenburch. Durk is gjin drinker, mar winterdeis moat men wat yn 'e hûs ha, benammen as men nachts it fjild yn sil. Hy docht it him even oan tiid en drinkt twa slokjes by de taap, wylst er mei de geande en kommende man in pypfol praat.

Mar om healwe tolven hinne is er wer thús. Yn 't hok klaut er in steal âlde ielfûken fan it souderke. Willem en Bearend ha der fan 't simmer mei fiske en der sitte frijwat gatten yn. Hy siket de knapsten derút en hallet de gatten ticht. Hy hjit Klaske, dy't aardich mei de boetnuddel wurde kin, om de lêste kubbe goed nei te sjen, want in iel hat oan ien stikkene mesk genôch. Hy

fynt ek noch in stik kearnet dat aardich ticht liket.

‘Wat hast allegear by de ein?’ freget Foekje ferheard.

‘It hat dy knap te pakken, net?’

‘Fanke, it is in gouden tiid,’ seit Durk fleurich. ‘Der stoot hjir nachts wol tûzen pûn skiere iel it Djip del en dêr wol ik in protsje fan fange. Ik sil de beun opknappe en as it heal kin moat der takom’ wike hûndert pûn yn sitte. De beun set ik op 'e midden fan it Djip fêst, mei in pear balstiennen deryn foar 't sinken, sadat der gjin eagen oer geane. En as wy it dan in bytsje oer lizze en de winter komt net te gau dan ha wy oant nijjier ta iel yn 'e panne. Ien kear wyks bakte of stoofde iel dat ferfeelt net en it skilt dy by de slachter al gau in pear ryksdaalders.’

‘Moat dit no allegear, Durk? Do koest wol miene dat it wer oarloch wurdt.’

‘Oft it oarloch wurdt, wit ik net mar in strange winter krije wy yn elk gefal en as de mannen fan de Sweach miene dat dit har kâns is dan hawwe se har mâl fersind. As it wêze moat, kinne wy ús rêde. Wat let my en set ek noch in barchje oan, dan ha wy spek yn 'e skoarstien. Der is fretten genôch foar, de bosk leit fol ikels en bûkels. Ut en troch in hantsjefol moal der by en hy wurdt út himsels fet.’

Foekje jout har ôf en wylst Durk yn de fûken omslacht, mimert er op 'e winter om. As der safolle ikels en bûkels binne - en der is gjin gelde bûkel by - dan moat it in winter mei fûle froast wurde. Dat hat nooit oars west en hy hat ek wol waarnommen hoe beuzich de iikhoarntsjes binne. Dy dierkes tûgje de heule simmer al en sokke ‘tekenen der natuer’ moatte in ferstannich minske genôch wêze.

Nei it middeismiel - de húshâlding is wat fan 'e regel, dat kin hast net oars - giet Durk it fjild yn om syn putsje sleathekkeljen dien te meitsjen. Dat is te sizzen,

hy wol der noch op syn minst trije dagen pielen oan ha. Hy meant de reiden der út, stekt de kant ôf en kriget de hekkel. Wylst er yn in evenredich tempo de pōlen op 'e wâl lûkt, eaget er it fjild oer nei de boskrâne.

Om goed fjouwer oere komt de bok troch de droege sleat, sjocht it fjild oer en bliuwt stean te snuven. Dan docht er in pear stappen de greide yn. De geiten skarrelje achter him oan. De bok hat Durk al lang fernommen, mar hy is net ûnrêstich. Dy man by de sleat heart derby. Hy hâldt him fansels wol yn 'e gaten, mar al dy wiken dat se hjir weide ha, is der neat bard. De bok hat knap swiere hoarnen, Durk roait dat er in jier as fiif is. Net te jong en net te âld en goed yn 't fleis. In skoander stik wyld.

Durk nimt even lins en makket syn bestek. As er opnij de hekkel omheech hellet, merkt er net iens dat der in mûdhûntsje op leit. Oars is dat altiten sa'n aardige ferdivedaasje. De fisk ûntkomt him ek noch, hy hat tefolle omtinken foar de bok. Underweis nei hûs fluitet er en hy lit Bijke in wraam dwaan op in knyn. It hûntsje rêdt it dizze kear net. De knyn fynt in hoale, Bijke begjint ferwoest te dollen, mar hy moat al gau belies jaan.

'Let neat, Bijke,' seit Durk. 'Dy knyn bliuwt der ijs en weder dienende wol, dy hâldst te goede.'

It appèl wurdt suver in fleurige boel. Durk is yn alle silen mak en fynt in soad goed. Foekje is swijsum en sjocht bytiden soargelik.

'Mem, do koest wol wat fleuriger wêze,' bestruft Durk har. 'It is moai waar en wy hawwe it mei inoar o sa goed. Dat is in segen en wy moatte op 'e tiid ús tankberens betoane.'

Foekje sjocht de oare kant út en snúft. Jûn sil Durk it belije moatte, mar it kin him dizze loop neat skille.

It soe grif in moaie jûn wurden wêze as De Vries, de nije man fan de gemeente, net om 'e hoeke kommen wie. En se ha wat it appèl oangiet noch net iens dien makke.

'Ik ha boadskip,' seit er sûnder omballingen. 'Kin 'k jo even ûnder fjouwer eagen sprekke?'

Durk hie it wol ferwachte, mar dat de man der sa'n faasje achter sette soe, dêr hied er net op rekkene. Dit is in warbere amtner, dizze sil it noch fier bringe. 'Op dit stuit bin 'k net te sprekken,' seit Durk koart. 'Dat jo yn jo eigen tiid foar de baas op stap geane is myn saak net. Mar as jo de regel en oarder yn oarmans húshâlding fersteure dan haw ik it rjocht om nee te sizzen.'

'Kom ik ûngelegen?'

'Dat soe 'k sizze, ik hâld appèl en dêrnei moatte wy it wurk noch ferdiele.'

'Ik wachtsje op 'e brêge,' seit De Vries.

'Dat kinne jo dwaan, miskien ha 'k it strak wol even oan tiid.'

As de man fan de gemeente it net mear hearre kin, seit Foekje: 'Moast dat sa, Durk?'

'Sa moat dat,' antwurdet Durk. 'Yn goedens is mei dizze man neat te berikken, dat ha 'k al lang sjoen. En hy hat syn dingen al dien.'

'Wy kinne der skea fan ha, kinst him better wat temjitte komme.'

'Sa'k sis, dat hoecht by dizze net mear.'

It appèl ferrint nuver en wylst de húshâlding binnendoar om de tafel skoot, pandert Durk nei de brêge ta dêr't De Vries stiet te wachtsjen.

'Ik ha in ferfelend boadskip,' seit De Vries.

'Foar jo of foar my?'

'It is foar my ek ferfelend, ik moat it jo oansizze.'

'Binne jo it der mei iens?'

‘Ik moat it der wol mei iens wêze.’

‘Jo hawwe it sels klear makke, begryp ik wol. Wat prate jo dan?’

Fuort mar oanpakke, dat liket Durk it bêste ta, al sil der net folle mear mei te winnen wêze.

De Vries is sa'n behanneling net wend, dat is de man oan te sjen. Hy is even stil, klaut him yn 't hier en docht in pear stappen achterút, lyk as waard er in bytsje bang. Durk kin bytiden ek goed gleon sjen.

‘Jo ha goed fjouwer wike foar Bouma sleathekkele en dat hawwe jo net om 'e nocht dien.’

‘Dat sizze jo goed, net om 'e nocht. De rêch leit my hast yn twaen. Ik ha Bouma fan 'e moarn krekt opsein, it koe net langer. Ik hie der earder mei ophâlde moatten.’

‘Ik woe sizze...’

‘Ik sei: it koe net langer, mar ik woe sa stomme graach dien wurk meitsje. Ik hoopje noch altiten dat it oerbetterje sil. Ik kin sa min oer stil sitten.’

‘Jo hawwe...,’ besiket De Vries it nochris, mar Durk wol earst syn sechje dwaan.

‘No hie ik fansels op 'e Sweach sizze kind: minsken, ik hoech gjin oanfoljende útkearing fan sociale saken mear, want ik bin wer oan 'e slach. Ik hie dat dwaan kind, mar as myn rêch it de oare deis witte wollen hie, wat dan? Dan hie 'k wer nei jim ta moatten mei it boadskip dat it net trochgong. Wel, dan steane jo foar skut, wier of net? En op it kantoar soenen se der ekstra wurk fan ha: earst út 'e boeken wei, dan der wer yn.’

‘Foar in bytsje wurk binne wy oars net benaud,’ smyt De Vries der tusken. ‘Om ús hoege jo it wier net te dwaan, of te litten, dat is miskien yn dit gefal better.’ ‘Welja, oars helje jim der noch in amtner by oan,’ seit Durk haatlik. ‘Dat skynt by jim o sa maklik te gean.’

Sa faak as ik der kom, sjoch ik nije gesichten. Mar wa sil soks allegear betelje?’

‘Jo grif net,’ seit De Vries.

Durk sil noch it ien en oar nei foaren bringe, mar der wol him sa gau neat mear yn 't sin komme en hy fernimt ek wol, dat De Vries yn alle rêst syn kâns ôfwachtet. Dat hy jout de man it wurd mar.

‘Jo sille it tenei mei de ynvaliditeitsrinte dwaan moatte,’ seit De Vries. ‘Sociale soarch kin jo der neat mear by jaan.’

‘Dat hie 'k al begrepen,’ seit Durk. ‘Wel, as jim miene dat ik myn húshâlding mei njoggen tsientsjes troch de tiid krije kin, dan sil dat wol sa wêze. Jimme witte dat allegear sa goed... Jim eigen froulju moatte in pear sinten mear ha fansels, mar Durk kin op 'e pôle wol mei njoggen tsientsjes ta.’

Hy nimt even skoft, mar as De Vries der op yn gean sil, hat Durk it wurd wer.

‘Jimme dogge mar wat jim net litte kinne. As wy hjir fan 't winter mei inoar deafrieze dan fine jim ús oare maitiid wol. Ik wit noch net krekt wat ik dwaan sil, mar jim hearre mei gauwens fan my. Jo begripe wol, dat ik myn rjocht sykje.’

‘Wat jo by Bouma fertsjinnen dat hienen jo opjaan moatten,’ seit De Vries. ‘Jo ha te'n ûnrjochte fan ús in oanfoljende útkearing hân. Ik ha it neigien en sa't it no liket, sille wy goed hûndert gûne werom foarderje moatte.’

Durk beart as hearde er neat.

‘Ik sil myn rjocht sykje,’ seit er yn tinzen. ‘Moarnier sil ik nei de boargemaster en jûn daliks skriuw ik in pear brieven. Prins Bernhard hat my wol faker holpen en dy Mierlo is ek fûl op sokke saakjes. En ik span de ritmeester Van Schaick der fansels foar. Ik ha syn oppasser west by de huzaren fan Boreel. Doe't ik

mei grut ferlof gyng, hat er tsjin my sein: Als je hulp nodig hebt, huzaar Lugtigheid, dan laat je het me weten. Hy hat wurd holden, dy man hat heul wat foar my dien. Hy hat fansels in soad kunde yn de hegerein, miskien telefonear ik him jûn noch wol op, dan kin er even nei my ta komme. Dat docht er samar, in keardel út ien stik, dy ritmeester fan ús.'

'Wy moatte dan mar in regeling treffe foar it werom beteljen fan it jild dat jo tefolle bard ha,' seit De Vries ûnfersteurber. 'En as jo net goedskiks wolle dan kinne wy beslach lizze op jo ynvaliditeitsútkearing. Mar dat dogge wy fansels...'

Dan is it Durk goed oer.

'Man, gean út myn eagen,' raast er ynienen, 'Oars fergryp ik my oan jo. Donderje op, stik ûngelok.'

Bijke docht in wraam op de boksen fan De Vries syn broek.

Dy De Vries is in hurden-ien, dat jout neat. Hy skoddet Bijke bedaard fan de broek, nimt syn fyts en stapt kalm it paad del.

'Dizze ha 'k wol oan,' moat Durk even letter syn Foekje bekenne.

Haadstik 6

Durk komt ta de konklúzje, dat it minskdom goed bedoarn is. In moai ding dat yn elk gefal de iel noch rint.

Deselde jûns tûget Durk yn it skimertsjuster in stik as fiif fûken en it kearnet nei it Djip. Bouwe en Willem sille him helpe, Bouwe yn 'e boat en Willem hat de swimbroek oan. Durk sels hat de kaplearzens fan 'e souder helle, hy kin it sa'n bytsje bedjipje. Krekt om 'e bocht bringe se it kearnet troch de wjittering. Der stiet net folle stream, mar dêr is 't neffens Durk net minder om. As der tefolle wetter fan de Bakkefeanster kant komt, kinne jo it kearnet der net sa maklik yn hâlde. De boaiem is hurd, dat botte fêst komme de stokken dochs al net te stean.

Twa fûken sette se deun op it kearnet, de oaren in eintsje tebek en mei de fang ticht yn 'e wâl.

‘Soe de iel rinne, heit?’ freget Bouwe.

‘It is ôfwachtsjen, men hat der mei iel gjin sizzen fan. Mar wy ha folle moanne hân en it is myld waar. De skieren sil it noch wol te gau foar wêze, mar in flut reade iel moat der no al te fangen wêze, soe 'k sizze.’ Thús hat Foekje de kofje klear. Hja sit mei Klaske yn de achterein by de petroaljefergasser. De froulju breidzje en stopje en kinne it yntusken aardich pratende hâlde. Bûtendoar hat Durk al wat opheind, dat hy is der klear foar. As hy der yn komt, bliuwt it earst in moai skoft stil. De froulju hawwe ynienen neat mear te sizzen, is 't net nuver?

‘Sa, wy ha de brut der yn,’ beart Durk fleurich op. ‘No moat ik der moarnier al even earder út, mem. Foar ljocht moat it berêden wurde en dan moat de boel der moarntejûn nochris yn.’

‘Ik gean yn 't hok even mei myn brommer oan 'e gong,’ seit Bouwe.

‘Ast de moter mar net rinne litste, dan ha wy de lytsen wekker,’ seit Klaske.

‘En sunich wêze mei de lampe,’ folt Foekje oan, ‘de petroalje kin wol op.’

Willem kundicht oan dat er op bêd giet. Hy wol moarnier mei heit nei de fûken.

‘Gryt is ek let,’ seit Durk wylst hy oanskikt.

‘Miskien bliuwt se fannacht yn Drachten. Se siket om plak, sei se fan 'e moarn.’

‘Tsjerk hie der ek al lang wêze moatten.’

‘Hy sil wol mei de kypauto omgrieme.’

‘Ik fyn dat Van Dyk syn chauffeurs tefolle oeren meitsje lit.’

‘Dat falt wol wat ta, se hingje nei it wurk wat om. As Tsjerk woe koed er om seis oere wol thús wêze.’

Dan is alles wol sawat sein en Durk stint der op om wêr't er it oer ha sil.

‘Klaske en ik hienen it der niis oer,’ sa begjint Foekje, mar Durk is der noch net oan ta.

‘Wol aardich dat Aaltsje ek wer ris in snein delkomt,’ seit er en hy nimt it briefkaartsje, dat de post moarns brocht hat fan de skoarstienmantel.

‘Ja, dat is moai, mar Klaske sei niis...’

Durk lêst it briefkaartsje. ‘Toarnbeisykje, hie 'k tocht, mei de bern te toarnbeisykjen. No, se kinne wol in amerfol fandelje, it is allegear toarnbeien. Ik wik jim dat der in strange winter komt, oars soenen der safolle fruchten net wêze. Ikels en bûkels, hazzenuten, missels, tamme kastanjes, it kin net op.’

‘Ja, mar...’

‘Hoe lang is 't lyn dat Aaltsje hjir west hat? Altiten wol in fearnsjier, soe 'k sizze.’

‘Dat sil 't wol, mar...’

‘Jawis, no wit ik it al, it hat yn july west. Doe woe 'k de bern noch yn it Djip ha, mar dat mocht net fan dy flapdrol. 't Wetter wie net skjin genôch, sei er. Tsjonge noch ta, ús bern binne mei Djipswetter grut woarn, de klompe fol en mar boarne. En no soenen de bern der net iens mear yn swimme kinne? It moat net mâlder. Sa'n swimbad yn dat Drachten, dêr soe 'k fiis fan wêze. Alle dagen withoefolle minsken yn sa'n foege tobbe. As ik myn sin sis dan kin men dêr fan alles skypje.’

‘Heit moat Gerard gjin flapdrol neame,’ seit Klaske. ‘It is in goede man en hy is op 't lêst mei ús Aaltsje troud.

‘Ik sis neat ferkeards fan dy jonge, mar it is in flapdrol, dat kin ik ek net helpe. En dat sokke bern net iens even yn it Djip baaie meie, dat neam ik in skandaal. Hawar, de simmer is hast om, swimmen is it hast te kâld foar, dat dêr kinne wy snein gjin lijen om krije. Ik woe oars sizze...’

Hy praat tsjin 'e klippen op, mar hy kin it net hâlde. De froulju swije almeast en wachtsje oant er him de kiel droech praat hat. Der komt in stuit dat Durk de lêste kofje derút nimt en even stil falt. Foekje nimt daliks har trekken waar.

‘Toe dan mar,’ seit Durk.

Hy lûkt noch in stoel oan en leit de skonken der op.

‘Pak mar út.’

Hy draait in sjekje en wachtet ôf.

‘Klaske en ik hawwe it der niis oer hân. As wy de winter troch moatte mei njoggen tsientsjes en as se dat oare der dan ek noch ôflûke wolle, dat jild datst tefolle bard haste...’

‘Dat wurdt fansels neat.’

‘Dat kinst no wol sizze, Durk, mar...’

‘Gjin sprake fan, sit der mar net oer yn, wat wy bard

ha dat ha wy bard. Werom betelje, seit dy De Vries. Ik sil wol wizer wêze.'

'Goed, mar likegoed wurdt it mei njoggen tsientsjes in behyplike boel, Durk. Ik wit net oft wy fan dat protsje jild wol húshâldzje kinne.'

'Do hast it kostjild fan de jonges ek fansels.'

'As ik dat net hie, koe 't heulendal net. Hûndert daalders is mei safolle minsken net in soad.'

'Wy krije altiten sêd,' is Durk fan betinken.

'Do wolst it net hearre,' seit Foekje lulk. 'Witst wol wat in stik klean op 't heden kostet en wat it fleis jildt?'

'Dat lêste sil ik wat oan dwaan. Moarn ite wy as it heal kin iel en ik nim in pear kninestrûpkjes mei nei 't wurk. En do krigest meikoarten de kelder fol jirpels.' Foekje snúft lytsachtsjend.

'Wat hast fan 'e moarn yn 't skieppenhok brocht?'

'Ik wit net watst bedoelst, leave.'

'Do hast it út 'e fytstas helle en yn it skieppenhok brocht.'

'O, dat is ek sa. Ik seach ûnderweis in grouwe foerbyt lizzen en dy ha 'k de skiep brocht.'

'Dat wie 't net, it wie gjin byt. En do hast Bearenburch yn 'e hûs helle.'

'Leave, wat bist wer neigeanderich,' seit Durk skodholjend. 'It is moarns al kâld en dan is in Bearenburchje in behâld.'

Klaske seit: 'In knappe jas foar de bern kostet op 't heden sa mar acht tsientsjes. En heit is oan in nijen ta, sa'n-ien komt al gau op hûndert gûne.'

'Yn gjin hûndert jier,' seit Durk. 'Ik wol net iens in nije jas ha. De lêste hat my min foldien, der siet gjin waarmte oan. Ik leau net dat der hjoeddedei in goede jekker te keap is. It is allegear ketoen en nijlon, as ik sa'n ding oan ha moat, kin 'k krekt like goed sûnder.'

Nee, ik ha dat oars yn 'e holle. Yn 'e oarloch hat Visser fan Lippenhuzen my in jekker makke fan kninefellen en dêr ha 'k jierren wille fan hân. Witsst dat noch wol, mem? Wy hienen doe al ferkearing. Ik ha noch noait sa'n waarm stik klean hân en...'

'Durk, no ha 'k myn nocht,' ropt Foekje ynienen. 'Wy binne gjin Eskimo's dat wy hjir yn bistefellen om rinne. Brûk dyn ferstân, ik stean der faak fersteld fan sa mâl asto derby komme kinste.'

'Leave, ik ha it hok fol bêste kninefellen. Ik kin twa kwartsjes it stik barre, it is skandelik dat se net mear opbringe. Ik kin der better in koarte jas fan meitsje litte, dan ha 'k foar twa tsientsjes in bêst stik klean. Dy oare ha 'k jierren genot fan hân. Is dat no sok healwiis praat?'

'It is healwiis praat, heit,' seit Klaske.

'En dy reebok,' pakt Foekje daliks troch, 'Dat moastst dy út 'e holle sette.'

'As it foar de húshâding is, dan stean ik foar neat,' ropt Durk.

'Meitsje dysels neat wiis, om ús hoechst it net te dwaan,' antwurdet Foekje nochteren.

'As se heit pakke, is 't net bêst. Okkerdeis hat it noch yn de krante stien, dy man hat wol in healjier krigen.'

'Dat is wol it measte, bern, dêr kinst op 't heden hast in minske foar dea dwaan. Mar it is wol sa, in stikje wyld streupe dat eins fan ús allegear is, dat is hast sa slim wol as in moard. Wat dat oanbelanget is 't in nuvere tiid.'

Foekje seit: 'Ik ha dat sjitark, dy âlde stengun út 'e oarloch wei stoppe, dan witsst dat fuort mar.'

Durk riist oerein en sil opspatte, mar hy bedimmet him.

'No giest hast te fier, mem,' seit er sa guodlik moog-

lik. 'Ik kin in soad ha, mar der binne grinzen. Do moastst fan myn streupersark ôfbliuwe.'

'It kin my neat skille,' seit Foekje dwers. 'Ik ha de patroanen ek oppakt.'

'Ast se mar goed opburgen haste en op in droech plak. En as wy hússiking krije, moatte se der net daliks tsjin oanrinne. Dit kinst my better dwaan litte, fanke.'

'Miskien smyt ik de heule brut wol yn 't Djip.'

Dan slacht Durk mei de fûst op 'e tafel. 'En no is 't út. Asto de boel wei griemste, hâld ik dy op 'e harsens yn 't Djip.'

Hy sil noch mear sizze, mar hy wit eins wol dat Foekje it net mient. Se jaget him op stang en dan flapt se der fan alles út. Se besiket der achter te kommen wat hy fan doel is, wa wit hat se fan 'e middei it skieppenhok oer de kop klaud.

Durk bûcht de holle en lit it yn him omgean. Eartiids hat er Foekje wolris in klap jûn as hja spul hienen. Hearken, wat is it soms mâl gien en it nuvere is, dat se letter sa goed mei inoar koenen. Hy hat har al yn jierren gjin klappen jûn. It wyldste is der oan wjerskanten ôf en hy moat tajaan dat Foekje faak mei rjocht en reden obsternaat west hat.

'Berntsje, harkje no ris goed. Ik prakkesear der oer om in wraam op dy reebok te dwaan. Miskien sjoch ik der noch wol fan ôf, ik wol der yn elk gefal de bak net foar yn. Om mysels kin my dat it measte net skille, mar ik kin no net by jim wei. It soe net bêst wêze as ik der op dit stuit in skoft út moast...'

'Foar dysels is it ek net bêst. Do hast mysels ferteld hoe slim as it doe wie.'

'Wat wie dat, mem?'

Foekje seit hastich: 'Heit hat doe even sitten foar streuperij.'

‘Ik wie doe sa folle jonger, moastt rekkenje. It is aans achttjin jier lyn. Ik soe der no better oer kinne. Mar it moat net wêze. Dêrom doch ik ek gjin ûnferstannige dingen, gjin kwestje fan, dy wille gun ik de mannen net.’

‘En dan noch wat, Durk,’ begjint Foekje oer wat oars, ‘ik moat mei dy oer ús Jantsje prate. Nee, bliuw do mar sitten, Klaske. Wy hawwe it der tegearre oer hân en do witst it noch better as ik. Do hast de jierren en de ûnderfining, it is goed datsto dines der ek fan seiste.’

Durk lûkt de fuotten fan 'e stoel en giet der foar sitten.

‘Wat krije wy no?’ freget er erchtinkend. ‘Ik miende dat wy it sawat hân hienen.’

‘Jantsje slacht mei jonges om, dat hast wol murken, tink?’

‘Ik ha hjir in jonkje omspringen sjoen. Och ja, de bern binne hjoeddedei foarlik.’

‘Wy binne bang dat it net goed komt.’

‘Hoe dat sa, bern?’

‘Se is fierstente fûl, Durk. Ik ha dat lêsten oansjoen doe't dy jonge hjir wie. Dat frijen fan tsjintwurdich dat giet sa fier, dêr soenen wy ús foar skamme ha. En Klaske seit ek dat wy wat ûndernimme moatte.’

Dit is in nij probleem foar Durk.

‘Wat moat ik dêr yn 'e goedichheid oan dwaan? Moat ik har soms it frijen ferbiede?’

‘Nee, mar jim moatte har foarljochtsje,’ falt Klaske ynienen út. ‘It liket nearne nei sa't heit ús it libben ynstjoerd hat. Ik ha der krekt noch in stik oer lêzen yn de Libelle en de Koerier hat ek wat yn stien.’

‘Do lêst fierstente folle,’ seit Durk. ‘Ik sil snein tsjin Aaltsje sizze, dat se dy dy kranteboel net mear stjoere moat. Do kinst dyn ferstân wol ferlêze.’

‘Earst Aaltsje en doe ik, ik wist nearne fan,’ seit Klaske ferheftich en it liket der op dat se begjinne sil te gûlen.

‘No ja,’ seit Durk delbêdzjend en hy klaut him yn 't hier.

‘Klaske hat gelyk, Durk,’ beleart Foekje. ‘It is mei Aaltsje goed betearde en mei Klaske komt it grif ek goed, mar...’

No begjint Klaske wier te gûlen.

‘Hjir sit ik,’ snokkert se, ‘en...’

‘Do sitst net ien yn 'e wei,’ seit Durk. ‘En dat jonkje fan dy dêr binne wy allegear like wiis mei. Ik soe him op dit stuit net iens misse wolle en sa'n fanke as dy dêr komt grif ien om.’

‘Hjir op 'e pôle, tink. Tocht heit dat ik hjir oait wei kom?’

‘Wêrom net, bern?’

‘As ik myn jonkje net hie, gong ik der út.’

‘Asto derút wolste hoechst it om dat bern net te litten, dêr rêde wy skoan mei.’

Durk rydbosket op syn stoel. Hy hat in ferdulde hekel oan dit soort petearen, hy gong op dit stuit wol sa leaf in ein de bosk yn. Mar Foekje is noch lang net útpaat.

‘Wy moatte der mei Jantsje om tinke dat ús dit net wer oer 't mad komt,’ seit se saaklik.

Dêr kin Durk it hiel wol mei iens wêze.

‘En no hienen wy sa tocht, Klaske en ik, wy sille mei har prate en as it net oars kin dan moat se mar wat mei ha.’

‘Foarbehoedmiddels,’ folt Klaske oan.

It giet Durk stoef genôch, mar hy wit net krekt wat er der tsjinyn bringe moat.

‘It is in rare wrâld,’ seit er by einbeslút. ‘Ik leau net dat dit stân hâlde kin.’

‘Mei sok praat komme wy net fierder,’ stelt Foekje fêst.

‘Mar as it dan dochs net mear te kearen is,’ mimert Durk fierder.

‘It is net te kearen, dat hat noait oars west.’

‘Dêr hast gelyk oan, mem, mar moat dat no mei keunstmiddels en sa? Men heart der in soad fan. Yn Drachten ha se der gewoan automaten foar. It minskdom is bedoarn.’

‘Praat fan neat, Durk,’ seit Foekje. ‘Ik wit net ofsto der wol ris oer neitocht hast hoe’t Gryt dat docht. Dy slacht geregeld mei jonges om, mar der komt har neat fan oer.’

‘It binne allegear freonen,’ seit se.

‘Jawis, mar it komt op itselde del oft it no in freon is of in feint. Hawar, ik sil der wol mei rêde, it komt wer foar my op.’

‘Ho, sa’k sis, de wrâld is bedoarn, mar myn bern, moatte dy...’

‘Hat heit leaver dat Jantsje krekt sa thús komt as ik?’ freget Klaske.

‘Jimme falle my hurd,’ klaget Durk. ‘Aaltsje, dy is dochs goed troud? En ha wy it net mei inoar troffen? Goed, it kaam ús oer ’t mad, mar wy hawwe ús der dochs mei rêden?’

Dan flapt Klaske der ynienen út: ‘Mem hat fierstente folle bern hân.’

‘O,’ seit Durk yn earste ynstânsje ferstuivere. En dan: ‘Wat seist my no?’

‘Ik bedoel, it is net goed, sa folle bern. Sokke grutte húshâldings as uzes dat is âlderwets,’ leit Klaske hoeden út.

‘Leave, oft it âlderwets is wit ik net en dat kin my ek gjin sprút skille,’ seit Durk mei klam. ‘Mar dat it net goed is om in fikse húshâlding te hawwen, dat ha ’k

noait earder heard. En hoe hie 't oars moatten? Hie 'k se dan mar fersûpe moatten of sa?'

Durk is der aardich ôf. Miskien hied er wol lulk wurde moatten. Men kin jin op 't lêst net alles sizze litte fan de bern.

'Jimme hienen safolle bern net krije moatten,' seit Klaske.

'Do doarst it wol te sizzen.'

'It is dochs wier, heit.'

'Lyk as hie men it foar it sizzen. Dat sil hjir de boel mar even regelje.'

'Ik bedoel der gjin ferkeards mei,' seit Klaske fermoedsoenjend. 'Ik wie sels earst ek net wizer, mar ik ha der in soad oer neitocht.'

'Wy wienen dus net wiis,' stelt Durk fêst.

Hy prakkeseart der even op om.

'Ik leau dochs datsto tefolle yn 'e boeken en kranten om lêst. Tinkt dy ek net, mem?'

Foekje hifket. 'Ik wit net, Durk, mar ik leau wol dat Klaske in bytsje gelyk hat.'

'Bisto net wiis mei de bern dy't wy ha?'

'Dat hoechst net te freegjen, dat is praat fan neat. Ik bin fansels wiis mei ús bern, mar as wy in pear minder hân hienen, dan hienen wy dy net mist.'

Durk giet oerein, hy hat gjin ferwar mear en dan moat der wat op útfûn wurde.

'Ik hear it wol, ik pas net mear yn dizze maatskippij, ik kin it net mear byhâlde. Mar leau fan my dat it net goed komt mei it minskdom. It is bedoarn en goed ek.'

'No ja, soe dat net wat tafalle, Durk?' freget Foekje.

'Dat falt net ta.'

Klaske seit: 'Harkje no ris, heit.'

Mar Durk wol neat mear hearre. Hy set de pet op en giet derút. Hy sjocht even om 'e hoeke fan 't hok

dê't Douwe mei syn brommer omgriemt en pandert dan it hiem oer. Hy triuwt in toppe gers by de kninen yn 't rip, streaket op de geit om en kuiert nei foaren. It is goed tsjuster en Bijke, dy't deun neist him rint, fernimt er earst net iens. Op 'e brêge draait er in sjekje. It is stil en hoarich, hy kin de auto's op de rykswei hearre. Nei it easten is de loft ljocht. Dêr leit Drachten. It jild skynt dêr net op te kinnen, de heule nacht brâne de lantearnen.

Durk fielt him net sa noflik. Hy hat it gefoel dat de heule wrâld tsjin him gearspant en dat syn eigen bern ek wat yn 't sin hawwe. It doocht net, dat Aaltsje mei de húshâlding in heule snein delkomme wol. Der sit wat achter want oars komme se noait langer as in sneintemiddei. Dy flapdrol fan in Gerard hat it heuch yn 'e kop en Aaltsje skammet har bytiden suver foar har famylje.

Durk kuiert de Sânleane út nei de heide. Op healwe stoot Bijke ynienen de beamwâl neist it paad yn. It hontsje jout ien kear lûd, in sêft mar ferheftich fûl piipjen. Durk skrillet op út syn prakkesaasjes en is mei trije stappen tusken de elzebeamkes.

'Wêr bist, Bijke? Hâld him yn 'e gaten, jonge.'

Hy sjocht gjin hân foar de eagen en harket.

'It is dochs wol in murd, net?' preuvelt er.

As it ûndier de greide ynset is, dan moat Bijke him no hast te pakken ha. Mar Durk heart neat. Hy reaget de tûken oan 'e kant en docht in stap nei foaren. En dan fernimt er Bijke. De hûn stiet deun neist him en begjint súntsjes te janken. Durk lit him op 'e knibbels sakje en taast foar him út. Bleden, tûken en dan in bulte rommel, gers en prikkeboel, snoeihout dat se hjir delsmitten ha.

'Hjir sit er ûnder,' grommelt er.

It is sa'n oanwenst fan him om it mei de hûn te be-

praten as hja tegearre yn it fjild binne. It wurdt him oars te spannend, as er in wurdmennich kwyt kin, is er himsels better baas. Hy bliuwt even op 'e knibbels sitten. Bijke stiet oan de oare kant fan de bulte, klear foar de slach.

'Dit wurdt neat, Bijke, ik sjoch gjin hân foar de eagen. As hy der oan myn kant útkomt, kin er my wol ûnder de jas troch slûpe.'

Hy bûcht him foaroer en rûkt oan 'e bult. Jawis, in murd. Bijke fersint him trouwens noait, as it in knyn is docht er heul oars. Durk lûkt foarsichtich wat gers en in pear prikken fan de bult en taast it ôf. Hy fielt in gat en rûkt nochris.

'Hjir is er lâns gien, Bijke, bliuw do mar oan dy kant.' Bijke hie soks al lang begrepen, it hontsje stiet deastil. 'Dit rêde wy net, mar wy sille it al besykje,' seit Durk.

Hy taast de bulte heulendal ôf en fynt noch twa pipen. De iene wâdet er ticht, de oare set er in klompe yn, mei de hân der boppe op. Mei de frije hân tept er lytse boskjes rommel fan de bult. Ut en troch hâldt er even op en harket oft Bijke ek wat docht. It is gâns in bulte rûchte. As er in healoere oan it roppen west hat, is er noch net op 'e helte. Hy giet op it liif lizzen en stekt de hân sa fier mooglik yn 'e pipe. It is krekt as sit der libben yn 'e bult, mar it kin ferbylding wêze. 'Ik leau hy is der noch, Bijke.'

En dan klapt de murd ynienen tsjin de klompe oan dêr't er it iene gat mei ticht set hat. Durk springt oerein en lit him mei de heule lea op 'e bulte falle. Tagelyk huft er mei de fûsten op de rûchte om de boel sakje te litten sadat de murd fêst komt te sitten. Bijke begjint te janken en giselt as in top om de bulte hinne. Durk komt oerein en smyt syn heule gewicht der nochris op. De deade tûkeboel ûnder him kreaket

en de bulte sakket. Hy pûst even út.

‘As it goed is, hawwe wy him no yn 'e knipe, Bijke,’ himet er. ‘Mar ik wit net, ik wit net...’

Hy begjint wer te dollen op it plak dêr't er tinkt dat de murd sitte kin. It is muoisum wurk. Bijke snúft en jankt en sit him suver op 'e hannen. Der sit skerp tusken de rûchte en Durk skrammet him, mar dat kin neat skille. It swit prikelt him ûnder de pet en hy smyt it ding fan him ôf. Fan boppen ôf dolt er nei it plak ta en hy fielt in gat. Hy lit Bijke even rûke en de hûn is alheul oerémis.

‘En no derom tinke, aans spat er der út, Bijke,’ flústert Durk.

Mar de murd spat net mear. Durk fielt him, hy sit fêst. Durk grypt op goed gelok en skuort him der út. De murd hinget him yn de mouwe fan it boesgroen. Durk grypt him mei de oare hân op 'e taast yn 'e nekke en smoart him. Hy fernimt al noch wat, krekt as hat it ûndier him dochs noch by 't fel hân.

As er oerein komt, docht de rêch him knap sear en hy fernimt no ek, dat it him slim ynspand hat.

‘Ferdomd Bijke, sa ha wy noch noait in murd pakt. Dit wie wat.’

Hy siket syn pet op en faget him it swit fan de holle.

‘Kom op, Bijke, dit moatte wy thús fertelle, dit wie in lust.’

Fleurich giet er op hûs oan. In simmermurd fansels, der sil noch net folle angel yn 'e pels sitte. Mar it is wol in grouwen-ien, in raam, dat mist net.

Hy stapt der mei de keamer yn. De beide froulju, Bouwe en Tsjerk sitte by de tafel.

‘Hearken, wêr hasto sitten?’ freget Foekje ferheard.

‘Koest wol yn 'e rûchskerne lein ha.’

Durk hâldt de hân op 'e rêch en laket.

‘Heit stjonkt,’ stelt Klaske fêst.

Durk hâldt de murd ûnder de lampe.

‘Asjeblyft,’ seit er grutsk, ‘mei de hannen útdold, Bijke en ik. Bliksem, wat ha wy klaud.’

‘Dat sjoch ik,’ seit Tsjerk kalm, ‘al hiest in dei yn 'e put stien, it hoecht net oars. Wat woest der mei, âlde?’ ‘In murd,’ seit Durk, ‘in grouwe raam, hjir oan 'e reed, ûnder in bulte rûchte, Bijke spoarde him.’

‘Do hast in skoft fuort west,’ seit Foekje.

‘In dreech kerwei en it is roettsjuster, wy ha him op 'e taast krigen.’

‘Wêr is soks no goed foar?’ wol Tsjerk witte.

Dêr hat Durk gjin antwurd op.

‘Goed foar, goed foar ... It is in murd, bliksem.’

‘Jawis, mar se binne ommers neat wurdich. En sa'n simmerfeltsje al heulendal net.’

Safolle ûnferstân kin Durk net by.

‘Ik sil my in bytsje hoffenje,’ seit er teloarsteld.

Bûtendoar stiet er mei dy murd yn 'e hân en freget him ôf wat sa'n jonge besielet. Mar as er de murd yn it hok oan 'e spiker hongen hat, komt it himsels ek yn 't sin dat er him fergees yn it swit klaud hat.

‘Ferduld Bijke,’ seit er, ‘as in murd al neat mear opbringt dan moat it mei de wrâld dochs op 'e non rinne, dit kin dochs samar net.’

Hy stint en strúnt it hiem oer nei it Djip. Hy draait in sjekje en stapt yn 'e skou. Súnstjes kloetet er nei de hoeke dêr't de tichtset stiet. It leit him swier op 'e lea en hy wurdt hyltiten mismoediger. Sa'n skoandere murd en nei alle gedachten is er net iens in ryksdaalder wurdich. En dochs hat der in tiid west dat ien murd in deihier wie? Hoe kin soks no?

Hy fynt in fûkestok en tilt him even op. Hy taast by de lêste kubbe lâns en fernimt it daliks. De iel rint, de earsten sitte der al yn. It jout treast en justjes moediger fart er werom.

As er yn 'e hûs komt, binne de bern al oan kant. Foekje stiet yn 't nachtjak brochjes te smarren foar Bouwe en Tsjerk.

'De iel rint,' seit er. 'Dat is teminsten noch by 't âlde bleaun.'

Haadstik 7

Durk makket de fleispotten fan Egypte fol en Tsjerk túcht in auto oan, dêr't men ek noch oare dingen mei dwaan kin as ride.

Hy hat de loop fan de buks oan in eintsje tou yn 'e bokse hingjen. De kerrel op 'e ein fan de loop komt him krekt op 'e knibbel en sa't er dêr rint is der neat te sjen. De oare ein sit ûnder de jas mei it riemke om 'e skouders.

It moat no wol wêze, want hy hat de sleat der hast út. Op it plak dêr't de seine, it snijizer en de hekkel lizze, jout er him del, set it gewear yn inoar en leit it sjittersark yn de sleatswâl. Wat gers en snilen der oerhinne en nimmen sil it fine.

It waar is omslein. Kâld is 't noch net, mar út en troch belûkt de loft en falt der in buike. It gers waakst net mear en yn 'e sleatten begjinne de planten brún te wurden. Bijke jaget in team einepilen út in rûchtepôle, mar se kinne al aardich fleane en Bijke kriget gjin kâns. It is oars goed iten, sa'n grouwe pike dy't noch krekt net flechtich is. Durk hat oanstriid om Bijke even by te stean, mar soks soe net ferstannich wêze. Hy hat grutter wyld op it each.

Hy docht it him oan tiid. Hy stiet gauris te sjen en nei it middeisskofft jout er him even yn de lijte fan de sleatswâl del foar in knipperke. De earm ûnder de holle, in bytsje rûchte ûnder it gat en de kraach fan de jas omheech. As de sinne even skynt, leit it suver noflik. Bijke giet tsjin him oan lizzen en it hontsje jout aardich waarmte ôf. Durk ferslept him suver, as er de raap út 'e bûse hellet is it al trije oere. Hy flokt op himsels, want hy hie it oars yn 'e holle. Hy moat in ein sleat oerslaan om op it plak te kommen dêr't er

wêze wol as de reebok mei syn geiten ta de bosk útkomt. Hy rint in eintsje werom dêr't de buks leit en strikelt de seine omstandich. Dan leit er de seine del en bynt it gewear mei in eintsje tou bij de seine lâns. Hy slacht wat mei it ark yn 'e sleat om wylst er werom skarrelt. Hjir en dêr in haal, net te hastich. It handicht trouwens ek net mei dat gewear der by lâns, mar it is dochs mar sabeare. Oer in goed healoere wol er by de hikke wêze, likernôch trijehûndert stappen út 'e boskrâne wei. As er achter de hikke is, knopet er it gewear los en skoot it tusken it langgers. Ut 'e bosk wei kin nimmen sjoen ha wat er útspoeket. Hy leit de seine del en giet werom nei it plak dêr't de hekkel en it snijmes lizze. It is de gewoane gong fan saken by it hekkeljen en de meast erchtinkende boskwachter sil der gjin euveldoed yn ha. Mar it gewear is ûndertusken teplak.

Hy giet wer oan 'e slach, mar makket der net in soad fan.

'Wy moatte fan 'e wike al even wer,' seit er tsjin Bijke. 'De lêste ein sil der dochs ek út moatte. Do hiest my wekker meitsje moatten.'

Bijke snúft yn 'e sleatswâl om, hy hat lucht fan in rot of sa.

'No moatst my de boel aans net bedjerre, Bijke. Mar dat docht myn hontsje net, hen, dêr kin 'k dochs op rekkenje. Gjinn opstigings, de kop derby en om 'e baas tinke.'

It kriget him te pakken, mear as er wêze wol, wylst it noch wol in healoere duorje kin ear't de bok foar it ljocht komt.

'Hoe lang is it lyn, Bijke, dat ik mei dizze buks sketten ha? Altiten wol twa jier. Bliksem, ik hie fan 'e wike even oefenje moatten op in pear protters. Mar troch dat gedonder mei Foekje... En de bern binne ek sa-

fier dat se alles merke. Wy moatte it besykje, Bijke en dan it bêste der fan hoopje. It wie altiten in bêste buks, gjin kromke ôfwiking.'

Hy skytskoarret der no suver tsjinoan, hy is bang dat er misse sil. It wurdt in slimme boel as de bok net daliks dea delfalt en hy der achter oan moat om him ôf te meitsjen. Se kinne it mâl dwaan, dy dieren, as it om it lêste giet.

'As hy der even moai foar stean giet, mei it boarst ús kant oer of in bytsje fansiden, dan bin 'k wol aardich wis, Bijke. Krekt achter it skouder, dat is it plak.'

Goed healwe fiven is de bok der en it giet fierders lykas alle dagen. De bok hat him wol opmurken, mar de wyn is geunstich. De lucht fan Durk en syn hontsje soe him trouwens net oerstjoer meitsje, hy ken dat folkje en it wie altiten fertroud.

Hy set de stap deryn, bedaard en doelbewust. De geiten teppe al ris in pôltsje gers, mar komme wol achter him oan. As der ien even achter bliuwt, sjocht de bok even oer 't skouder en dan drafket de reegeit al.

Durk hekkelt súntsjes fierder, sûnder ferheftige bewegings. Der ûntkomt sa'n bok fansels neat. Bijke leit plat achter de hikke en folget Durk syn dwaan mei skerpe eagen. Hy hoecht it hontsje neat te hjitten. Hy hat him syn plak wiisd en Bijke sil gjin stap dwaan salang de baas neat sein hat.

In healoere letter binne de reeën harren foarby en giet it op it Alddjip oan. Se sille safier net gean. Der rint in sleat fan it Alddjip ôf it lân yn. Fan 'e bosk ôf leit de earste ein fierhinne droech, op healwe is in drinkdobbe en dêr giet de bok altiten earst op oan. Dat is ek it plak dêr't Durk him sjitte wol. Se hoege dan net te tûgjen. Jûn mei de skou it Djip del, in ein yn 'e sleat op en de bok yn 'e boat. Durk hat it goed foar it ferstân. Yn it ferline is it by it streupen wolris rûger

om en ta gien.

‘Ik hie dochs in kear sjitte moatten,’ preuvelt er tsjin Bijke. ‘Jûns op 'e reed, dat hie wol even kind. Ik kin fansels de loop op de ûnderste planke fan de hikke lizze, mar it is in ein. As ik it sa roai is 't wol hast trijehûndert meter. Safier draacht dizze buks skoan, mar it kin net folle lije.’

It falt him ôf en dochs is dy bok net fierder fuort as oars. In pear jier lyn skeat er mei deselde buks de faisanten út 'e beammen wylst lds mei de staaflantearne ljochte. Hy hoegde mar krekt oer 't fizier te sjen en hy miste komselden. Dan moat dy bok, ek al is er wat fierder ôf, dochs maklik te reitsjen wêze. Jawis, reitsje en dan fuort op it goede plak.

Hy leit de hekkel del en strúnt nei de hikke ta.

‘As Feike Dam my no yn 'e kiker hat dan komt aans syn kâns, Bijke. Dat is it risiko fan sa'n ûndernimming, sûnder risiko kin it net.’

Hy knibbelt achter de hikke en nimt it gewear. De bok stiet mei de kont nei him ta en bûcht de kop foaroer. Hy stiet al by de dobbe te drinken. Aans sil er him omdraaie en de wacht hâlde wylst de geiten boarne. Hy stekt de kop omheech en snúft de wyn op. Der binne trije jonge geiten by de keppel.

‘Sa hat er genôch hân, Bijke, hy koe him om my no wol omkeare.’

Hy hat de lûddemper derop set en stekt de loop fan it gewear in eintsje troch de hikke. De bok docht in pear stappen tebek en draait him om. Hy mist de man by de sleat en it liket derop, dat er him wat ûnrêstich fielt. Durk hat him yn it fizier en siket it boarst op. Hy wachtet net mear, want de bok hat wat yn 'e gaten. Durk sjit en wit dat it gjin misser is. It swit stiet him likegoed op 'e holle en as it skot der út is, trilje him de fingers. De bok is omfallen sûnder lûd te jaan

en skopt in pear kear. It duorret mar heul even, dan leit er stil. De reegeiten binne kjel wurden, mar naaie earst noch net út. Se sjogge nei de bok, trêdzje hoeden tebek en dan pas set de earste de gong deryn, werom nei de bosk. Achter inoar springe se troch de greide. It giet net wyld, mar se nimme it wisse foar it ûnwisse. In pear bliuwe op healwe stean en sjogge achterom. Se misse de bok en dy syn lieding, se steane te snuven. Ien fan de âlde geiten nimt de foarstap en dan binne de oaren ek út 'e rie. De heule keppel draaft de bosk yn.

'Eben Haezer,' seit Durk, lykas beppe placht te sizzen as hja de put der út hie.

Hy hat it gewear ûnder it gers skood en kriget de seine op. Wylst hy strikelt, dikert er nei de boskrâne dêr't de lêste geiten krekt troch de droege sleat geane. Se komme net werom en dus is dêr gjin folk. Durk leit de seine del en giet op 'e knibbels lizzen om it gewear út inoar te heljen. Hy hat it even yn him omgean litten en stopje de buks wei, mar by einbeslút wol er him dochs mar daliks mei werom ha. Earst it gewear nei hûs en jûn de bok, it risiko in bytsje ferpartsje. Hy hinget de loop yn 'e bokse fan 'e broek en skikt de kolf ûnder de jas teplak. Yntusken hat er gjin each fan de bosk ôf. As Feike Dam dêr west hie, soed er no al wat ûndernommen ha. Hy kin fansels op elk stuit komme, hy is wol sa ferstannich en nim noait de selde route. Mar hy hat in grutte krite, hy kin net rûnom tagelyk wêze.

'Kom mar, Bijke.'

En dan pas springt it hontsje oerein en sil it lân yn.

'Hjir bliuwe.'

Bijke komt krûpende werom, want Durk syn lûd wie skerp.

'Ei Bijke, do tochtst fansels dat ik in knyn of faisant

sketten hie en soest him even foar my ophelje. Mar dat hoecht net, jonge.'

Hy hallet de hûn even oan en siket syn spul by inoar, de breatrompe en de termosflesse en knopet it jaske ticht.

'It is nuodlik mar it moat wol even,' seit er tsjin Bijke.

'Dit fleis moat duorje kinne en dêrom kinne wy him sa net lizze litte.'

Hy stapt kalm it lân oer nei de dobbe dêr't de bok leit. It dier is noch waarm en út it gatsje achter it skouder komme mar in pear drippen bloed. In bêst skot, poerbêst, lykas yn syn bêste dagen.

Hy lûkt de bok oan de achterpoaten yn de sleatswâl, draait him in heal slach sadat er hast mei de kop yn 'e sleat leit. Dan nimt er it knyft en snijt de bok de hals út. It bloed kolket derút en rint yn 'e sleat. Bijke slikket der yn om en jankt súntsjes. Eins moast it yngewant der ek noch út, mar dat duorret te lang. Durk wachtet net ôf, hy smyt wat rûchte oer de bok hinne en komt oerein.

'Bijke.'

De hûn komt daliks achter him oan. Se rinne by de sleat lâns nei de bosk ta, mar op healwe springe se der oer en stekke skean oer. Op 'e romte kin nimmen har oer 't mad komme.

Achter hûs stekt Durk in sjekje op en sjocht it hiem oer. Der boartsje in pear bern om, mar der is gjin besite.

'Heity,' ropt lytse Durk.

'Ah, myn mantsje,' seit Durk fleurich.

Hy sil it jonkje optille, mar as er him foaroer bûcht stekt de loop fan it gewear him krekt yn 'e hokse.

'Heit sil aans even mei dy boartsje.'

Yn it achterhûs lûkt er it leiderke nei ûnderen.

'Bist dêr, Durk?' ropt Foekje út de foarein wei.

‘Ik kom der oan.’

Op it souderke pakt er de twa stikken fan it gewear yn in âld jas, bynt der in tou omhinne en skoot it pak ûnder it ledikant oant achter de skoarstien. Foekje stiet ûnder te wachtsjen.

‘Moarn moastst mar oan it wekjen,’ seit er kalm wylst hy it trepke ôf komt. ‘Ik ha dy reebok by it Djip lizzen. Wy sille him jûn even ophelje en slachtsje.’

‘Hie’k it net tocht.’

En mear net. Se draait har om en giet nei de foarkeamer.

Hy docht in slach om it hûs hinne, fersteket de geit en de beide skiep en jout de kninen fretten. By de pomp griemt er him wat ôf en dan makket er yn it hok romte foar de slachterij. Bouwe syn bromfytsark, dat oeral omslengeret, smyt er op in bult. De flier moat heulendal frij wêze, sa'n grut stik wyld ferget romte. It wurdt stadichoan tiid foar it appèl. Hy blaast woltemoede de húshâlding by inoar. Hy hat him yn tiden sa noflik net field.

De trije âldste jonges binne der net, Bearend en Hindrik ha inoar goed neisjoen. Oars net slim, mar de iene hat de oare de klean ferropt en dêrom moat Durk der neffens Foekje wat fan sizze.

‘As jim tenei fjochtsje wolle dan earst de klean út,’ is Durk syn beskie.

‘Wat is dat foar praat,’ seit Foekje lulk. ‘It is net normaal mear sa't dy bern inoar pleagje. Ik moat der nei skoaltiid algeduerigen yn omreagje.’

‘Goed, as mem moarn wer klachten oer jim hat dan moatte jim de heule wike jirpelskile. Wachtsje ris even, jim kinne alfêst foar snein skile, dat is in moai drege put. En hoe sit it mei it hout? Ha jim der al moai wat ôf?’

‘Noch lang net dien,’ seit Bearend. ‘En as heit it hok

fol hout ha wol dan kinne wy net jirpelskile. No moat heit it mar sizze.'

'As jim tiid ha te kreauwen dan ha jim ek tiid te jirpelskilen. As Tsjerk moarn mei de kypauto thús komt, sille wy de earste fracht branje ophelje.'

'Der moat ek noch ien foar my te boadskipjen,' seit Foekje. 'Ik moat foar snein wat yn 'e hûs ha as Aaltsje en de húshâlding komme te iten.'

'Wy ha in moaie flut iel sitten, mem,' seit Durk, 'en dat is rikeljusiten.'

'Wy moatte ek noch wat oars ha as iel, Durk.'

'En jûn helje wy fleis op. Yn Lauswolt kostet it 25 gûne en dan is 't almeast ek noch fan in wite kekke.'

'Wat is dat, heit?' freget Klaske erchtinkend.

'Neat bern, in grapke. Ha wy alles hân, mem?'

Op dat stuit komt der in auto de Sâneane del daverjen. Foar it hûs draait it âld ding de daam yn.

'Och hearken, dat is ús Tsjerk,' ropt Foekje.

De bern stowe der mei jûchhei hinne. De auto hâldt mei in pof op en Tsjerk knoffelt der út.

'Hui,' seit er, '750 gûne, mar ik moast daliks gelok dwaan.'

'Hast dat ding kocht?' freget Klaske ferheard.

'Jawis, bêste wein, seis silinders, hat noch mar 80.000 km riden, ûnferslytber, sa'n Ford Zephyr, ride samar 200.000 km sûnder dat der in sleutel op west hat.'

'Wat moatst mei dat grutte kring?' seit Durk ûntefreden. 'Hiest dat earst net oer lizze kind? Samar fan de iene dei op de oare in auto keapje, it moat net briker.'

'Wy kinne der moai mei nei 't wurk ride,' seit Tsjerk.

'Litte wy de kypauto's op it wurk stean en de baas betellet de benzine. Mar ik ha him heal fol petroalje smiten. Dêr rint er like goed op en de petroalje jildt mar in kwartsje.'

'Eintsje ride, Tsjerk,' biddelje de bern.

De heule kliber deryn. Tsjerk wol Durk en Foekje ek mei ha, mar dy betankje. Klaske hat der eins wol aardichheid oan al wol se it net wêze. Tsjerk kriget it rydrak maklik oan 'e gong. Der komt wol in soad lawaai út en de auto rikket as in fabryk.

‘Sa'n ding kin dochts net yn 'e brân fleane, Durk?’ wol Foekje witte.

‘It is allegear izer, mem, dat brânt nooit bot.’

Tsjerk is achterút nei de reed riden en dan giet it oer de brêge. De planken rattelje der oer en de auto wurdt wei yn wolkens moude.

‘Sokke mannen dogge wat op in stuit by har opkomt,’ seit Durk.

‘It sil wol oerbetterje,’ is Foekje fan betinken. ‘Mar it begruttet my al om dy slompe jild.’

Se pakt mei de lytse Pytsje en it jonkje fan Klaske om. ‘No, it appèl wurdt no dochts neat mear, ik sil mar nei myn iten ta,’ seit se.

Durk stapt nei de reed. De auto is al lang om 'e bocht, mar hy heart it ding noch wol. Fan de oare kant komt Bouwe op syn brommer.

‘Is der wat, heit?’

Hy draait mei piipjende remmen om Durk hinne.

‘Doch dat ding út,’ hjit Durk him. ‘It is hjir al rûzich genôch.’

‘Wêr binne de oaren?’

‘Yn 'e auto fuort. Tsjerk is mei in âld auto thús kommen.’

‘Hat er dy kocht?’

‘Dat seit er.’

‘Duvell, dat hie 'k net tocht. Dêr kinne wy wille fan ha.’

‘Dat wit ik noch net sa krekt.’

It duorret gâns in skoft ear't de wein werom is. Willem is wilens ek thús kommen en Durk nimt him en

Bouwe even apart.

‘Jimme moatte jûn even mei my it fjild yn.’

Hy fertelt de jonges wêr't it om te rêden is. Willem hat der aardichheid oan. Fan de grutte jonges is hy de iennichste dy't niget oan de streuperij hat. Tsjerk en Bouwe slane leaver yn de âlde moters om.

Foekje kriget de húshâding de jûns mar min oan 'e krêbe. Durk moat op 't lêst Tsjerk it mannewaar opsizze ear't de auto oan 'e kant riden wurdt.

‘En no begjinst my jûn net mei dat ding, want dan ha wy alle bern wekker,’ seit Foekje.

‘Dan set ik him daliks op 'e reed, want ik wol jûn al noch even ride.’

‘As wy der mar gjin lêst fan ha.’

‘Dat riden kostet oars ek jild,’ ornearret Durk.

‘Pear kwartsjes foar de petroalje en de benzine, wat soe dat no?’

Durk stint der op om.

‘Jimme wurde te weeldrich opbrocht,’ seit er. ‘Jim hawwe it te goed, soks moasten wy by ús thús ris sizze.’

Nei 't iten siket Durk syn slachtersark by inoar en slipet de messen. Hy hat yn it hok alles klear makke en baalsekken foar it rût hinge. It hok komt op slot sadat de bern der net mear yn kinne.

Hy bringt earst mei de beide jonges de fûken nochris út. It moat de lêste kear mar wêze. As Feike Dam moarn of oaremoarn dy reebok mist dan strúnt er fansels alle nachten om de pôle. En hy komt dy reebok te missen, hy wit krekt wat der oan reewyld yn syn bosk omrint. Wa wit hawwe de hearen de ôfskotfergunnings foar de reeën al yn 'e hûs. Der sil ien minder by wêze as Feike Dam yn 'e kop hie. Duvel, wat sil er lulk wêze as er dit yn 'e gaten kriget.

Se farre yn it tsjuster it Djip del, Durk oan 'e kloet en

de beide jonges sitte swijend op de messelbank. Se witte wat der fan har ferwachte wurdt. As hja by de sleat binne, kriget Bouwe de line. Durk stapt út oan de oare kant fan de sleat, Willem bliuwt yn 'e skou. As der al wat is, kin Durk altiten fuort komme wylst Willem ek in kâns hat. Ien op 'e bon is better as trije en Durk kin as kostwinner it minste mist wurde, hat er sels fêststeld. De beide jonges binne fansels ek flugger. Salang Feike Dam harren net by de hûd hat, litte se har net pakke.

In eintsje fierderop moat Willem ek út 'e boat omdat der net genôch wetter yn 'e sleat stiet.

'Ho,' flústert Durk, 'De skou keare, it is hjir noch krekt breed genôch.'

Se wrotte de skou mei syn trijen om en litte him lizze. Durk is oan dizze kant kommen en nimt de foarstap. It is fertroud, as der wat west hie, soe Bijke al lang lûd jûn ha. It hontsjje is sa kalm as wat, Durk hie ek net oars ferwachte. Hy hoecht net om de bok te sykjen. Willem en Bouwe lizze him it kâlde en stive dier om 'e nekke.

'In grouwen-ien,' stint Willem.

'Wat tochtste, oars hie 'k dizze ek net útsocht.'

'Heit, mei 'k in kear mei dy buks sjitte?' freget Willem.

'Nee en no stil wêze, wy hawwe him noch net thús.'

Underweis flústert er Willem ta: 'Dy buks giet moarn daliks werom. Ik wit net wat Feike Dam dwaan sil as er dit fernimt, mar it soe my gjin nij dwaan as er ús de plysje op it dak stjoert foar in hússiking.'

Se lûke de skou oan en Durk skikt syn frachtsje yn 'e punt. De beide jonges lûke de boat nei it Djip en stappe der dêr yn. As it spul fart seit Durk: 'Sa, dat ha wy hân.'

'Geane wy fan 't winter ek te streupen?' freget Wil-

lern.

‘As it heal kin, moatte wy der al in set fan ha.’

‘Dan mei ik mei, hen?’

‘Do silst in kear mei, mar praat der net oer tsjin mem en sis ek mar neat tsjin Klaske. Dat gekrimmenear fan dy froulju...’

‘Ik ha moaie kninelopen sjoen op 'e kamp fan Hylkema. Ik tink dat der jûns wol fyftich-sechstich kninen op 'e greide sitte. It is der brún fan de kninen. Do kinst de farske paden yn 't gers sjen. As wy de strûpen oan stokjes sette en wy driuwe se stadich op dan stowe se der samar yn.’

‘Wy sille sjen, even stil wêze.’

Se lûke neist it hiem de skou yn 'e gloppe tusken de elzepôlen en Bouwe docht earst in slach om hûs hinne. As alles feilich liket, kriget Durk de deade bok ûnder de earm en sjout him nei 't hok.

‘Sis mar tsjin mem dat wy der binne,’ seit er tsjin de jonges, ‘en bring my de Bearenburch. It is kâld yn 't hok en ik wol earst ien ha ear't ik begjin te slachtsjen.’ De jonges bringe him de flesse en Foekje sjocht even om 'e hoeke. Se seit neat. Durk slút himsels op yn 't hok, de skoattel op 'e doar en Bijke der foar om de wacht te hâlden. Klaske kloppet oan, mar Durk wol har der net yn ha.

‘Hoe kriget heit it yn 'e kop,’ ropt se súntsjes, mar Durk heart oan it triljen yn har lûd hoe oerémis se is. ‘Mem hat der pyn yn 't liif fan en ik hie neat yn 'e gaten.’

‘Gean yn 'e hûs bern, ik ha 't drok.’

‘It is ûnferantwurdlik fan heit,’ seit Klaske oan de oare kant fan de doar. ‘It is skandelik, as se heit pakt hienen...’

Durk docht de doar even fan 'e skoattel en seit: ‘No moastst oppakke en gau ek.’

Hy klapt de doar ticht en stekt de petroaljelampe oan. De jas út, in baalsek foar en it slachtsjen kin begjinne. It is in dreech kerwei. Strûpe en it fel net skansearje, de terms derút, de lever, dat skoandere iten, apart hâlde, útbonkje... Om it kertier rjochtet er even de rêch, nimt in swolch út 'e flesse en wijt him dan wer oan syn taak. It is in edel dier, sa'n reebok, soks moat mei ferdrach dien wurde.

Hy hat al gâns in skoft dwaande west as er Foekje fernimt.

'Kinne wy dy ek helpe, Durk?'

'Nee leave, hjir rêd ik sels mei, mar soest my wol in pantsje kofje meitsje kinne. Ik bin al in moai ein hinne. En bring my in pear skjinne amers en in tobbe mei wetter.'

Hy docht de doar fan de skoattel en Foekje bringt him wat er frege hat.

It wurdt nachtwurk. Eartiids dienen hy en Ids it tegearre en dan moast der ek al stoef arbeide wurde. Mar Durk hat altiten it measte dwaan moatten, omdat Ids letter op 'e jûn almeast ûnbekwaam rekke en der rûch yn om begûn te snijen.

Foekje bringt him in pantsje kofje en bliuwt der even by stean.

'Moai fleis, Durk.'

'In edel bistje, leave.'

'Mar it hie net wêze moatten.'

'Der is dochs neat te rêden?'

'As Feike Dam dit fernimt...'

'Dan is 't te let.'

'Meist de fûken no ek wol oppakke.'

'Dat wie 'k fan doel. Fannacht noch en dan moat dat tenearsten ophâlde.'

Foekje nimt in amer fleis mei yn 'e hûs.

'Gean mar op bêd, leave, ik rêd der fierders mei.'

Hy is krekt yn 't tún in gat oan it dollen om it yngewant te bedobjen as er de auto fan Tsjerk heart. De jonge lit de wein foar hûs yn 'e berm stean, lykas Foekje him hjitten hat.

‘Hui,’ seit er, ‘Ik ha noch wat.’

Hy langet Durk twa kninen oer.

‘De iene is in bytsje stikken, mar dêr kin 'k ek neat oan dwaan.’

‘Hoe komsto dêr oan?’

Tsjerk is gjin streuper, hy hat der noait nei taald.

‘Snipt mei de auto.’

‘Deariden?’

‘No, deariden...? Ik ha in eintsje ketting ûnder oan it chassis en dan mist it net.’

Durk begrypt der it measte net fan en rint mei Tsjerk nei foaren om it spul te besjen.

Hy seit: ‘Ik ha jûn tocht: dat ljocht fan de koplampen wolle de kninen wol yn op, as ik no ris mei de wynbuks by dy yn 'e auto sitten gyng...’

‘Fierstente yngewikkeld,’ seit Tsjerk.

Hy kriget de bûslantearne en ljochtet ûnder de auto. ‘Sjoch, dêr hinget it ketting, oerdwers. As ik in knyn foar de auto ha en hy komt tusken de tsjillen telâne dan kriget er fan dat ketting in tik en dan kinst him achter de auto gewoan oppakke. Ik ha it fan Klaas Tuninga, dy snipt sa alle wiken in hazze of in knyn.’ It duorret even ear't Durk it foar it ferstân hat, mar dan is er ek net mijen yn syn lof.

‘Dit is in moai spul, dit is in ferduld moai spul.’

Yn it hok begjint er fleurich de kninen te strûpen.

‘Dochs net sa'n mâle útfining, sa'n auto,’ seit er tsjin Foekje as er in oere letter neist har op bêd stapt.

‘Wat is der, Durk,’ grommelt Foekje yn de earste sliep.

‘Ik fertel it moarn wol, leave, mar sa't it no liket dan

sitte wy de heule winter oan 'e fleispotten fan Egypte.'

'Wer hast it oer?'

'Dat wit ik net krekt, mar ús beppe plachte dat te sizzen as wy it goed hienen. Se hie wol mear fan dy sechjes, se wienen by har thús frij wat fyn, ha 'k begrepen, se hat ek op in fine skoalle west. Dêr sil se it wol skipe ha, ik leau dat it yn 'e bibel stiet, dat fan dy fleispotten. Al wienen der doe grif noch gjin auto's.'

Haadstik 8

De froulju spanne gear, mar Durk jout gjin belies. En hy seit Feike Dam oan, dat er him dea dwaan sil as er Bijke tenei komt.

In minne snein foar Durk. Foekje hat him de moarns foar tsienen al yn de sneinse klean, it brune pak mei it streekje dêr't er yn troud is. It is as nij, dat pak, al hawwe de froulju de naden allegear útlizze moatten en de boksen ynkoarte. Durk is yn in fearnsieu aardich útweakke yn 'e breedte en beklonken wat de hichte oanbelanget.

'It giet op 'e grûn oan,' stelt er fêst.

Hy fielt him lang net noflik yn dat pak. It is dat er benammen hjoed frede hâlde wol mei Foekje en Klaske, oars sette er it yn 'e kant en die syn eigen sin. Hy hie bygelyks yn it hout wold. Tsjerk hat in kypauto fol moai droech hout út 'e bosk riden en dat moat stikken en yn 'e bult. Hy hie ek in flut iel rikje wold, de tonne stie klear en hy hat spesjaal nei de Sweach west om in lange turf. In rikke iel is wer ris wat oars. Mar de froulju wolle hjoed goed foar it ljocht komme. Aaltsje is altiten sa sinnich yn dy dingen en oars dy flapdrol fan har wol. Durk hat ynstruksje krigen om him fatsoenlik te gedragen.

De bern rinne allegear yn de knappe klean om en Klaske sjocht der op ta, dat se har net smoarch meitsje. In grut lijen fansels, want wat sille sokke bern útfine as se net grieme meie.

It hiem is oanfage, it paad nei de Sânleane ta bestruid mei moai wyt sân en Klaske hat de bril fan it húske ferve. Durk hat in lange spiker op 'e binnenkant fan de doar slaan moatten en dêr hinget no in rôle echt húskepapier oan. De bern meie it net brûke, want

oars soe it samar op wêze. Foar harren lizze der kranten, mar se kinne fansels net fan dat moaie papier ôfbliuwe. Bearend en Hindrik ha der feestslingers fan makke en de linebeam der fol mei hongen. Hyltiten is der rûzje, want de grutte jonges litte har net mear stjoere. Tsjerk is al yn de auto ôfset en hat sein dat er hjoed net wer komt. Hy gong ûnderweis wol by in kafetaria oan om wat iten, rôp er.

‘Sa jeie wy de bern de doar noch út,’ stint Durk. ‘It is krekt as draait hjir alles om Aaltsje. Mar der binne noch in stik as tolve, hear en dy moatte har gerak ek ha.’

Hy is fan klearebare argewaasje de doar útgien en kuiert de Sânleane út. By de Walle komt er Feike Dam tsjin. Feike, normaalwei al in opljeppen man, springt fan de fyts en begjint út te pakken.

‘Do hast dy bok sketten,’ ropt er oerémis.

Durk rûkt it al, Feike Dam hat by Elsje op 'e hoeke in pear sneintemoarnsslokjes kocht.

‘Goeie Feike, is de jacht al oan 'e gong? Ik ha jim noch net fernommen.’

‘Trije wike ha 'k om dy tocht, salang asto dêr oan it sleathekkeljen wiest ha 'k dy yn 'e gaten holden.’

‘Dat hoecht no net mear,’ seit Durk wylst hy stean bliuwt en in sjekje draait. ‘Ik ha de put derút. Ik sis it mar even, oars soest in fergese reis meitsje.’

‘Ik nim dy geweken, heite, dêr kinst op rekkenje.’

‘Moai datst my warskôgest, Feike. Ik sil derom tinke.’

‘Asto fan 't winter ek mar ien poat yn 'e bosk setst...’

Durk heart dat de jachtopsjenner lulk wurdt. Mei de mûle kin er wol tsien kear om Feike hinne, benammen as dy drank hân hat. Dan praat Feike fierstente folle.

‘Dyn praatsjes ha 'k neat oan. Asto mienst dat ik

streup dan moatst my pakke. Mei de bek kinsto it net fertsjinje.'

Mear mar net, hy wit net hoefolle Feike hân hat en oft er himsels noch yn 'e macht hat. Durk giet fierder. Achter him heart er Feike snuven, mar der bart neat. 'Ik leau dat wy gelok hân ha,' seit er even letter tsjin Bijke. 'Hy hie al begrepen, dat ik wolris nocht oan dy bok krije koe.'

Hy prakkeseart der op om. It wurdt oppassen fan 't winter. Mar net te folle ûndernimme. In knyntsje út en troch, mar dat kin no ek mei Tsjerk syn auto. In knyn foar de tsjillen, dêr kin nimmen wat oan dwaan. En dat eintsje ketting ûnder de auto is hast net te sjen. En wa kin Tsjerk ferbiede om mei dat ein ketting om te riden?

En dan komt it autootsje fan Aaltsje-en-dy de leane lâns. In healbizen weintsje, mar gjin skramke derop en yn it blik kin men jin wol spegelje. Sil dy flapdrol de heule saterdei wol op omwreaun ha. De beide berntsjes achtern. Net mei de fuotten op 'e bank, net te bot fersitte, oars slyt it sa gau. Hearken, wat in deune boel. Hoe kin sa'n Aaltsje der oer. Eins in wûnder dat sa'n jonge al foar it trouwen fan de kruk gong. Hoewol, wat dat oanbelanget is it minskdom wakker gelyk.

It autootsje hâldt en it rútsje giet iepen.

'Hui, dêr wienen jim dus al,' seit Durk.

'Wol heit meiride?' freget Aaltsje.

'Nee, ik kom wol achter jim oan.'

De dei is noch lang genôch, fierstente lang nei alle gedachten. Hy kuiert werom en docht it him oan tiid. Hy sjocht omheech nei de beammen dy't keal begjinne te wurden. De boeken ha de earste blêden ek al falle litten en dat is gau. De iken steane al noch yn 'e fleur, likegoed wiist alles op in strange winter.

‘As it aans echt hjerstich wurdt, moasten wy oars al noch wat skiere iel fange,’ seit er tsjin Bijke. ‘De grouwen moatte noch komme en dat is moai fandeljen. Ris sjen oft wy Feike Dam noch in kear ferneuke kinne. Hy moat aans wer mei de heuge hearen te jeien en te feestfieren, dat is in skoandere gelegenheid. As ik no ris mei Elsje ôfprate koe dat dy my even warskôget. Elsje mei graach in skiere iel en hy hoecht der net folle foar te dwaan. Sa moat it, Bijke.’

Yn it ferline ha se dat faak dien, lds en hy, as Feike en syn kornuten nei ôfrin fan de jacht yn de herberch sieten, wie it fjild foar har. Mar Feike hat noait te beroerd west om nachts dochs noch in slach troch de bosk te dwaan. Dat jout neat, mar hy sit as de duvel achter de streuperij oan.

Thús is it spul knap op oarder. Yn 'e keamer hat Foekje de kofje yngetten. De eigen bern witte dat der wat bysûnders is en wachtsje op de traktaasje. Mei in stik koeke yn 'e hân konfoait Klaske de ploech nei bûten.

Aaltsje hâldt de beide bern by har.

‘Ik gean der strak wol even mei jim út,’ seit se.

Deabenaud dat der ien fan de brêge rûgelje sil of yn de skieppestront sitten giet.

‘Hoe is 't, heit?’ besiket Aaltsje fleurich.

‘As it net minder wurdt, bern.’

Hy skikt oan 'e tafel en heart it praat fan de froulju oan. Klaske lûkt him de pet fan 'e holle en hy seit der neat fan, al hat er dy pet oars noait ôf.

Gerard neamt dy flapdrol him, mar by it trouwen die bliken dat er Geart hjitte. Tekenaar by gemeentewurken yn Drachten. Botte fier hat er it dêr blykber net skopt, want yn de húshâlding giet it sober om en ta. Hy hat Durk noait in wurd missein, mar hy mei de jonge net lije al is 't ek noch sa. Hy kin him, om krekt

te wêzen, net snuven hearre en hy moat him ferhâlde om gewoan tsjin him te praten. It wurdt in drege dei. En dat frekte pak sit him sa stiif om 'e lea en dy boarde knypt sa. Wat kinne de bern jin al wat oandwaan.

Aaltsje freget omstandich nei de húshâlding. Komt it wol goed mei Jantsje, soe sa'n jonge as Willem jûns net wat byleare kinne en wêrom besiket Bouwe net om wat fierder te kommen.

'Fynst ek net, Gerard?'

'It is nooit wei,' befêsticht dy diplomatyk. 'It is wol sa, wa't foarút wol, moat studearje.'

Hy sels studearret ek alle jûnen. Durk seit dat dy bongels fan him der gjin nocht oan ha en Aaltsje seit, dat it net by nocht út giet.

'Kom mar bern, pake sil in eintsje mei jim te kuierjen,' seit Durk en hy troait de beide bern fan Aaltsje mei. It is har min nei 't sin. Durk trouwens ek, mar hy wol dat gejeuzel net langer oanhearre. En hy hat in hekel oan himsels omdat er it wurd pake yn 'e mûle naam. Mar jo dogge wat sokke tiden, jo smite josels heal wei.

Hy pandert mei de bern - syn lytsen der ek by - oer it hiem. Aaltsje harres hawwe fansels wakker aardichheid oan de skiep, de geit en de kninen. Dy bern kinne har min rêde. Der falt daliks ien yn 'e drek omdat it hiem net oeral like sljocht is. En as se knoffelje, falle se fuort op 'e snút. Se witte net iens hoe't se de hantsjes brûke moatte om wat knap del te kommen. It is begrutlik. Durk hellet se mar wat oan en faget de measte smoargens der ôf. It binne oars wol leave bern. Se soenen in pear wike oan de Sânleane útfanhúzje moatte, dan knapten se wol op. Mar dat sil Aaltsje yn gjin tûzen jier goed fine.

Om tolve oere moat der iten wurde. It bart yn partoe-

ren, want de ploech is te grut. Earst de lytse bern mar; de grutsten kinne dan letter op 'e lytsen passe. Om ien oere is it oan Durk ta. Fierstente let fansels, tolve oere is op gewoane sneinen syn tiid. Foekje hat in pear pûn reefleis bret en Durk hat datoangeande syn ynstruksjes krigen. Hy hâldt him der net al te krekt oan.

‘Dit is rikeljusiten,’ seit er tsjin Gerard. ‘Nim der mar in moaie lape fan, wy binne hjir net yn Drachten. It is fan in jonge ree, in edel bistje.’

‘Duvekater, dat ha 'k noait hân, reefleis. It moat lekker wêze.’

Aaltsje set grutte eagen op.

‘Dat sit sa,’ begjin Durk út te lizzen, ‘ik kin op 't heden skoan mei Feike Dam, dy is hjir jachtopsichter. Hy moast der in pear jonge bokken útsjitte en doe hat er ús in fikse bout taskikt. Ik sei tsjin Foekje: dit moatte wy snein ite as Aaltsje-en-dy komme.’

Hy leit Gerard út wêrom der út en troch bokken sketten wurde moatte en hoe't soks om en ta giet.

Aaltsje sjocht him oan en yt mei lange tosken. Gerard net, dy haffelt yn it fleis om as hied er fan 'e wike noch neat hân.

‘Der stiet ek noch in knyn, net Foekje?’ ropt Durk.

‘Dy hast juster dochs oer 't fjoer hân?’

En hy docht it ferhaal fan Tsjerk syn auto en wat men al net mei sa'n rydtúch dwaan kin.

‘En no griist it jin fansels oan om dy bistjes, mar jo kinne jûns en nachts al min de ljochten fan sa'n auto út dwaan, dat soe te nuodlik wurde.’

No begjint Gerard in bytsje te gnizen. Safolle wit hy der wol fan dat Durk net by elke deade knyn stiet te bearen dat it him sa begruttet om it dierke. Aaltsje ferhâldt har en sjocht hyltiten gleoner nei heit. Se is benaud dat er noch mear sterke stikken opbychte sil. As Durk ien kear op 'e tekst is, kin it need gear.

‘Stil mar bern,’ seit Durk oermoedich, ‘ik hâld no op. Mar jim moatte al noch in flut iel mei nei hûs ha.’

‘Te fiskjen west?’ freget Gerard ûnnoazel.

‘Wy ha in pear fûkjes út hân. It mei eins net, mar dy fisk is uzes mei elkoar, is ‘t net sa. En der is nimmer dy’t belang hat by de fiskerij yn it Djip.’

‘Feike Dam ek net?’ freget Aaltsje.

‘Dy fisket al jierren net mear,’ seit Durk.

Nei it iten sil it mei it toarnbeisykjen dan dochs wêze. De heule kloft mei plestykpûden en amers der op út, earst mar by de boskrâne lâns. Durk en Foekje sille mei de alderjongsten thús bliuwe. Jantsje har skarrel is ek delkommen. Gjin ûnaardige feint, tinkt Durk. Se dangelje tegearre op it hiem om. En mar op inoar omhingje, frije dêr’t elkenien by is en oangean. Durk sjocht dat spul oan en seit tsjin Foekje: ‘Ik leau al datst gelyk haste.’

‘Wat bedoelst, Durk?’

‘Do moatst mei dat bern prate, it giet my stoef genôch.’

‘Prate, seiste, wel, dat hoecht net mear.’

‘Wat seist my no?’

‘Ik soe it der fan ‘e wike mei har oer ha, mar se lake my út. Se hie dersels allang mei rêden. Se liet my dy dingen gewoan sjen.’

‘Tsjonge,’ seit Durk, ‘it minskdom is bedoarn. Mar it is der ek ferdulde gau oan ta, mei dat bytsje klean oan en dy koarte rokken. Dan moast ik der yndertiid by dy al mear foar dwaan.’

‘De bern binne foarlik, Durk,’ seit Foekje berêstend.

‘It is in oare tiid.’

Bouwe en Hindrik binne nei Lippenhuzen ta, dat it kin in moai rêstich skoftsje wurde, sij tegearre mei de lytsen.

Mar dat wurdt tenearsten net folle. De kloft is der sa-

mar wer, elk mei in protsje reade en heal ferdroege toarnbeien yn 'e pûde of amer. En moai wat skrammen op de bleate skonken.

'Der binne fan 't jier net in soad,' seit Aaltsje. 'Froeger hellen wy der amersfol wei en no sit der suver neat.'

'Der binne mear as oare jierren,' seit Durk, 'folle mear, mar jim hawwe op ferkearde plakken west. It iene jier sitte se dêr, it oare jier stjerre se ôf en moatst earne oars sykje.'

'Oan 'e Sânleane, ticht by de Walle, sitte genôch,' seit Jantsje.

'Geane jimme dêr dan mei de bern hinne,' stelt Foekje foar, 'dan kinne wy noch even gesellich prate.'

'Oars moast ik mar mei,' seit Durk, want hy sjocht it swurk driuwen.

'Nee Durk, wy ha besite, do moatst hjir bliuwe.'

Bearend en Hindrik komme werom en beare, dat sij by de Liphúster heide noch folle mear toarnbeien witte. Mar Aaltsje fertrout har bern net oan dy wyldemannen ta. By einbeslút sille Jantsje en de feint dan mar mei. De ploech giet fannijs op stap en Foekje tûget stuollen nei bûten, want achterhûs yn 'e lijte is 't suver noflik.

'Sigret?' freget Gerard en hy hâldt Durk it pakje foar.

'Nee, ik hâld it mar op in swier sjekje,' seit Durk.

'Dy swarte tabak is net goed,' seit Aaltsje. 'Heit kochelt ek frij wat.'

'Ik kochelje al tweintich jier, bern.'

'Mar it wurdt slimmer,' falt Klaske har suster by.

'Heit moast minder roke,' jeuzelt Aaltsje troch.

'No, as jim oars gjin praat ha dan gean 'k hjir wei,' seit Durk noartsk. 'Ik smook swarte sjek en dêrmei út.'

Stilte. Foekje skinkt tee en Klaske hellet it trompke mei koekjes út 'e hûs. De froulju prate earst oer klean,

mar op in stuit hat Aaltsje wer wat.

‘Komt it mei Tsjerk wol goed, heit? Yn dy auto, bedoel ik? Hy drinkt ek wolris in gleske bier en stel je foar dat er op sa'n dei as hjoed in ûngelok kriget.’

Durk fernimt it wol, se wolle him geweken nimme en Foekje koe ek wol yn it komplot sitte.

‘Tsjerk is âld genôch om himsels te rêden. Sa'n jonge kinne wy net mear by de hân ha.’

Gerard lit syn eagen by de muorren fan it hûs lâns gear.

‘It wurdt minder,’ seit er karmasterjend, ‘der leit in bêste bocht yn de naal fan it tek.’

‘Dat hûs kin noch wol twahûndert jier stean. Se bouden eartiids better as no.’

Gerard wol in petear oangean oer lichte konstruksjes, dêr hat er as tekenaar op gemeentewurken doel oer. Mar Durk swijt. Foekje seit dat it hûs yndied minder wurdt.

‘En it is sa slim ûngeryflik.’

‘In soad wurk,’ seit Klaske, ‘en it jout jin neat, it bliuwt in âlde rommel.’

‘Jimme sille der dochs in kear út moatte,’ is Aaltsje fan betinken. ‘Hoe lang is it no al lyn dat se it ûnbewenber ferklearre ha?’

De froulju hâlde it derop dat soks altiten wol acht jier lyn is.

‘Yn ús gemeente hie it der al lang ôf west,’ ferklearret Gerard.

‘Wy wenje aldergeloks net yn Drachten,’ seit Durk.

‘As ik dêr ferkeare moast, honge ik my daliks op.’

‘Mar se sille hjir dochs ek in kear trochpakke moatte, oars krije se spul mei it ministeary. As sa'n hûs acht jier op 'e krottelist stien hat...’

‘Falt wol wat ta.’

‘Falt wol wat ta, falt wol wat ta, dat seit heit al tsien

jier,' pakt Aaltsje ynienen út. 'Altiten mar sloere litte. Dit kin dochs net mear, it is gewoan achterlik sa't jim hjir húzje.'

'No ja,' wol Gerard har delbêdzje, 'jimme binne fansels net oars wend. Mar de bern hen, dêr moatte jo rekken mei hâlde. Dy kinne letter sa net en dan moatte se omstean leare.'

'Ik bin bang dat it net goed komt mei de bern.'

Dat is Aaltsje wer en it giet no moai op it doel oan. Durk soe him it leafst stilhâlde, mar dat falt him dochs te swier. Se soenen ek noch miene kinne dat se gelyk ha.

'De bern binne allegear goed sûn,' seit er, 'se fertsjinje goed, se gedrage har goed ...'

'De bern wurde derop oansjoen.'

'Wat bedoelste?'

'Dat jimme hjir sa nuver libje.'

'Libje wy nuver, Foekje? Wat mankeart der oan?'

'No ja, Durk, wy wenje hjir wol wat âlderwets. En de bern dêr moatte wy om tinke.'

'Praat fan neat,' ropt Durk en hy sil oerein.

'It is ûnferantwurdlik fan heit,' seit Aaltsje fûl. 'Sa hat heit altiten west, heit is in grutte egoïst, heit tinkt allinne oan himsels.'

'Aaltsje, sa hoecht it ek wer net,' bringt Foekje der tusken.

Durk is ynienen bjusterbaarlik kalm.

'Sis mar wat ik misdien ha, bern.'

'Heit hat altiten in rûchhouwer west, in swankebast en flierefluter, in ...'

Aaltsje hat it grif allegear folle taktiser oanpakke wold, mar se lit har no gean en kin sa gau de goede wurden net fine.

'Ei toe mar,' moediget Durk sarkastys oan.

'Myn jierdei bygelyks,' bringt Aaltsje derút.

‘Wat is der mei dyn jierdei?’

‘Hoe kin it dat it op 15 juny myn jierdei is en dat der yn it trouboekje 19 juny stiet?’

‘O, bedoelst dat. Ik hie tocht do soest dy der oer bekleie, datst fiif moanne nei ús trouwen der al wieste. Mar dyn jierdei, ja dêr hat wat mei west. Hoe is dat eins gien, witsto it noch, Foekje? Der stiet my wat fan by.’

Durk docht oprjocht syn bêst, mar it wol him net yn 't sin komme.

‘No, ik wit it wol,’ ropt Aaltsje oerstjoer, ‘it wie omdat heit dronken wie. Ik ha my der dea om skamme en alle jierren komt it wer.’

Se begjint der yn om te stammerjen en it liket derop, dat se in potsje skrieme sil.

‘Dat hat heit my oandien,’ snúft se, ‘en ik sit der myn heule libben mei.’

‘Bern, wat hipt it by jim ek nau,’ seit Durk. ‘Wat is no fjouwer dagen op in minskelibben. Ik leau trouwens net dat it fanwegen dronkenskap yn 'e tiis rekke is. Fjouwer dagen dronken, nee, sa mâl ha 'k it by myn witten noait dien. Is 't net sa, Foekje? Ik mei hiel wol in slokje, mar ik ha net faak ûnbekwaam west, ek net yn myn feintejierrren.’

‘Dat is sa,’ seit Foekje en Klaske knikt ek ferheftich.

‘Nee, heit is gjin sûplap,’ seit se.

‘Moai sa, dêr binne wy it dus oer iens. Lit ris sjen, ik leau dat it sa west hat: ik wie op kerwei yn Drinte en ik moast der in deihier om stean litte as ik dy oanjaan soe by de boargerlike stân. Dat mocht ús doe net barre en de oare deis ...’

Foekje: ‘De oare deis soest de middeis thús komme en dan nei de Sweach ta. Do koest oan Lippenhuzen ta meiride yn in lúkse auto.’

‘Krekt en doe ha wy earst yn Lippenhuzen Aaltsje be-

dronken, dat koe al min oars.'

'En doe wiest te let foar it gemeentehûs,' folt Foekje oan.

'Sa is 't, ik hie doe noch net yn 'e gaten dat dy amtners sa betiid ophâlde mei arbeidzjen, no ja, ophâlde mei sitten.'

'Trije dagen letter,' sa fertelt Foekje fierder, 'doe wie der wer gelegenheid om in pear oeren earder nei hûs ta en doe hast har oanjûn. Mar wie it net sa, dat der boete op stie ast net binnen safolle oeren in bern oanjoechste? Miskien is it noch wol sa.'

'Ik hearde krekt op 'e tiid, dat it al gau in grou tsientsje kostje soe en doe ha 'k it mar op in pear dagen letter steld,' makket Durk it ferhaal of. 'In tsientsje, dat wie doe in deihier.'

Foekje seit: 'Wy hienen Aaltsje har jierdei ek mar better op dy dei stelle kind, dan hie se der no gjin fertriet fan hân.'

'Wat let dy bern en hâld jierdei op 19 juny,' stelt Durk foar, mar Aaltsje skodhollet tryst.

'Heit is in rûchhouwer en as jim net oppasse wurde de jonges krekt sa.'

'Men kin net alles witte, Aaltsje,' helpt Foekje har Durk. 'Do wiest de earste en wy hienen der nooit fan heard dat soks binnen 24 of 48 oeren moat of sa. En heit hat gelyk, it is it slimste net. Do wiest dochs al aardich te gau, it koe wol in pear dagen lije.'

'Ik fyn dit it praat net wurdich,' stelt Durk fêst. 'Om fjouwer dagen sa'n spul meitsje, dat is my neat.'

'Dat is 't him krekt, it kin heit neat skille. Heit hat altiten in ferlechje klear en docht syn eigen sin,' hâldt Aaltsje oan.

'Wat moat men oars ek al? Mar jimme mem en ik binne yn 't fatsoenlike troud.'

'Dat soe der ek noch by komme moatte, dat jim net

troud wienen.’

‘Dat kinsto no wol normaal fine, mar jim pake en beppe fan memme kant ha noait troud west. Yn dy tiid wie it op 'e Houtigehage gjin wenst en reizgje nei it gemeentehûs. De âldman wie der trouwens poer op tsjin, as Dommela-man moast er neat fan wettige trouwerijen ha. Letter is dat wat feroare, mar as ik it goed begrepen ha dan wurdt it op 't heden wer moade. It is fansels ek nearne goed foar. As it net past, geane se dochs út inoar en as ik hear hoefolle echtskiedings der no binne dan jout dat offisjele trouwen ek al neat. Nee, froeger trouden se oer de putheak, mar se lieten inoar net sa maklik yn 'e steek as yn dizze tiid.’

Gerard giet der foar sitten.

‘Mei ik even?’ freget er en stekt in sigret op.

De froulju ferskikke en swije. Hjir wie it wachtsjen op. Der is ôfpraat dat Gerard as ûnderlein man op in geunstich stuit syn skoanheit in pear dingen ûnder eagen bringe sil. Durk hat it skoan yn 'e gaten en is op syn iepenst.

‘Sjoch ris, heit,’ begjint dy jonge.

En dat hied er net dwaan moatten. As dy flapdrol him ynienen heit neamt, wurdt it Durk tefolle.

‘Jonkje, no moastst goed harkje,’ seit er muoilik. ‘Do hast my noait heit neamd en dat hat dyn gelok west. Ik hâld der net fan om troch frjemd heit neamd te wurden. En no is 't sa, ik fernim skoan dat jim wat yn 't sin ha en fan de eigen bern lit ik my ek in soad sizze, dat hat niis wol bliken dien. Mar net fan dy, hast dat goed begrepen?’

Dat lêste seit er mei ferheffing fan stim dêr't in dúdlike driging yn leit.

‘Do hast hjir oars net yn te bringen as lege briefkes.’ Durk is oerein gien en rint fuort.

‘Heit, heit,’ ropt Aaltsje patetys en se begjint no wier te gûlen.

Durk hie noch in pear dingen sizze wold, mar hy bedimmet him. Hy trêdet nei de pomp en nimt de gimmeleaden kop fan de spiker. Hy pompt ferwoest en drinkt de heule kop leech. Dan docht er in slach oer 't hiem. As er oan de oare kant fan it hûs is, klinkt yn 'e bosk in skot.

Hy sjocht hoe't Aaltsje kjel oerein springt. Se ropt:

‘Wat wie dat, heit?’

‘In gewearskot,’ seit Durk, ‘hearst dat net?’

‘Hokker kant binne de bern út?’ freget Aaltsje benaud.

‘Do moastst net sa gau oerstjoer wêze,’ bêdet Foekje har del. ‘Dy bern rêde har wol.’

‘Se binne oan it jeien, tink?’ freget Gerard.

Durk seit: ‘Sneins wurdt der net jage, dat mei net iens. Mar it sil Feike Dam wol wêze. Dy poft der yn as it him gelegen komt, snein of gjin snein. Hy sil achter de aksters oan sitte, dêr is er fûl op.’

Der is neist it hûs in stik bosk mei fral jonge bjirken en hjir en dêr in grutte spjir der tusken. Durk giet op 'e knibbels sitten en dikert ûnder de beammen troch de bosk yn.

‘It is Feike Dam,’ seit er, ‘en hy komt dizze kant oer.’ Se hoege net lang te wachtsjen. De boskwachter pandert mei grutte stappen troch de droege sleat en smyt Durk in deade kat ta.

‘Asjeblyft en as ik wer sa'n wyld kring fan dy tsjin kom, dan krigest in bekeuring.’

‘Och hearken, dat is ien fan ús katten’ flapt Foekje derút. ‘Moast dat no sa?’

Foekje is nochal wiis mei de katten.

‘Hat dat dierke dy wat misdien?’ freget Durk.

‘Moastst se op 'e tiid fretten jaan, dan hoege se net

achter it wyld oan,' seit Feike.

Durk docht in stap nei foaren. 'Fan myn hiem ôf,' raast er ynienen fûl. 'Daliks fan myn hiem ôf, do grutte diereboal.'

Feike draait him snuwend om.

'Do meist op snein net sjitte, ik sil dy oanjaan,' ropt Durk him nei.

Feike ropt oer 't skouder: 'As dat fee fan dy ek mar ien stap fan it hiem ôfkomt dan kinst der op rekkenje dat ik se dea sjit.'

Hy sjocht wraaksuchtich nei Bijke en dat ûntgiet Durk net. Hy is mei in pear stappen by Feike en giet foar him stean. Hy stekt de finger omheech en hâldt dy Feike foar de snút.

'Goed ûnthâlde, Feike,' seit er mei triljend lûd, 'dit moatst goed ûnthâlde: asto myn hontsjer tenei komste dan doch ik dy dea. Stjerrende wier, ik weef foar ivich mei dy ôf asto Bijke dea sjitst.'

'Heit heit,' jammert Aaltsje en Gerard sil al oerein.

Feike is lykwols sûnder wat te sizzen om Durk hinne stapt. Durk eaget him nei oant er achter de spjirren wei woarn is. Dan kriget er de kat op en besjocht it bist.

'It fel ek noch fol hagel, no bar ik der net iens twa kwartsjes foar.'

'Sonde, sa'n moai katsje,' seit Gerard.

'Katten by de rûs,' seit Durk noartsk en hy smyt it dier achter it hok op de rûchskerne.

'Moatst him aans al bedobje,' seit Foekje. 'Ik wol net dat er dêr lizzen bliuwt.'

'Dat sil ik dwaan.'

Hy hellet de lep út it hok en giet de tûn yn. As it kerwei dien is, skikt er dochs mar wer oan. Foekje hat kofje set en troch it trelit mei Feike Dam is al it oare sa't liket fergetten.

Dy Gerard is dochts in múske. As se in skoftsje sitten ha, seit er: 'Dus dat wie no dy boskwachter dê't jo sa goed mei koenen.'

Durk jout gjin antwurd, Gerard wachtet even en merkt dan fluensk op: 'Dat reefleis hienen jo dochts fan him krigen?'

Durk seit koart: 'Dêr ha 'k sels foar soarge en as it heal kin, sil ik him noch in ree ûtnaderje.'

Aaltsje begjint te snokkerjen.

'Wier heit, wier, it komt net goed mei jim.'

Dochts wol in sneue boel, sa'n ferheftich beslút fan in dei dy't fan wjerskanten mei safolle goede wil begûn wie.

Haadstik 9

In gearfetting fan it strukturearre proses, dat liede moat ta korreksje fan Durk Snoad syn a-sociaal gedrach.

It is dúdlik dat der op mear as ien front tsjin Durk gearspand wurdt. Hy soe net Durk Snoad hjitte as er dat al net lang yn 'e gaten hie. It is ek net de earste kear dat se it mei him besykje. Hy komt wol hyltyd mear allinne te stean yn de striid foar de frijheid en soks is fertrietlik. Benammen Foekje dy't altiten syn kant opholden hat, al wie dat faak net fan herten, lit him gauris yn 'e steek. Se klaget dat it har wat te beswierlik wurdt, it bewurklike âlde rottekleaster, de lytse útkearing, it safier út de minsken wenjen en folle net genôch. De jonges hat er net folle oan. Tsjerk is 't wol goed, dy giet alhiel op yn syn autoboel. Bouwe leit it ek wol sljocht. Willem stiet oan heite kant. Dat is in fjildman, mar hy is noch mar santjin en hat net folle yn te bringen.

Dy heule kampagne om Durk fan syn stee oan it Alddjip te ferbaljen soe fansels omstandich beskreaun wurde kinne. Sa ek de harsensspieling, om it sa mar te sizzen, dy't de mannen op 'e Sweach him ûndergean litte wolle ta korreksje fan syn a-sociaal gedrach. Jawis, Durk moat omturde wurde en ynpast yn de normale maatskippij of wat dêr foar troch giet. Dat proses en benammen hoe't saakkundigen yn de minskwittenskip de kliënt mei ynset fan al har deskundichheid dêryn begeliede, is op himsels slim nijsgjirrich en fertsjinnet sikerwier in nuansearre beskriuwing.

Mar it moat dochs mar net wêze. Sjoch, it is sisa gelegen, dit boek is skreaun yn de wittenskip dat de te-

levisy it lêzen fan boeken alhiel oerstallich makke hat. Sân jûnen yn 'e wike kin men jin by de byldbuis fermeitsje, der is gjin nee te keap. Mar aldergeloks foar de boekeskriuwer is der út en troch in jûn by dat de VPRO, de Evangelise Omrop of de stifting Socutera de programma's fersoargje moat en dat ek de kabel neat te bieden hat. Se binne seldsum, mar sokke jûnen komme foar en dy liddige oeren kinne dan bestege wurde oan it lêzen fan in boek. In gatsje yn 'e merk dus en dêr moat men, just jawol, as skriuwer ynspringe. It betsjut al, dat it lêzen fan de aventoeren fan Durk Snoad net mear as in lang jûnsskoft fergje mei. As ik as skriuwer fan dit ferhaal moarntejûn mei de twadde helte fan myn roman konkurrearje moat tsjin Ron Brandsteder of Ted de Braak dan kin 'k fansels wol ynpakke. Mei oare wurden: myn ferhaal moat men yn ien jûn útlêze kinne, want ik moat mar ôfwachtsje oft der moarn wer belangstelling foar is.

Trochbreidzjend op de wize sa't dat yn de ôfrûne earste helte bard is, mei al dy omballings, wiidweidige dialogen, sfearbeskriuwings en sa, rêde wy dat noait op. Der sil koarter kriemd wurde moatte. Dêrom in gearfetting fan de belangrykste feiten dy't Durk ta kapitulaasje twinge. Der wurdt foarby gien oan de minslike kant fan de saak, want yn Durk Snoad syn tiid wie der noch net in direkteur fan in Sociale Tsjinst lyk as Jan de Boer, dy't út de Harkema wei op ús gewisse wurke. Wat in fynst oars: in Ljouwter topamtner dy't him nei wenjen set yn in oarde dêr't fyftich jier lyn de komyss tredde klas fan de gemeente Achtkarspelen, belêstige mei de útfiering fan de ferordening op de ôffier fan de faecaliën net iens wenje woe. Mar ja, as jo in bêst ynkommen ha dan is solidariteit net sa'n slimme straf.

Goed, yn Durk Snoad syn tiid bestie soks noch net.

Anno 1990 soe men al lêzende yn jin omgean litte kinne hoe't it eins moatten hie, ûndertusken hâld ik it saaklik. Dêrom stiet yn de earste fersy fan dit haadstik ek, dat minsken lyk as Durk Snoad yn feite in parasitair bestean oan de perifery fan de maatskippij libje. Wy moasten dêr ek net al te mijen yn wêze, mar sokke mannen ta de oarder roppe. Dêr stean ik no net alhiel mear achter. As ik no myn sin krige, dan joegen mannen as Jan de Boer harren in fikse útkearing ta prolongaasje fan harren bestean.

Hawar, wy farre fierder mei in pear feitlikheden dy't beskiedend binne foar it fierdere ferrin fan it ferhaal. It begjint mei in besite fan in man en in frou yn in grutte Mercedes, samar op in dei midden yn 'e wike. In âldachtich man en in slim optúgd frommes dêr't it jongste al tiden ôf is, mar dy't soks net wêze wol. Se stappe frijmoedich oer it hiem, besjogge it hûs oan alle kanten en hawwe dan pas it fatsoen en freegje Durk oft se de boel besjen meie.

'Dat hinget derfan ôf' antwurdet Durk. 'As menear boadskip hat wol ik dat graach earst witte.'

'Safier is 't noch net, ik wol it spul earst goed oersjen.' 'Wêr is dat goed foar? Binne jo fan de gemeente of sa?'

'Ik keapje net op 'e rûs,' seit de man.

Hjir wurdt Durk al even kjel fan. Keapje, wat keapje? De menear freget, net ûngenegen, oft Durk as hierder op 'e huchte is.

'Nee, ik ha nimmen sein dat ik it hûs ferkeapje wol. Mocht dat praat al gean dan is soks in fersin.'

No sjocht dy man fansels nuver en der moat gâns in skoft praat wurde ear't se it beide in bytsje foar it ferstân ha. Mar dan is Durk ek gau út 'e rie.

'It muoit my om jo, mar ik wol jo net langer op it hiem ha. Al helje jo der in heule legermacht by, [?] jo

dogge hjir gjin stap mear. En wa't my dizze grap levere hat dy sil it fernimme, dat wik ik him.'

Dy minsken wolle wol om lyk, mar deselde deis komme der oaren. Durk reaget se daliks fan it hiem. Der binne twa hearen by dy geane op 'e Sânleane stean en dêr kin men se al min wei stjoere. Durk stiet yn 'e daam wylst de mannen ûnfersteurber har dingen sizze.

'As it wat wurde sil, moat it der heulendal ôf,' seit de iene. 'Ja, hjir is net folle mear fan te meitsjen. De muorren út it lead, it tek trochsakke, it moat derôf. En wêr komt it dy dan op? Dan hast allinne it bouterrein, in moai stee mar wol djoer foar de sinten.'

'Der falt oer de priis grif te praten.'

En dan sette se drok petearjend ôf.

Durk hat der wol safolle fan begrepen, dat Ale de Haan syn húshâldster, dy njirre, de pôle te keap oanbean hat. Foar rekreaasje, as twadde wenning, 'maar na verbouwing ook geschikt voor permanente bewoning.' Klaske siket yn de âlde kranten de advertinsje op. 'Schitterende lokatie aan rand van bos, weiland en heideveld, aan oever van nog niet verontreinigd riviertje'.

Toe mar, it kin net op. Dy 'schitterende ligging' docht Durk ek noch in bytsje deugd. Hy seit tsjin Foekje: 'Sjochst no wol, sa'n skoander plak. Sokke steeën fynst net folle mear. Skjin wetter ek noch. En Aaltsje mar beare, dat har bern hjir net swimme kinne fanwegen it smoarge wetter. 'Aan oever van nog niet verontreinigd riviertje.'

Hy is fansels wol op ien ein, benammen as der in man komt dy't daliks oan de foarkeamer tarint, wilens alle doarren iepen skuort en de muorren bekloppet. Durk moat dy man by 't skouder pakke en him de doar út

triuwe en dan noch hat er praatsjes.

'No moatst út 'e wei wêze, oars falle der deaden,' raast Durk.

As dy man al lang fuort is, draaft Durk noch om it hûs hinne en ferflokt it minskdom.

'Ik sil de spuit út 'e lapen helje,' ropt er Foekje ta, 'dy âld stengun. In goed ding dat ik him bewarre ha. Altiten al sein: net ynleverje, der kin in tiid komme dat se wer brûkt wurde moatte.'

Hy moat him even tjiigje en Foekje lit him gewurde. It is har ek oer 't mad kommen en yn earste ynstânsje is selds Klaske solidair. Dit is in minne streek fan de húshâldster, dit roait nearne nei. De froulju binne it der mei iens, dat Durk op slach nei it minske ta sil.

'Mar gjin ferkearde dingen dwaan, Durk,' warskôget Foekje. 'Fergryp dy net oan dat âld sekreet, dat is se net wurdich.'

Dat er it groufrommes fiks geweken nimme sil, dat kin fansels net útbliuwe.

Der wurdt ôfpraat dat de beide froulju eventuele nije gadingmakers fan it hiem keare sille. Durk set in grippe om 'e doar, as se net om lyk wolle moat Foekje dy mar even omheech hâlde.

'Ik wraam der yn, Durk,' ûnthjit Foekje.

Durk pakt syn fyts en trapet twa kear sa hurd as oars nei de Sweach ta. By it steatige hearehûs kwakt er it âld rydrak tsjin de muorre en drukt op 'e skille. It frommes komt sels oan 'e doar. Durk stapt fuort op 'e matte.

'Wy moatte prate,' seit er. 'Mar even yn 'e keamer, hie 'k tocht.'

Hy nimt sels de foarstap, hy wit it paad skoan. De húshâldster kriget in kaam, mar yn 'e keamer hat se har wurdse klear.

'Kom, jo soenen my de hier bringe'.

Durk giet der net op yn.

'Wat hat Ale de Haan by syn libben mear as ien kear sein?' freget er strang.

'Ale hat by syn libben safolle sein en letter feroare,' seit it frommes.

'Dat freegje ik jo net. Wat hat er altiten sein en noait ynlutsen?'

'Der stiet neat beskreaun.'

'Dêr is er net oan takommen, mar jo witte krekt like goed as ik hoe't er it ha woe. Tink derom, ik ha getugen, mear as ien en as dit in rjochtsaak wurdt dan moatte jo ek getuge. Dan moatte jo mei de fingers omheech ligen hjitte wat ik no sis. En ik sis dat Ale my it hûs taskikt hat.'

'Miskien hat er dat wolris fan doel west.'

'It hat gjin opstiging west, dat witte jo wol. Yn dizze keamer hat er it mear as ien kear sein, ek as jo derby wienen. Hy sei: de âld klinte is foar Durk, dêr is syn plak en ik wol net dat er ferballe wurdt.'

'De man dy't foar my de boel beheart, seit dat ik it ferkeapje moat. Der is wol gading nei, it is in moai stee en guon hawwe al tweintichtûzen gûne bean. Soks kin men samar net op syn berin litte, dat soe te mâl wêze.'

'Wat binne jo in min persoan,' seit Durk mei de klam op elk wurd. 'Wat is dit troch ende troch min. Ale hat jo alles neilitten en dan sa.'

'Dat wie yn 't foar regele en mei jo is dat net bard.'

'Hy hat jo alles neilitten en jo doarre likegoed tsjin syn lêste wil yn te gear. Dit is der safier by troch, dit is sa min, sa heul min, hjir ha 'k gjin wurden foar. It stiet my tsjin om mei jo te praten. As Ale dit witten hie... Ik hie him warskôgje moatten, ik wist hoe'n slechten-ien jo binne.'

Durk swijt mei de holle foardel en sa't it liket yn tin-

zen. No net daliks sizze: wat in toanielspiler, wat in hypokryt. Wa binne wy dat wy oer in oar oardielje meie. Miskien mient Durk it wol oprjocht.

De húshâldster is der al even ôf, mar lang net ferslein. As jo sa lang mei Ale de Haan ferkeard ha en der sa folle foar dien moatten ha, dan soe soks eins ek wol ynskikt wurde kinne.

Hja seit: 'Hoe lang hawwe jo dêr no wenne sûnder my ien sint hier te beteljen? Ik soe sizze jo moatte my tankber wêze, dat jo der noch wenje.'

Durk heart it net iens. Hy seit: 'Ik ha myn maatregels troffen. It stiet my tsjin en de neitins fan Ale de Haan is my dierber, mar ik moat wol. Ik ha in soad getugen en allegear wolle se my graach te wille wêze. Jo kinne hjir better mei ophâlde, dat ried ik jo yn bêstens. It hoecht om my net, ik bin wis fan myn saak. Mar jo steane der yn it doarp dochs al sa mâl op en dan dit der noch by... In man mei in grutte en beswierlike húshâlding út syn hûs sette om in pear luzige sinten... Dêr sil omraak oer praat wurde. En as jo der no ferlet fan hienen, fan dat jild, dan koe 'k it my noch yntinke. Mar in gouden kiste kinne jo josels meijaan en dan noch it lêste ha wolle. Nee, hjir kin ik mei myn ferstân net by, dit is sa minnich... Jo hawwe foar my ôfdien.'

Skodholjend giet Durk nei de doar.

'Ik sis jo gjin dach, ik soe 't der net útkrije kinne.'

Der binne tiden dat Durk perfoarst net sleau is, lykas Aaltsje bewear. Hy stekt de dyk oer nei it gemeentehûs. It frommes achter it loket ken him net.

'Wy binne middeis sluten,' seit se en lit it rútsje sakje. Durk draait him om en giet troch de doar dy't tagong jout ta de sekretary.

'Jo moatte moarns komme,' ropt de juffer.

'Jim binne hjir foar ús,' seit Durk, 'middeis ek. Ik

moat de boargemaster even te wurd.'

'Dy hat ien kear wyks sprekoere en hjoed net.'

'Dat kin my neat skille, dit is driuwend.'

Der komme in pear amtners by dy't Durk wol kenne.

'Durk Lugtigheid, leau ik hen? Ja, de boargemaster is middeis net te sprekken.'

'Dan stap ik sels wol nei him ta.'

'Ho, dat kin samar net.'

'Dat kin sa wol.'

Hy sil der út. Oan de oare kant fan de gong is de boargemasterskeamer, hy wit it paad te finen.

'As it perfoarst net wachtsje kin dan wol ik de boargemaster wol freegje oft er jo ûntfange kin,' ropt ien fan de amtners him nei. 'Wêr giet it oer?'

Durk bliuwt stean. 'As de boargemaster wol dat ik hjir moarn mei myn húshâlding op 'e stoepe stean omdat ik út myn hûs set bin, dan moat hy my no net te wurd stean. Ik wit net oft dat driuwend genôch is.'

'Akute húsfestingsproblemen. Ik sil it him sizze, wachtsje mar even op 'e gong.' It duorret net sa lang.

'Hjir mar yn,' seit de amtner en hy hâldt de dûbele doar iepen.

'Dat soe 'k ek sizze,' seit Durk tefreden.

'Ah, zijne doorlugtigheid,' ropt de boargemaster amikaal en hy komt der foar achter syn buro wei. 'Dat is al even lyn dat jo by my west ha. Swierrichheden?'

'As ik rjochtfearnich behannele wurd,' seit Durk, 'dan ha ik hjir gjin boadskip. Mar wat se my no oandwaan wolle, dat is sa dwars troch alles hinne.'

Hy begjint út te pakken oer de minne streek fan Ale de Haan syn húshâldster. Omdat er dochs dwaande is, klaget er fuort de nije amtner fan sociale soarch oan, dy't him syn oanfoljende útkearing ôfluze hat.

'Wat dat lêste oanbelanget moat ik mei de direkteur

fan sociale saken prate,' seit de boargemaster. 'Wy ha ús fansels te hâlden oan de ryksnoarmen en it sil wol sa wêze dat jo gjin rjochten jilde litte kinne. Mar der falt miskien yn jo spesjale gefal oer te praten en dat sil ik dwaan. Dan dat hûs fan jo...'

'Krekt, sa't jo sizze, myn hûs.'

'It hûs dat jo bewenje, wa sines it is dêr bliuw ik bûten. Mar rekreaasje op dat plak sil de gemeente net tastean.'

'Dat is moai.'

'Dat dogge wy net om jo, hear. It is natuergebiet en neffens it bestimmingsplan mei der hielendal net boud wurde. Ek fereangende bou is net tastien. As jo derút geane dan keapet de gemeente it hûs en wurdt it ôfbrutsen. Der komt neat foar yn 't plak en as wy der wat oan dwaan kinne, wurdt it ek net opknapt.'

'Mar it duorret myn tiid wol út,' stelt Durk fêst.

'Dêr soe 'k net tefolle op rekkenje. Jo sitte dêr fansels al fierstente lang. Der komt in tiid dat wy trochpakke moatte. It stiet al sa lang op de krottelist.'

'It hûs is oars noch goed hecht.'

'It foldocht net oan de easken. Mar as jo bang binne dat dy húshâldster fan Ale de Haan jo it hûs ûnder it gat wei ferkeapje sil, dan kin 'k jo gerêst stelle. Wy sille dy frou der attint op meitsje, dat se it net as twadde wenning of sa ferkeapje mei. De adspirant-keapers moatte harren trouwens earst mei ús ferstean.'

'Dat is my al in pak fan 't hert,' seit Durk.

'Mar fierders moatte jo der net op rekkenje, Doorluchtigheid, dat jo der altiten bliuwe kinne. Ik soe mar ris omsjen as ik jo wie.'

Durk seit der neat op.

'Kin it sa earst wer?' freget de boargemaster.

'Ik wit tenearsten genôch.'

'Moai, dach Doorluchtigheid en goede reis nei de Sân-

leane.'

Sokken as boargemasters kin men út soarte fansels net fertrouwe en mei dizze wit men noait wêr't men oan ta is. Mar der falt mei dy man te praten.

Thús seit Durk neat oer de warskôging fan de boargemaster, mar hy fertelt wol yn geuren en kleuren hoe't er de húshâldster it mannewaar opsein hat. En Foekje en Klaske binne alhiel gerêst as er seit, dat neffens de boargemaster it hûs net foar rekreaasje ferkocht wurde mei. Jûns komme der wer minsken te sjen en Durk is dan sa frij en sis har alfêst oan wat er fan de boargemaster heard hat.

'Freegje earst mar even op it gemeentehûs hoe't it der hinne leit,' seit er. 'Ik tink net dat jim dan noch gading meitsje.'

Sa, tenearsten is dat dan wol fan 'e baan. Mar soms komt alles tagelyk. Der stiet ynienen samar in frommes oer de flier, in maatskiplik wurkster. Hja hat besteklik praat en Foekje en Klaske kinne foar wûnder mei har. Se hat eartiids alris foar in pear tekkens en wat berneklean soarge. Och sa'n aardich frommes, gewoon yn it praat, maklik yn de omgong en se hat mar in heal wurd noadich. Se is stjoerd troch de direkteur fan sociale soarch nei oanlieding fan Durk syn beklach by de boargemaster. Foekje, Klaske en sij sitte oan 'e kofje as Durk fan syn moarnskuier weromkomt. Se hawwe al it ien en oar bepraat, fernimt er wol.

'Ik tocht, foar't de winter deryn falt mar even sjen. Miskien kin 'k earne mei helpe.'

Sûnder omballings seit se fuort wêr't it op stiet.

'Jim soenen hjir eins wei moatte, it leafst foar de winter. It wurdt jo frou te swier en se moast eins wat mear tusken de minsken. Klaske wol trouwens ek graach oars en it is goed foar de lytse bern dat se yn in

oare omjouwing grut wurde.'

Sa praat dat frommes, mar se kin har yntinke, seit set dat Durk der tsjin oan griist om hjir wei. O ja, dat begrypt se sa skoan. Mar it ferstân moat foarop.

Durk lit it oer him komme. Hy kin net lulk wurde op dat frommes, se hawwe har miskien fan 't winter noch noadich.

'Ik moat it mar ris yn my omgean litte,' seit er.

'Jawis, jo moatte der de tiid foar nimme. Sokke dingen kin men net fan de iene op de oare dei beslute. En it driuwt net.'

'Dat hie 'k ek tocht.'

'Mar it soe wol goed wêze as jo oer in pear wike út 'e rie wienen. It is aans samar winter.'

It binne sokke liepe praters, dy minsken fan de gemeente. En se hawwe it sa goed mei elkenien foar.

Mar Durk hat dêr sa syn eigen gedachten oer.

En dan is der ynienen dy oprop om foar de dokter te ferskinen. It is net de earste kear, oars soe men hast sizze dat it ôfpraat spul is. Mar as er de oare opropen derby hellet dan docht bliken, dat it de wenstige periodike keuring is.

De dokter ûndersiket Durk oan alle kanten en freget him it himd fan it gat.

'It giet de goede kant út,' seit de man, 'ik taksearje jo op fyftich persint.'

Durk leit de man út, dat er okkerdeis in pear dagen yn it folle wurk stien hat. Gewoan omdat er himsels sa moedich fiede en der nocht oan hie.

'Mar de twadde deis wie 'k om kofjetiid hinne al telider slein. Ik bin mei lijen thús kommen. Mar jo sille it wol witte, ik sil mei faasje los.'

'Jo soenen it swiere wurk wat nije moatte.'

'Nee, dat kin net. As ik arbeidzje dan is 't mei de heule bealch. Ik moat der foar stean, ik kin net mei in

lytsere lep stean te dollen.'

'Der is genôch wurk dat jo skoan dwaan kinne,' seit de dokter. 'It moat net te leabrekend wêze, ik sil der achteroan.'

En dêr kin Durk it tenearsten mei dwaan.

'Der wurdt oer praat om my op fyftich persint te setten,' seit er thús.

'Dat kin net, Durk,' seit Foekje kjel. 'Dêr kin ik net fan húshâlde.'

'Dat wit ik, bern, ik sil oan 't wurk moatte.'

'Mar dyn rêch, Durk?'

'Dat wurdt bûge of barste.'

De maatskiplik wurkster tinkt der lykwols oars oer.

As hja in pear dagen letter it ferhaal heart, seit se: 'Jo moatte licht wurk ha. Grûnwurk is te swier en by de boer kin ek net.'

'Jo tinke dochs net, dat ik nei dy wurkpleats op 'e Sweach gear. Dêr ha se it faker oer hân.'

'O nee, der binne noch oare mooglikheden, jo kinne mear.' It minske koe wol mear fan him ôfwitte as hysels. It is him ek slim yn 'e wei, dat der bûten him om sa'n soad bepraat wurdt mei Foekje en Klaske. Hy wurdt der mankelyk ûnder en soe it wol oerjaan wolle. Hy komt de lêste tiid net faak by Elsje of yn 'De gouden klok' en hy nimt komselden mear as trije-fjouwer. Mar dy saterdeitejûns, as er op 'e Sweach syn twa pakjes swarte sjek kocht hat en even oanstekt, ûntkomt it him. It wurdt goed let en hy moat mei de fyts oan 'e hân de Sânleane del omdat er it paad net rjocht hâlde kin.

'Met Durk is het gedaan,' bromt er tsjin in poerfrijemde man dy't him op de Sânleane temjitte komt. 'Skriuw my mar ôf.'

Mar dy man lit allinne de hûn út en sjocht nuveraardich. Durk knoffelt fierder.

Jawis, in tryst gefal, mar hâld de bûsdoek tenearsten yn 'e bûse. Mannen as Durk Snoad lizze net fan ien slach, dat sil út it fierdere ferrin fan dit ferhaal bliken dwaan. Likegoed sit de skriuwer op dit stuit mei it probleem hoe't er oannimlik makket, dat Durk dochs belies jout, byneed foar tydlik. Want neffens it skema moat de húshâlding noch foar de krystdagen te stoel en te bank wêze yn in kreas wenningwethûs middenmank it oppassend boargerdóm. As it heal kin, moat Durk op âldjiersjûn ôffûstkje mei al de minsken oan wa't er earst sa'n hekel hie.

'Haw tank,' moat er sljochtwei sizze mar dochs oandien. 'Haw tank, do ek Feike en ferjou my wat ik dy oandien ha.'

Feike Dam moat dan fansels wol poer tafallich yn 'e buert wêze, mar dat is te regeljen. Wat let my en meitsje der in grutte soendei fan en bring alle partijen gear ûnder ien dak. It is bygelyks heul goed mooglik om Durk en Foekje by gelegenheid fan harren 25 ste troudei resepsje hâlde te litten yn it sealtsje fan it buertgebou te Drachten. En dêr komme dan fansels al dy minsken te lokwinskjen, Feike Dam ek. Ja, dat kin allegear skoan.

Mar hoe ferklearje ik de nochal ûnferhoedse ferhuzerij fan de Sânleane nei Drachten? Psychologys kin it fansels wol, mar it ferget gâns útlis. En sa'k sei, wy moatte koart krieme. En wa hat nocht oan dy djipsinnige dollerij yn de psyche fan in Durk Snoad? Ik yn elk gefal net. Lit ús it sa mar stelle: yn grutte benaudens en in fleach fan ferstânsferbjustering is Durk troch de knibbels gien. Foar de rjochtbank soe hy yn sa'n sitewaasje net tarekkenber ferklearre wurde. Dat komt op 't heden in protte foar en it begryp is altiten grut. As elk dit ynskikke wol, dan kinne wy mei faasje fierder breidzje oan dit ferhaal.

Haadstik 10

It moat fansels earst wol wenne, benammen foar Kekke en Bijke. En Durk hie al sa leaf de learkeklompen oanholden.

Bijke giet fansels mei. By de earste rit dy't de ferhûswein makket, hat Durk him yn de kabine set. Bijke sit no yn it hok by it nije hûs en fielt him slim ûnwennich. Hy stekt it kopke omheuch en bilet alderoatmoedichst.

'Ja jonge, wy sille earst allegear wol ûnwennich wurde, mar dêr moatte wy trochhinne,' hat Durk fleurich sein en doe binne se werom riden foar de twadde fracht guod.

Der is gâns te fertôgjen. Hearken, wat wurdt der yn in fearnsieu al wat yn sjoud. En dan te betinken dat se in heule dei oars net dien ha as âlde rommel opstoke.

'No earst de geit en de kninen nei de keapman bringe, Durk,' seit Foekje.

'Nee, ik ha my betocht.'

'Wat seiste? Do wolst dochs it fee net meinimme?'

'Ik ha it ris oersjoen en it kin skoan. De blikke is net sa grut mar der stiet aardich gers op. En de heule strjitte lâns lizze strypkes greide. As ik der út en troch mei de seine by del gean, ha 'k fretten genôch foar de geit.'

'Dat kin net, heit,' ropt Klaske wylst hja in âld stoel bûtendoar set. 'Ik tink dat it net iens mei, sjoch mar ris yn it hierkontrakt.'

'Wat mei net? Wy jouwe hier en net in bytsje, mar dan moatte se jin ek frij litte. De geit kin aans moai achter yn de ferhûswein en dy lêste beide kninen wol 'k ek hâlde. Foar in kninehok is altiten plak en takom jier meitsje ik in stjelp foar yn 'e blikke. De

Flaamse reus wol 'k mei fokke en dat blauwe Hollanderke ha 'k ek plannen mei.'

Durk is der net ôf te bringen.

'It kin net mem, wier net,' beart Klaske.

Foekje suchtet: 'Lit mar bern, hy fernimt it fansels.'

It hat der yn henge mei dat ferhúzjen, dat is sa. Mar doe't Durk út 'e rie wie, hat er mei faasje de saken regele. De maatskiplik wurkster ferliende bystân. Hja hat der foar soarge dat sociale saken de ferhuzerij betellet en it ynrjochtsjen fan it nije hûs hienen se ek wol wat foar oer.

'Jawis, want se binne aans fan ús ôf,' hat Durk saaklik opmurken.

Foekje, Klaske en Aaltsje - och, wat hat dy Aaltsje wat reizen makke tusken Drachten en de Sânleane - fûnen dat wakker ûntankber.

'Wat hear ik, sille jim hjir wei?' frege Elsje doe't it ferhaal troch de Sweach gong.

'Sa is 't,' befêstige Durk. 'Ik wol wer oan 'e slach en ik kin hjir gjin passend wurk fine. Do moatst rekkenje sa'n plak as Drachten hat in soad mooglikheden. En om 'e húshâlding is 't better. Om my wienen wy oan de Sânleane wenjen bleaun, mar ik doch it om 'e húshâlding. Foekje en de bern krije dêr better har gerak; winkels, skoallen, wat mear oanhâld. Se ha der wakker nocht oan.'

Sa bearde Durk en jo soenen sizze dat er it mient.

'Ik moat sizze, it is my tafallen yn dat Drachten. Ik ha it goed besjoen en ik kin net sizze dat it my oangriisde. De huzen steane fansels ticht op inoar, mar ik krij der dochs noch aardich hiem by. Ik kin der skoan wat fee hâlde, berms genôch en net ien hat belang by dat gers, de gemeente moat it meane.'

En dat hûs is yn ien wurd in lust. Grutte ruten man, jo kinne dwers troch it heule hûs hinne sjen. It is alle-

gear ljocht. Fierders fjouwer sliepkeamers en in souder sa grut, jo kinne der de bern it fytsen leare. Der hoecht yn dat hûs ek net stookt te wurden, der komme gaskachels yn en dy rêde harsels.

Elsje jout Durk grut gelyk.

‘En do nei Philips ha 'k heard.’

‘Ja, ik sil yn 'e fabryk. Us Gryt is der al in pear jier en hat it o sa nei 't sin. No bin ik fansels mear in fjildman, mar mei bûtendoar omrinnen kinst de kost net fertsjinje, is 't net sa. En it fertsjinnet goed yn dy fabryk. Willem sil der mei de tiid ek hinne en ús Jantsje makket ek gading. Sa'n jonge as Willem is it helte better foar. De heule winter by dat leanbedriuw omheukerje, kâld en beroerd wurk en sa'n lytse baas kin it measte net jaan fansels. Ik sil fan de lytse bazen gjin kwea sprekke, mar foar in bulte minsken is sa'n fabryk in útkomst. Skjin wurk, net te lange dagen, twa dagen wyks frij en fersekere tsjin alles. Jo kinne siik wurde, deagean en alles giet gewoan troch.’

‘Jawis,’ stimt Elsje ta, ‘dat Philips is in útkomst. Mar jim sille omstean leare moatte.’

‘Dat moatte wy grif. Iksels pas my oars o sa maklik oan, dat ha 'k wol leard by de huzaren fan Boreel.’

As men Durk sa praten heart dan hie it folle earder moatten.

Hy hat ek noch by Ids op 'e Lege Ein west, mei de flesse drank dy't Ids noch te goede hie.

‘Do doarst it wol oan, Durk. Ast hjir mar gjin spyt fan krijste.’

Durk hat dat earst fier fan him smiten.

‘Ids, út en troch moat in mins trochpakke. Ik ha der oars ûnder stien, mar no't ik út 'e rie bin, sil ik my derby jaan.’

Doe ha se tegearre dy flesse leech dronken en by einbeslút woe Durk it dochs wol wêze dat it him as in

stien op it hert lei.

‘It leit my sa by, Ids, dat it mei my yn dat Drachten net goed komt. Mar ik kin net oars, ik moat út dat hûs wei en ik moat fertsjinje. Ik kin mysels opknoopje, mar dat is net sa maklik.’

‘Dat kinst altiten noch dwaan,’ sei Ids. ‘Ik soe it earst mar ris besykje.’

Dat hie Durk sels ek tocht. Likegoed is er de jûns nuver thús kommen en dat wie al de twadde kear yn in pear wike.

Wat er sein hat oer dat hûs is oars wol wier. It stiet yn 'e rige; achter huzen, foar huzen en op 'e side huzen. It falt net iens ta om it eigen hûs te finen, want se binne allegear gelyk en de strjitten jildt itselde foar. Aldergeloks hjit harren strjitte de Hoannekamp en dy namme leit maklik yn it ûnthâld. Oars in idioate namme, der is op 'e heule streek net ien hoanne. Hoe fine se it út.

It is wennen mei al dy minsken om jin hinne, dy't jin boppedat by alles wat jo dogge op 'e fingers sjogge. Wylst se noch oan it ferhúzjen binne, giet Durk even achter it hok stean te pisjen. Klaske sjocht it, slacht fûleindich op 't rût en wiist nei achteren. In stikmennich buorfroulju sjogge mei niget hoe't Durk de geit fersteckt. It is der sa ûnfrij dat Durk yn 'e hûs moat te pisjen. Soks is fansels te mâl. En dat húske is ferrekte lyts. As jo út 'e broek moatte, steane jo fuort mei it bleate gat tsjin de kâlde tegels.

Mei Kekke is 't yn it earstoan in grut lijen. De bern fan de buert der omhinne, as hienen se noait in geit sjoen, en it dier fansels fan 't sintrum troch al dy drokte. Hy smoart himsels sawat yn it tou en Durk moat der algeduerigen hinne. As de belangstelling wat saksearret en de geit ta himsels komt, begjint er te plúzjen, dat is syn natuer. Hy kin it beamkeguod fan

buorman krekt rikke en yt der mei smaak fan. It binne suterige pôlen, mar lykas altiten hat in geit it ûneachlikste fretten it leafste. De buorfrou komt der út draven en seit dat de beamkes in ryksdaalder it stik koste ha en dat se fan 't simmer sa moai bloeid ha. En in oare buorfrou seit dat it eins in skandaal is, sa'n geit op it gazon.

Soks lit Durk him net sizze.

'Hjir bin ik baas,' seit er, 'as ik op jo gerjochtichheid kom, meie jo it sizze. Dy strewellen fan jo hingje in heul ein ús kant oer, dat it stiet Kekke frij om se yn te koartsjen.'

Fuort spul fansels. En sa is der wol mear dat argewaasje opropt. Durk tilt der net sa swier oan en it skilt in stik, dat de froulju sa optein binne oer it hûs. Hy hat de lêste tiid sa'n lijen mei Foekje en Klaske hân, dat de freonlikens fan dy kant him suver woldiedich oankomt.

Aaltsje hat har ek tige ward, benammen by it keapjen fan de nije meubels. Se hat mei Foekje en Klaske by de winkels lâns west en dat hat fertuten dien. Der stiet in bankstel yn 'e keamer, brún hout mei swart spul der oer. Skai, neame de froulju it. In lust om te sjen, dat bankstel. It spul swit knap oan it gat, om krekt te wêzen as jo der in healoere op sitten ha, plakt de broek jin oan 'e kont. Mar it is sa praktys, seit Aaltsje, net dat switten, mar de skai-beklaaiing. It kin hast net stikken, it ferkleuret net en it is sa maklik yn it ûnderhâld. It kin gewoan mei sjipsop ôfnommen wurde.

Sa beare de froulju en Durk fernuvert him der oer. Oan 'e Sânleane hienen se wat reiden stuollen en in pear âlde skoalbanken. Dat guod mocht net mei, hy hat it op de brânbulte bringe moatten.

Elektrys ha se noait hân en it moat sein wurde, it is in grut genot. Krekt sa wat it stoken oanbelanget. Gjin

getôch mear mei hout en swarte brant, dy gaskachels rêde harsels. En der is in nije televisy kommen. In prachtich meubelstik en neffens Bouwe mei twa Hollânse netten en trije Dútse. Hy siket se ien foar ien op en wrachtich, om twa oere middeis op in gewoane dei yn 'e wike is 't al los. In Tarzan-film en it naait der sa út dat de heule bernekloft net mear de keamer út wol. It is Dúts, mar dat hindert alhiel neat, de bern fine it geweldich en Durk hat der ek wol wat aardichheid oan, al dogge jin de eagen wol gau sear.

It is bjusterbaarlik hoe't it libben fan in mins yn sa'n koarte tiid feroarje kin. Durk hat trije dagen om te stoel en te bank te kommen, de moandeis sil it wêze by Philips. In soad hoecht er oan de ferhuzerij net te dwaan. As it spul ien kear yn Drachten is, rêde de froulju har der wol mei. Hy moat allinne de swiere stikken mei teplak sette en dat is yn in heale dei beslikke. Aaltsje draaft tusken de middei even nei hûs ta en fuorret Gerard en de bern patat mei knakwoarst. Om healwe twaen is se der al wer en dan helpt Durk om in pear ledikanten nei boppen te krijen. Der is op 'e fliering in keammerke mei in dakfinster en dêr sille Hindrik en Bearend sliepe. De beide mantsjes binne sa grutsk as wat, de heale souder ha se ta har foldwaan. Op de foarste ein fan de fliering komme de grutte jonges, Tsjerk, Bouwe en Willem.

'No binne wy al fiif kwyt,' seit Durk tefreden, 'en wy binne noch mar krekt begûn.'

Klaske en Gryt tegearre op de grutste sliepkeamer. Der sit in waskbak yn mei kâld en waarm wetter, in lúkse dêr't de froulju net oer útpraat reitsje.

Klaske har jonkje, lytse Gryt en lytse Pytsje mei har trijen op de tredde en dan hawwe Durk en Foekje noch in heule keamer foar harsels.

Durk seit: 'Der wurdt wolris sein dat de grutte hús-

hâldings út 'e tiid binne, mar as jo sa'n hûs hawwe dan komt it op ien net oan.'

'It is no oars aardich fol,' is Klaske fan betinken.

'Wat soe 't wêze, do witst net watst seiste. Wy wennen eartiids mei ús njoggenen yn ien keamer, in man as wat yn elk bedstee en de oaren oer de flier.'

'Dat wie doe, mar it is no in oare tiid.'

'Dat washok op 'e oerloop dêr soenen noch skoan twa bern sliepe kinne. Sa'n dûbel bêd deryn en klear is 't.'

'Dat is de douchecel, heit en dy moatte wy brûke.'

'Jimme ha dochs in waskbak yn 'e keamer?'

'It liket my wol noflik ta, sa'n douche,' seit Foekje.

'Wy ha it der altiten sûnder rêden,' seit Durk.

'As wy heit syn sin dienen, dan kaam der in kninehok yn.'

'Dat soe kinne, mar it is ek in gaadlik plak foar de jirpels, dan kin de froast der net oan komme.'

It mei net fan de froulju, de jirpels kinne wol yn 't hok.

Wat it fee oanbelanget hat Durk it al besjoen. Yn de fierste hoeke fan 't hok in stâltsje foar de geit en op in planke der boppe it kninehok. As de geit oare maitiid lammet, kin er de jongen der wol by hâlde.

As it grutte wurk dien is, sil Durk mar in eintsje te kuierjen. Hy soe it paad nei de fabryk sa net iens witte en hy wol neigean oft er op 'e fyts moat of dat it geandefoet kin.

Hy sil yn syn learkeklompen stappe, mar Klaske ropt: 'Soe heit net even de skuon oandwaan en in knappe broek oanlûke? Wy binne hjir net oan 'e Sânleane.'

'Skuon oan, seiste? Mar it is in gewoane dei, bern.'

'Der rint hjir gjin mins mear op klompen,' seit Aaltsje. Durk is yn dizze rite yn alle silen mak, mar hy sjocht net yn wêrom't er syn skuon oandwaan moat.

‘En ik kin der sa min op rinne,’ seit er, ‘it swit sa en se sitte my krap. Ik ha noait goed oer skuon kind, dat witte jim wol.’

‘Doch se dochs mar oan, Durk,’ moannet Foekje, ‘en ik sil dyn nije pak krije, dan stiest der teminsten knap op.’

Durk skopt de klompen út en giet yn 'e hûs. It is in skoft lyn dat er skuon oan hân hat. Se binne sa goed as nij en hy hat se al tsien jier.

‘Dat pak is my te lyts,’ seit er. ‘Al siet ik yn it kesjet it hoegde net oars.’

‘Dan moat heit oare klean ha. Heit kin net yn dy âld mesjester jas en broek nei de fabryk.’

‘Der giet neat boppe stúsjeoard.’

‘Op it fabryk kriget heit in overal of in stofjas.’

Durk set op syn sneins de dyk út. Botte behaachlik fielt er him net, mar it sil wol wenne. Hy pandert de nije wiken troch nei it winkelsintrum en dêr is genôch te sjen. It is wol drok oan 'e holle, al dy auto's, âljende bern en hastige minsken dy't inoar net iens dach sizze. It is ek in frjemde boel dat der sa'n bulte minsken omdangelje dy't blykber gjin beuzichheid hawwe. Dat strúnt mar wat by de etalaazjes lâns, praat hjir en dêr in pypfol en hinget yn it kafee om. Op 'e weromreis kuiert er by de wâl lâns nei it yndustryterrein dêr't de mânske fabryk stiet. In grutte poarte mei in portiershokje en in slachbeam oer de dyk, lykas op it terrein fan de huzarenkazerne yn Amersfoart. Mânske parkearterreinen mei bussen dy't strak it folk ôffiere dat yn de fabryk wurket. Heulendal achteroan moat hy moandei wêze. Hy hat der okkerwyks mei ien fan de bazen west. Hy kin net sizze dat it him oanlaket. It waar is ek wat skier en dan docht sa'n fabryksterrein mankelyk oan.

Thús binne de froulju noch oan it heisterjen. Durk

lûkt daliks de skuon út en besjocht syn fuotten. Dan de sokken út en krekt wat er tocht hie: op elke hakke in grouwe blier en de beide grutte teannen binne blau fan it knipen.

‘It waard my hyltiten pynliker, dat ik tocht al.’

‘Dat kin sa net,’ seit Aaltsje, ‘ik sil aans mei heit nei de winkel om in pear gruttere skuon.’

‘Ha wy noch jild, mem? En wat moat ik mei twa pear skuon?’

‘Ik wit it net, Durk. Ik kin it op 't heden net byhâlde, de holle rint my om. Mar do moatst dochs wat om 'e fuotten ha. En as de fammen sizze datst net op klompen nei 't wurk kinste...’

‘Nee, dat kin net, mem.’

‘Wel, dan moatte der in pear maklike skuon komme en in knappe broek en sa.’

Durk seit: ‘It is al in nuvere wrâld dat men net mear op klompen nei it wurk kin. Dat soe ús heit hearre moatte, wat soe de âldman beare.’

‘Der is noch wat, Durk,’ seit Foekje, ‘der hat hjir in man west fan 'e skoalle. Do moatst nei dy master ta om de bern op te jaan. It hie al wêze moatten, sei dy man, want it hipt nau mei dy klassen.’

Aaltsje hat der foar in part al mei rêden.

‘Se moatte nei skoalle tolve. Skoalle tolve is foar dizze strjitten, mar it is de fraach oft se der noch by kinne en dat moat heit mei it haad fan 'e skoalle beprate.’

‘Kin it moarn ek?’

‘It moat daliks.’

‘Dan krij ik it noch drok.’

Aaltsje mei heit Drachten yn om skuon en klean.

‘In pear heareskuon,’ seit se en dan giet it op in passen. Aaltsje freget hyltiten nei de priis. Sechtich gûne, fyftich, fjirtich.

‘Moat it sa mâl, bern. Tsien jier lyn hiest der twa pear

foar, stiet my by.'

'It libben is djoer wurden,' seit Aaltsje.

'As dat skilt yn 'e priis ha 'k leaver arbeidersskuon as heareskuon,' seit Durk tsjin de juffer.

Aaltsje skammet har, mar de juffer komt no mei brede wurkskuon oandragen en Durk kin foar 27 gûne klear komme.

'Ferkocht,' seit er.

'Passe se wol, heit?'

'Foar dizze priis passe se altiten en ik kin hjir teminsten knap ynkomme.'

'Jo hawwe in heech krop,' seit de juffer. 'Jo drage faak klompen, tink?'

'Oars net as klompen en as ik myn sin die dan kocht ik in pear nije learkeklompen en gjin skuon.'

'No, dan dizzen mar,' seit Aaltsje. 'Heit moat it sels mar witte.'

Hja sil it earst wol betelje en letter mei mem ferrekkenje. Dan noch om in broek, in knap boesgroen en in jaske.

'Dit kin gjin kant út,' seit Durk. 'Wat in slompe jild jouwe wy hjir út, der mei wol bêst fertsjinne wurde.'

Letter op 'e dei moat er mei it trouboekje nei de skoalle. It is in ferduld moaie skoalle en net mear as fiif minuten rinnen. It sil de bern noflik oankomme, se kinne tusken de middei thús ite.

It haad fan 'e skoalle lûkt djippe tearen yn de foarholle.

'Trije tagelyk,' seit er en hy begjint yn de boeken de nammen yn te skriuwen.

'Jo hâlde ek noch in stik as trije tegoede,' seit Durk.

'Op 'e Sweach wienen se my yndertiid o sa tankber. Ik koe se krekt oan in fjirde master helpe.'

'Hjir leit it wat oars, wat minder bern wat leaver. De klassen binne al te grut.'

'In nuver spul, út Lippenhuzen wei ha se my faak oan west om de bern dêr op skoalle te krijen. Ik hie der suver jild foar freegje kind, sa fûl wienen se op in pear bern mear.'

'Ris even sjen, it famke nei de fjirde klasse, tink? Dat iene jonkje nei de fiifde en de oare sit yn 'e lêste?'

'Dat koe wol.'

'Of witte jo it net?'

'Ik ha der wol oan, moat ik sizze. As it my net mist dan is Hindrik in kear sitten bleaun en Foekje hat ek ris wat mei west. Dat is oars in skrandere bern, mar se koe net mei dy master. Ik ha der noch mei de man oer praat, wit ik wol. Der wienen mear dy't lêst hienen fan dy master.'

'Se hawwe op 'e Sweach op skoalle west, sizze jo? Wel, dan skilje ik even mei myn kollega dêr. Jo stjoere de bern moarnier mar en der sil mei rêden wurde.'

Sa, dat is klear.

'No ha 'k de ein yn 'e bek,' seit Durk as er thús is. 'It is my krekt as hie 'k in heule lange dei yn 'e put stien.'

It swit yn de nije skuon en de hannen, lamme skonken en wurch yn 'e holle.

'Oars ik wol,' seit Foekje. 'Wat is 't in klauwen om alles op 'e regel te krijen.'

Mar se hat noch net dien. De trije bern dy't moarn nei skoalle sille, moatte ek nei de winkel om klean. Aaltsje en Klaske wolle se der knap op ha.

'Kinne jimme it sûnder my rêde?' freget Foekje. 'Ik wol even bekomme en ik moat aans mei it iten fan de grutte jonges dwaande.'

De beide fammen sille der wol mei rêde. Durk past op 'e lytsen wylst Foekje yn 'e keuken om slacht. De bern sitte fansels oeral oan, de ljochtknopkes, wetterkranen, de geijser en se kinne har wille net op. Mar

der sitte in protte nuodlike dingen yn sa'n modern hûs, dat jo kinne de bern gjin momint allinne litte.

En Foekje fertrout har net mei it gasstel. Tegearre steane se der foar en de bern der omhinne. Durk draait hoeden oan in pear knoppen en Foekje snúft de lucht op.

'Ik leau ik rûk gas, Durk.'

'Jimme der út bern,' hjit Durk. 'As der wat bart, giet it mâl.'

Durk weaget it derop en hâld in lúsjefers by ien fan de pitten dy't omraak rûst. Mei in pof slacht de flam der út en dan giet it fierder dat it slydjaget. De jirpels steane der amper op of it wetter is al waarm.

'Hiest der waarm wetter út 'e geijser opdwaan moatten, dan giet it noch hurder,' hat Durk útfûn.

'Soe dat kinne?' hifket Foekje. 'Ja, wêrom eins net? It ding stiet der foar.'

Durk wer yn 'e keamer en dochs dat televisytastel mar ris besykje. Der wie oars ôfpraat dat Bouwe der mei rêde soe, want dy hat ferstân fan technyk. Mar it moat foar elkenien te learen wêze, ornearret Durk. Rûnom steane dy dingen ommers en elk draait der oan. It skerm ljochtet ûnder Durk syn meneuvels op, dan in pear frjemde figueren en ynienen in printsje. Ferduld en ek noch in stim, yn 't Dúts. Dêr is 't al sa, in Dútse sender en Bouwe hat der neat oan dwaan hoegd.

'Mem, no moatst komme.'

De bern roppe jûchhei en geane der fuort foar sitten. Dat skilt in protte omtinken, se tale net mear nei de ljochtknopkes en sa.

'Ast it mar goed dien hast, Durk.'

'As it net goed wie, soe der neat op kommen wêze.' Durk jout him del en besjocht mei wolbehagen it strykorkest. Net dat de muzyk him wat skille kin,

mar it stiet der wol heul moai op. Likegoed begjinne de eagen him dochs wer te stekken. Op 'e Sânleane hat er noait nei dat healbizen ding op de akku taald. Der wie suver neat op te sjen. Dit is heul wat oars. Miskien moatte de eagen der ta wenne.

Goed seis oere komme de grutte jonges thús. Aaltsje en Klaske hawwe harren dingen dien en Aaltsje set ôf om har eigen húshâlding te berêden. De jonges fansels earst troch it hûs.

'Ik woe moandei ek wol nei de fabryk,' seit Jantsje. Dat kin lykwols neat wurde. Se kin samar net de bakkersfrou op 'e Sweach sitte litte.

Willem is sa gleonhastich net. Hy mei daliks wol ophâlde want der is net folle wurk mear by it leanbedriuw. Hy is it ark oan it skjinmeitsjen en opknappen. Hy seit: 'Ik ha even op 'e Sânleane oan west. Ik hie sa tocht, heit: wy ferkeapje de skou mar net. Ik ha him oan 'e ketting lein en as it begjint te friezen lûk ik him op 'e wâl.'

'Wat moatte wy no noch mei dy skou?' freget Foekje.

'No, dan kinne wy op in saterdei of snein nochris te fiskjen of te farren.'

'Wy kinne it jild oars wol brûke,' seit Klaske.

'It is in âld ding,' seit Durk. 'Mear as fiif-seis tsientsjes krij ik der net foar. En Willem hat gelyk, sa'n skouke is noait wei. Ik soe sizze, lit him mar lizze. Mar wol even in hingslotsje derop, al soe it mar wêze om Feike Dam.'

Durk hat de bêste fûken derút socht en meinommen nei Drachten, al fûtere Foekje wakker doe't er mei de smoarge brut nei de fliering gong en se dêr ûnder in ledikant skode.

'Do moatst sa rekkenje bern, wy binne hjir tige ôfhinklik fan in oar. Der kin neat barre of do hast gjin gas en elektrys. En wy hawwe gjin bou mear, as it

oarloch wurdt binne wy samar útpraat. It is altiten noflik as men dan noch wat ark hat om te fiskjen.'

Foekje woe ek ha dat er it jachtgewear en de stengun fuort die. De sten hied er faaks noch wol kwyd wold, mar it is nuodlik om sa'n ding te ferkeapjen. As se in oar der mei pakke, sykje se út wêr't er wei komt. Weismite is begrutlik en dus is de sten ek meigien.

En de hoarn hinget yn it hok oan de earste spiker dy't Durk slein hat. Hy hat earst wol yn 'e kop hân en hâld ek yn Drachten it deistige appèl.

'Wy moatte gewoan ús dingen dwaan,' sei er.

Mar by einbeslút sjocht er yn dat it hjir net kin. It begruttet him wol, hy hold derfan om oan 'e ein fan de dei syn keppel oer te sjen. En it is de wei om baas te bliuwen. Mar stel dat er hjir jûns tusken de minsken appèl hâlde soe en de kloft stie op it hiem. It soe in moaie fertoaning wurde en gâns opskuor jaan. It hoecht hjir eins ek net sa bot. Elkenien hokket gear yn 'e keamer, de keuken of boppe, it is maklik oer te sjen.

Jûns foar bêdtiid heart er Bijke byljen. It hontsje sit yn 't hok en gûlt sa alderoatmoedichst dat Durk der wol hinne moat. Bijke is heulendal fan 't sintrum. Hy pipet en wringt him yn alle bochten om mar wat oandacht te krijen. As Durk derút sil, byt de hûn him samar yn 'e boksen. Durk wurdt der kjel fan.

'Dit hast noch nooit dien Bijke, wat sille wy no ha?' Hy nimt de hûn mei yn 'e hûs en hellel him even oan. Willem sit der noch en seit: 'Ik wol leaver net yn dy fabryk, heit. As ik dien krij, sykje ik yn Drachten wat oars.'

It fernuvert Durk net. De jonge hie oan de Sânleane altiten aardich syn slinger. It is in fjildman en sa'n-ien kinst net tusken fjouwer muorren sette.

'Do moatst mar ris sjen, jonge.'

Durk nimt de hûn mei nei de sliepkeamer.

‘Wat sil dit?’ ropt Foekje wylst se oerein stuitert.

‘Hy moat fannacht mar by ús bliuwe. Hy is fan 'e wize, niis biet er my yn 'e boksen en ik wol net dat er ferkeard wurdt.’

‘Och hearken,’ krimmeneart Foekje, ‘no tocht ik dat wy in kreaze húshâlding ha soenen en no ha wy de hûn al by ús op bêd. Dat ha wy oan de Sânleane noait belibbe.’

Durk seit mar neat en jout him del. Bijke giet tankber op 'e fuottenein lizzen en suchtet djip.

‘Wy moatte allegear wenne,’ seit Durk.

Haadstik 11

It foldocht o sa skoan, mar Durk soe wolle dat him in ko oer de hannen skiet en hy hat dochts altiten in hekel oan kij hân.

'Sa, dêr wie 'k al,' seit Durk.

Hy stiet foar it iepen rútsje fan it portiershokje en der geane him grutte kloften folk foarby.

'Ogenblikje,' seit de portier en yn 'e doar op 'e side stiet er immen te wurd. En dêrnei moat er earst telefoneare.

'Sis it mar.'

'No, ik soe hjir hjoed ommers oan 't wurk.'

'Soenen jo oan it wurk? Dat is moai, mar der binne noch twatûzen-fjouwerhûndert-en-twa-en-tweintich minsken dy't hjir op dit stuit oan it wurk geane.'

'Ik moast my hjir melde,' seit Durk geduldich, 'ik begjin hjoed foar it earst.'

'Just jawol, hoe is de namme? Ogenblikje.

Der is wer telefoan.

'Wêr wienen wy?'

'Jo fregen nei myn namme. Ik bin Durk Lugtigheid, ik moat achteroan wêze, yn it pakhûs.'

'Yn it magazyn bedoele jo. Ik sil even sjen.'

Skilje en dan it boadskip dat er him op it kantoar melde moat. Der is dêr in Hiemstra en dy sil him opheine.

Durk pandert tusken al dat folk it terrein oer. Gryt is al lang wei wurden yn de mannichte. In sprokkelnust gelyk, sa'n fabryk en elk skynt syn plak te witten. Underweis prate se ek noch fleurich mei inoar. Wylst Durk it swit yn 'e hannen hat.

'Lugtigheid wie de namme, leau ik hen? Hiemstra, oangenaam.'

It is deselde man mei wa't er okkerdeis de boel besjoen hat, noch net lang lyn, mar it lykje moannen. In fleurige man, wat al te fleurich lykas moast hy de kost der mei fertsjinje. Mar fierders kin men op sa'n man al net folle tsjin ha.

'Jo moatte strak mar even by de administraasje lâns, mar ik sil jo earst paadwiis meitsje.'

'Jonge ja,' seit Durk, 'it is hjir allegear sa grut, ik ha der wol oan.'

Se steane yn sa'n hege loads, sa heuch as in toer en de ein is amper te besjen. Oan 'e kanten grutte steapels kisten en doazen, op 'e midden rails dêr't spoarweinen opsteane dy't hjir laden wurde.

'Wel, dit is jo foarlân. As korveeër hawwe jo it hjir goed. Kâld is it noait, hyt ek net en it is hjir net sa drok. Suver gjin masines, sjogge jo wol? Allinne in pear heftrucks, mar dy hearre jo amper. Nee, dit is net sa'n beroerd plak.'

'Dat liket my sa ta.'

De man wiist Durk de dingen en besiket út te lizzen wat der yn dy kisten en doazeboel sit en hoe't it fierder om en ta giet.

'En hjir hawwe wy ús kantine, de belangrykste ôfdieling. Jo moatte de boel skjin hâlde, alle dagen in pear oeren, mear tiid ferget it net. Sa machtich binne wy hjir net.'

Mar wer fierderop.

'Hjir is de klaaigelegenheid. Elk in kast mei syn wurkklean. As wy jo dizze kast ris joegen, nûmer 92. Mar goed ûnthâlde, 92, ik sil jo aans in overal bringe.'

Oan arbeidzjen komt Durk de moarns net ta en de middeis wurdt it ek neat. Hy moat by de administraasje lâns en dêr dogge se it har oan tiid.

De jûns seit er tsjin Foekje: 'No ha 'k dêr de heule dei west en noch gjin slach dien.'

‘Dat soks allegear út kin. Wat moat der al wat fertsjinne wurde as safolle minsken besteld binne mei de omballingen. Ik ha altiten tocht dat elkenien wat makke en no hear ik dat party minsken noch noait in skearapparaat of sokssawat oanrekke ha,’ seit Foekje. ‘Soe soks op den duer goed komme?’

Durk leit har út dat der minsken op de kantoaren sitte, dat der túnmannen binne, chauffeurs, kofjesetters, skjinmakers en gean samar troch en Gryt folt oan dat der ek noch in laboratoarium is en dat dêr gâns minsken sitte dy’t trije kear safolle fertsjinje as in arbeider.

Durk hie noch wol even op 'e tekst wollen oer syn earste wurkdei yn tsjinst fan it grutkaptaal, mar Foekje hat in pear driuwende dingen.

‘No wat oars, Durk, dy hûn dat kin sa net. Ik ha hjir hjoed twa kear dat minske fan hjir neist wei oan 'e doar hân. Bijke skuort by har de blommen út 'e tún, seit se en doe't se him fuortjeie woe, soed er har oanfleane.’

‘Dat falt wat ta.’

‘Dat kinst no wol sizze, mar ik sit der oerdei mei. Dy hûn moat fêst.’

‘Dat kin net, it hontsje moat syn frijheid ha.’

‘Hy siet ek hast ûnder in auto,’ seit Klaske, ‘it skilde neat.’

‘Duvel, jimme moatte him achterhûs hâlde,’ falt Durk lulk út. ‘Dat hie 'k dochs sein?’

‘Wy kinne net de heule dei om dy hûn tinke. Wy ha wol wat oars te dwaan.’

‘Wat soe 't wêze, dit wie dochs sa'n maklik hûs?’

‘Dat is 't ek, mar it moat wol syn ûnderhâld ha,’ seit Klaske. ‘En wy ha in soad wurk fan de bern. Lytse Durk siet fan 'e moarn mei in skjirre yn de flierbedekking te dollen en myn jonkje stiek mei in spiker

yn de beklaiing fan de bank om.'

'Wat dogge jim ek mei sok djoer guod. Hie der in matte op smiten. Der leinen trouwens moaie planken ûnder. By ús folk waard de planken flier skjirre mei wyt sân en dan wie 't sa kreas as wat.'

'Och heit, hâld no ris op oer froeger. En heit soe yn 'e keamer de skuon útdwaan, it wâdet sa yn. Dat moat mei de bern ek oars. Se komme mei de geitestront oan 'e sokken de keamer yn stowen.'

'Stumpers, wat ha jim sa in wurk fan it wurk. Op 'e Sânleane ha 'k jim der noait oer heard.'

'Dêr hoegde it net.'

Durk hâldt him mar stil. Hy sit op dy nijmoadrige bank en slacht yn de âlde kranten om dy't Klaske fan Aaltsje krigen hat. Hy hat noait in lêzer west en it ferfeelt him samar. It is ek goed gleon yn 'e hûs, hy smyt de skuon út en hinget de jas oer de stoel.

'Oprêde,' hjit Klaske him, 'it jaske yn 'e gong oan de kapstok en de skuon der ûnder.'

'Miskien doch ik de jas aans wol wer oan.'

'Dat kin yn 'e gong ek wol.'

'Soe dy geit net fuort kinne, Durk?' eamelt Foekje. Dan hat Durk wier syn nocht.

'No moatte jim ophâlde, oars slaan ik jim mei de koppen tsjin inoar. Wat is my dat hjir foar in gedonder.' De froulju swije en even letter fûtert Durk: 'De kop rint my om nei sa'n earste dei en dan dat gesanik fan jim der by...'

De grutte jonges komme thús. Earst Tsjerk dy't de kypauto netsjes tsjin it trottoir oan set. Hy is der amper yn of de buorfrou stiet op 'e stoepe.

'Moat dy grutte bak krekt by ús foar de glêzen?' freget se brimstich.

'Wolle jo him yn 'e tún ha?' ropt Tsjerk út 'e keamer wei.

‘Ho Tsjerk, fatsoenlik bliuwe,’ moannet Foekje.

‘Jo ha der dochs gjin lêst fan?’ seit Klaske dy’t iepen dien hat. ‘En moarnier is er wer fuort.’

‘It stiet sa raar, sa'n frachtauto foar de doar, krekt as...’

‘Krekt as wie jo man chauffeur, tink? No, dat sil ik him net oandwaan, dat kin net foar in arbeider fan Philips. Ik sil him der fuortdaliks weiride,’ ropt Tsjerk.

Hy bringt de auto nei it parkearterrein fierderop.

‘Wat hat dat folk it hjir drok mei op in oar te passen,’ bromt Durk.

Dan komt Bouwe thús. Hy knalt mei syn brommer it paadsje achter de huzen lâns en giet mei piipjende remmen troch it stekje. Bijke blaft him it wolkom ta en it jout al mei al in soad lawaai.

‘Dat moatst net wer dwaan,’ seit Foekje. ‘Guon minsken ha de lytsen al op bêd en dan kin soks net. It klinkt sa lûd tusken de huzen.’

Willem en Jantsje binne de lêsten. Willem hat in sek by him en dêr sit in kat yn.

‘Is dit noch ien fan uzes? Hy siet foar de doar op 'e Sânleane en it begrutte my in bytsje, dat ik ha him mar meinommen.’

‘Och hearken, de katten, noait wer oan tocht,’ seit Durk.

Foekje: ‘Ikke wol, mar ik ha der mar net oer praat.

Soenen se har net rêde?’

‘Feike Dam sil der grif mei ôfweve.’

‘Dus, do hast al wer oan 'e Sânleane west,’ stelt Foekje fêst.

‘De skou even oan 'e ketting lein. Se ha planken foar de doar spikere en op it hok sit in grut hingslot,’ rapporteart Willem.

‘Wat moatte wy mei dy kat? Al wer in stik fee derby,’

krimmeneart Klaske.

'In kat bringt gjin wurk oan. Earst in pear dagen yn 't hok en lit him dan mar rinne,' seit Durk.

'En dan sil er wol gau deariden wurde. It bist wit net iens wat in auto is.'

'Dêr kinne wy net foar wêze,' is Foekje fan betinken.

Durk seit tsjin Willem: 'Moatst alris fernimme wat se mei it hûs fan doel binne. As it safier is dat de gemeente it hat dan sil ik der hinne.'

'Dy slach ha wy ferlern, Durk,' seit Foekje. 'En de gemeente hat de ferhuzerij betelle, dat moatst net ferjitte.'

'Ik wol deroer prate, ik stean op myn rjocht en ik gun dat frommes de winst net.'

Se sille dan mar oan de iterstafel. In heul geheister, want de bern meie net grieme. As der oan 'e Sânleane wat op 'e flier rekke, rêde Bijke der mei. Hy hold de matte sûkerskjin. Mar hjir falle hurde wurden om it swilk yn 'e keuken moai te hâlden.

Bearend en Hindrik hawwe gâns te fertellen. Ien strjitte fierderop is in boarterstún en wat dêr net allegear is... Se hawwe al even op 'e fûst moatten, want alle bern kearden har ienriedich tsjin de ynkringers. Mar de beide mantsjes hawwe goed fan har ôffeegd. It grutte foardiel is dat se inoar no net mear ôftuge.

'Ik ha dy iene in bêste bloednoas slein,' rapporteart Bearend.

'Ik leau dat ik trije kear bloed sjoen ha,' swetst Hindrik.

'No, dan sille jim moarn wol op 'e bealch krije,' seit Klaske.

En wy lulke memmen oan 'e doar, tinkt Foekje.

'As se jim tenei komme, feech der dan mar yn,' moe-

dicht Tsjerk oan.

‘Mar ek net earder,’ seit Klaske.

‘Jim moasten it earst mar ris yn frede besykje,’ slacht Foekje foar.

Sa'n boarterstún is oars al in lust, heul wat oars as de âld linebeam oan 'e Sânleane en sa'n stik suterige bosk. De jonges hawwe alles besocht en se hâlde it tenearsten op 'e rûtsbaan.

Willem seit: ‘Heit, it is no noch myld waar. Wy koenen fan saterdei op snein wol wat smytlyntsjes en in pear dôbers útbringe. Ik leau grif dat wy iel fange.’

‘Wêr woest dat dwaan?’ freget Tsjerk.

‘Yn it Djip fansels, by ús thús.’

‘Dat soe 'k net dwaan, dat kin no net mear,’ seit Foekje.

Durk is it der net mei iens.

‘Ast in heule wike yn sa'n fabryk stien haste dan is 't fansels in goed ding, sa'n nacht yn de frije natuer. Dat hat Willem goed sjoen.’

‘Do hast oars noch mar ien dei yn 'e fabryk west, Durk.’

‘En ik fernim no al hoe goed it my dwaan sil om der even by wei. Kinst begripe hoe't dat oer fiif dagen wêze sil.’

‘Feike Dam sil der wiis mei wêze,’ is Klaske fan betinken. ‘Mient er krekt dat er jim kwyt is en de earste de bêste saterdei binne jim der al wer.’

‘Wy kinne ús nachts in pear oeren deljaan yn in leech bedstee,’ stelt Willem út.

‘Do seiste dat der planken foar de doar spikere wienen.’

‘Dy pear planken ha wy der samar foar wei.’

Klaske: ‘Mar dat mei dochs net?’

Durk seit opsternaat: ‘Ik soe net yn myn eigen hûs meie? No moat it net mâlder wurde.’

En even letter: 'It is ek goed foar de hûn, kin er him even tjirgje. Ik soe sizze as it knap waar is, moat it mar oangean. Hoe is 't mei de moanne?'

'Hat krekt fol west.'

'Dat past skoan. Soenen wy noch brune slakjes fine kinne?'

'Dêr rêd ik wol mei,' seit Willem. 'En ik soargje ek wol foar in klute dauwjirms.'

Foekje seit: 'Ik hie oars tocht wy soenen saterdeitemiddei moai te winkeljen, do en ik. Ik wol dy winkels ek wolris besjen, ik ha der noch gjin stap út west. As Klaske in pear oeren op 'e bern past dan ha wy de hannen frij.'

'Mem, wat moat ik by dy winkels lâns? Ik kostet trouwens mar jild.'

'Dat hoecht net, allinne even besjen.'

'Soks is ûnnut, te winkeljen en neat keapje.'

'Heit moat ek wat om mem dwaan,' seit Klaske.

'Der komme noch saterdagen genôch dat wy Drachten yn kinne. En it is no noch waar om der even út.'

'Ik woe saterdeitejûn wol nei de bioskoop,' seit Klaske ynienen en se kriget in kaam.

'De bioskoop, nei de film bedoelste.'

'Ja, nei de film.'

'Mar bern, der is ommers alle jûnen film foar de televisy.'

'Yn 'e bioskoop is it oars, folle echter.'

'No, soks begryp ik net, mar do moatst it sels mar witte.'

'En ik,' seit Foekje, 'ik soe graach nei in útfiering wolle. Sûnt ús trouwen ha ik net wer nei in útfiering west. En dat liket my no sa moai ta.'

Durk begrypt der neat fan.

'It koe jim allegear wol yn de plasse slein wêze. Jimme binne heulendal út jim dwaan, nei de bioskoop,

nei de útfiering, te winkeljen...'

'Wy sitte der no deun by, Durk.'

'Yn de Lawei binne toanielstikken en revuen en sa, soms wol twa kear yn 'e wike en der binne moaie programma's by,' bringt Klaske nei foaren.

'De Lawei, dat grutte ding foar oan yn Drachten?'

'Jawis, dat is de skouboarch.'

'Och fanke, dat is dochs neat foar ús soart minsken.

As Tetman de Vries der no noch ris kaam...'

'Tetman spilet der geregeld.'

'En wat kostet soks?'

'Gûne of trije-fjouwer de man.'

'Asjeblyft, dêr ha ik leaver in heale mingel Bearenburch foar.'

'Mar ik bin der ek noch,' spat Foekje op, 'en ik ha leaver gjin Bearenburch.'

'Leave, do hast dyn húshâlding.'

Se tsiere der ûnder iterstiid oer troch en de oare deis wer.

Durk kin der net tsjin op. It wurdt him dochs allegear tefolle, dy fabryk oerdei, de swierrichheden mei de geit en de hûn, it gegûl fan de bern en al dy oare lytse argewaasje.

'Oan de Sânleane hienen wy it aardich frediger,' seit er. 'Hawar, wy sille mar rekkenje dat it oerbettert. Wy binne allegear út ús dwaan.'

Tenearsten bliuwt dat lykwols sa. Der is alle oeren fan de dei wol wat. As Durk fan it wurk komt - hy hat no yndied in pear hantaasten dien - stiet der in plysje foar de doar.

'It giet om jo soan,' seit de man, 'der binne klachten oer him.'

'Kom der yn en sis my hokker it is.'

Dêr hat de plysje wol oan, mar ien fan Durk syn jonges hat in jonkje fan de oare kant in optater jûn en

doe hat de mem de plysje skille.

‘Dat is ek wat,’ seit Durk, ‘en moatte jim dêr dan daliks achteroan? Sokke bernerûzjes ha 'k my noait mei bemuoid, mar as it op 't heden sa is dat de plysje der yn om reagje moat dan wol ik wol leauwe, dat der hyltiten mear fan jimme soarte komme moatte.’

‘It is oars aardich oankommen,’ seit de plysje.

‘Och ja, sokke jonges fege ta. In bulte en in blau plak bliuwe der al gau fan oer.’

‘It wie justjes mear, in bêst gat yn 'e holle. Ik ha it even besjoen.’

Durk bliuwt geduldich.

‘Dat kin fansels, dat kin. Bern binne noch wat weak boppe op 'e holle.’

‘It wie gâns in gat, de dokter hat der in stik as fjouwer krammen ynsette moatten.’

‘Tsjonge noch ta, dan hat er goed lulk west.’

‘Wa hat goed lulk west?’

‘Ien fan myn jonges, as it teminsten ien fan mines west hat.’

‘Is der ek ien thúskommen mei blauwe plakken en bulten? Want hy sil syn part dochs ek wol hân ha.’

‘Ik tink dat it Bearend of Hindrik west hat en dy binne der noch net. Se sille yn de boarterstún wêze. Dat is wat nijs foar dy mantsjes en se meie der graach wêze.’

‘Ja, dêr moat it west ha, yn de boarterstún.’

‘Hie 'k wol tocht. De oaren wolle har der net ha en dan is 't fansels los.’

Se prate der in skoftsje op om, dy plysje is net ûngenegen en hy hat it blykber ek wol oan tiid. Dan komme de beide jonges thúskommen. Durk nimt se daliks yn 't ferhoar en it docht bliken dat Bearend de swierste klappen útdield hat.

‘En wêrom moasto dy jonge sa fûl slaan?’ freget de

plysje.

Bearend is wol skruten, mar hy kin him ferdigenje, fernimt Durk mei nocht.

‘Ik ha him ien klap op 'e harsens jûn, mear net, mar doe wied er ek daliks stil,’ seit Bearend.

‘Dat moat dan in hurde klap west ha. Mei in kneppel of sa?’

‘Nee, mei in izeren stange, mar sij wienen wol mei har tsienen en se begûnen allegear tagelyk, dat is net earlik.’

Durk seit: ‘Oars hie myn jonge net mei in stik izer slein, dat ha 'k se net leard. Ik sis altiten: as it heal kin net fjochtsje, mar as it wêze moat dan mei de fûsten.’

‘Wêrom moast der fochten wurde?’ wol de plysje witte.

‘No, dy fint sei dat ús heit in druif wie.’

‘In wat?’

‘In druif en dat ús heit bûtendoar stie te pisjen en dat er in lulke hûn hie en sa.’

‘Soa en doe tochtsto: ik jou him mar in klap.’

‘Se woenen ús ek net op de rûtsbaan ha.’

It docht bliken dat Bearend en Hindrik net witte wat in druif is, mar se hawwe oannommen dat it in slimme mislediging wie en doe't de rûtsbaan harren ek noch ferbean waard, doe hawwe se rjochtdei holden. Hindrik hat ek noch wat opheind, dat heit of mem of Klaske in hoer wie of sa.

‘Tja, wat moat men der al fan sizze,’ seit de plysje, ‘der giet wat om yn de bernewrâld.’

‘Sa is 't en dêr moatte grutte minsken har net mei bemuoie,’ seit Durk. ‘Ik soe sokke âlden wizer ha wolle.’

‘Dat is sa, mar as se inoar hast de harsens ynslane...’

‘Dêr ha jo wer gelyk oan, sa'n izeren stange dat komt te bot oan.’

En tsjin de jonges: 'Dat moat net wer, hearst dat Bearend?'

'Ik koe sa gau oars net fine, heit.'

'Lis dan tenei in eintsje hout klear, as se wer mei tsien man begjinne, kinst se dochs fan 'e hûd hâlde. Tinkt jo ek net, plysje?'

'Ik soe it net adviseare wolle, hout kin ek hurd wêze.'

Bearend seit: 'Wy geane dochs net wer nei de boarterstún.'

Hindrik folt oan: 'Neat mear oan. Ik ha wol hûndert kear by de rûtsbaan del west en wol twahûndert kear yn de draaimûne sitten.'

'No, dan lost it probleem himsels op,' seit de plysje en hy giet oerein. 'Sille wy it dan sa earst mar litte?'

'Dat liket my it bêste ta.'

'Miskien kinne jo even nei dy minsken ta en it útprate,' ornearret de plysje.

'As dat perfoarst noadich is... Ik ha dêr oars gjin boadskip, ik bin net nei de plysje gien.'

'Dat is sa, hawar ik gean der sels noch wol even hinne.'

Foekje hat it der swier mei.

'Ik leau wy kinne hjir gjin goed dwaan, Durk.' Gryt seit: 'De bern binne oan 'e Sânleane foar wyld opgroeid.'

Sokke ferwiten kin Durk min oer.

'Gjin sprake fan, dy bern hawwe leard om fan har ôf te biten. Ik soe der net oer meie as it oars wie. En do bist ek oan de Sânleane grut woarn.'

Klaske sit tryst foar har út te sjen.

'Dat slacht op my,' seit se ynienen.

'Wat bedoelste?'

'Dat lêste dêr bedoele se my mei.'

'Och berntsje, it boargendom wol wat te praten ha. Se

ha hjir oars ek net folle.'

'Sa is 't Durk, de minsken ha hjir suver neat.'

'Dat bist dus wol mei my iens.'

'Jawis, dat is te sizzen...'

'Dat is te sizzen,' seit Durk en hy giet der foar sitten, 'dat is te sizzen dat ik wol sa leaf oan 'e Sânleane bleaun wie.'

Hy lit it yn him omgean, draait in sjekje en seit: 'Witst wat it is, ik ha no in pear dagen yn dy fabryk omslein...'

'Noch mar trije dagen,' suchtet Foekje.

'Alles bêst en ik ha neat te kleien. Mar fan 'e middei doe hie 'k in moaie bulte rommel by inoar fage en doe tocht ik ynienen: as ik oan it sleathekkeljen wie dan siet der soms in mûdhontsje of in ieltsje tusken de drek. En dat bart yn sa'n fabryk noait, hen. Altiten itselde. En doe tocht ik ek: ik woe wol dat my in ko oer de hannen skiet. Is 't net nuver? Want ik ha dochs altiten in hekel oan kij hân.'

Haadstik 12

It hie noait wêze moatten, seit Willem, mar de jonge hat altiten al wetich west. En sa fier is de Sânleane ek wer net.

‘Wat giet sa'n hûs hurd fan jin ôf,’ seit Durk.

‘Sa lang binne wy hjir oars noch net wei,’ antwurdet Willem. ‘In dei as tsien.’

Se steane tegearre op 'e reed neist it hûs en sjogge de pôle oer.

‘It liket wol in healjier lyn,’ seit Durk. ‘It wersjen docht my suver goed.’

En oars Bijke wol. It dier draaft oerstjoer om it hûs hinne, fan klearebare wille springt er tsjin de muorren op, krekt salang oant er mei de tonge út 'e bek foar Durk syn fuotten delsiicht. Mar fuort letter fansels dwars troch it Djip hinne en op 'e kop yn in molleril. Se binne tegearre op 'e fyts fan Drachten kommen. Se soenen net earder as om fiif oere fuort, want Willem hie alles al klear stean: in hûndert smytlinen, in stik as fyftich dôbers, brune slakjes, dauwjirms en wat lytse fiskjes foar in swiere iel. Mar it brânde Durk daliks nei it iten al yn en Willem hie de ridel ek, dat se binne mar ôfset.

En no steane se by it âlde hûs en Durk wurdt der suver oars fan. De gemeente hat op beide einen in nij buordsje spikere mei ‘Onbewoonbaar verklaarde woning’. Durk is yn 'e wille en rop dy buordsjes der ôf. ‘Och, wat kin 't skille,’ seit Willem, ‘wy kinne better dy planken foar de doar weiskuorre, dan ha wy fannacht plak. Ik ha it hok al iepen.’

‘Elk hoecht net te sjen dat wy hjir binne,’ seit Durk en hy skoot syn fyts achterhûs. ‘Eins binne wy net wiis om hjir sa gau te wêzen. As Feike Dam ús fer-

nimt, leit er jûn klear.'

Se dogge har dingen.

'Wy jouwe ús yn de achterein del, dan sjocht gjin mins ús.'

It is wat rûzich, de sinne hat der hjoed net by west en eins is 't net sa gaadlik te ielfiskjen, al kin it tafalle.

'Want ik ha it wol hân,' seit Durk, 'dat ik yn oktober mei wyld waar dochs in soad iel oan 'e dôbers fong. Jo ha der mei iel gjin sizzen fan.'

Yn it hok leit noch in bultsje strie. Se nimme der elk in earmfol by wei en bringe it yn 'e keuken dêr't se der yn 'e hoeke in nachtleger fan meitsje.

'Skoander plak heit, hjir hâlde wy it wol út.'

Willem sleept de kiste mei dôbers en iellyntsjes yn 'e hûs en de trompkes mei ies.

Hy seit: 'Wy hienen dat âlde potkacheltsje der by ha moatten. It leit achter yn 't hok, ik sil it takom wike ûnder de skoarstien sette.'

'It is net kâld, der hoecht gjin kachel by.'

'Mar fan 't winter is 't noflik.'

'Jawis, winterdeis is 't noflik. Wat seiste? Wat wolsto hjir fan 't winter út 'e wei sette?'

'No, wy soenen in kear te kninestreupen.'

'En dan hjir ús bivak meitsje.'

'Dan ha wy krekt as de rike lju in twadde hûs, in rekreaasjewenning.'

Durk hat der wille om.

'Ik tink dat Feike Dam ús gau yn 'e gaten hat. Mar as wy it mei ferdrach dogge...'

Hy prakkeseart der op om.

Willem seit: 'Ik wol de heule winter net yn dat nearzige Drachten omstrune, saterdeis en sneins, en heit ek net, tink?'

'Ut en troch in loop it fjild yn, dat soe in goed ding wêze.'

‘Dat hie 'k ek tocht.’

Durk hat de termoskanne mei kofje út 'e tas helle en jit har beiden yn.

‘It is noch ier, mar as wy in stikje iten ha dan kinne wy wol begjinne te iezjen. Om healwe sânen is 't tsjuster moastst rekkenje en al te let útlizze is ek wer net goed.’

Se ite harren brochjes en Bijke kriget syn part. De hûn hat him omraak tjrige en jout him del.

‘It dierke is suver opfleure,’ seit Durk.

Bûten falt in bui en der komme wynstjitten út.

‘Hast de dôbers goed oan it lead?’

‘Se driuwe net fuort.’

Durk kriget in pear út 'e bak en besjocht se.

‘Yn oarder, it moat al in grouwen-ien wêze as se dizze ferslepe sille.’

‘Fan alles der wat oan, heit?’

‘Ja, it komt net sa krekt, it is dochs besykjen.’

Se pikke de slakjes oan 'e heakken, heale dauwjirms dy't se mei de neils yn twaen knipe en lytse wytfiskjes en poasken. Der sit al gau in oere wurk yn, mar se dogge it harren oan tiid. As it oan de lêsten ta is, hellet Willem in mingel Bearenburch foar 't ljocht.

‘Ik tocht, heit sil wol in slokje ha wolle.’

Durk sjocht syn jonge oan en fielt in grutte tagedienens.

‘Dat is frekte aardich fan dy. Ik hie der sels net oan tocht, jit my gau ien yn,’ seit er.

Willem skinkt twa buorrels yn.

‘It heart derby, no.’

‘Sa is 't, mar ik hâld dy al koart, heite. Twa, mear krigest net, oars stiicht it dy nei de holle.’

‘Falt wat ta, ik krij op it wurk ek wolris ien.’

Willem fermakket him ta te teannen út, dat sjocht Durk sa wol, de jonge praat folle mear as oars. It is

nuver hoe't er oplibbet as it om streupen en fiskjen giet. Hy hat it fan my, tinkt Durk. Alle oare jonges kin it neat skille. Hy begrypt net wat harren besielet mei dy moterboel. En dan sit der samar ien tusken dy't syn aard hat. Salang't se oan 'e Sâneane wennen is 't him noait bot opfallen.

Om healwe fiven stiet alles klear.

'Ik doch even it fel oer de eagen,' seit Durk. 'Fannacht sil it net folle wurde.'

Hy nustelt him yn it strie en skikt de âld mesjesterjas ûnder de holle.

'Wolst wol leauwe dat ik hjir suver noflik lis. It is ek in stik rêstiger as yn sa'n nije buert, fernimst dat wol?'

Willem draait in sjekje en giet mei de rêch tsjin it âlde oanrjocht sitten.

'It is my dêr neat.'

'Jou dy ek mar del.'

'Wy wurde dochs wol op 'e tiid wekker?'

'Ik ha my noch noait ferslept.'

Lang bliuwt it lykwols net fredich. Durk hat krekt de earste sliep troch de lea hân as Bijke oerein komt en begjint te brommen. Se hearre in bromfyts dy't it hiem op komt.

'Dat is Bouwe,' seit Willem. 'Wat moat dy hjir?'

Bouwe is hjir grif net kommen om fannacht mei te fiskjen.

Hy raast twa slaggen om 'e pomp hinne, lyk as eartiids en ropt: 'Hui, binne jim dêr?'

Durk springt lulk oerein en ropt de doar iepen.

'Doch dat ding út, do healwizeling. Aans ha wy Feike Dam hjir.'

Bouwe draait de gashandel ticht en set de brommer tsjin 'e muorre.

'Wat silsto?'

‘Even in nije karburateur op 'e moter sette, dan wol er wat hurder.’

‘En moastst dêrfoar nei de Sânleane?’

‘Yn Drachten mocht it net fan mem en Klaske.’

‘Wêrom net?’

‘De buorlju ha der west, ik makke tefolle leven. Mar ik moat de moter dochs even draaie litte, oars kin 'k it net kontroleare.’

‘En do ûnferstân woest dat hjir mar even dwaan?’

‘Wêrom net?’

‘Do giest mar nei de Liphúster heide ast dat ding knetterje litte wolste. Elk hoecht net te witten dat wy hjir binne.’

‘Wat binne jim hjoed allegear sinnich. Wêr moat ik dan hinne?’

‘Kin my neat skille. Do kinst hjir mei it ding omknoeie en dan fansels achterhûs, mar dat útprebearjen dochst hjir net, begrepen?’

‘Ik ha ek noch boadskip fan mem. Se frege oft heit jûn thús komme koe.’

‘Wêrom?’

‘Aaltsje en de man komme te praten en Gryt har nije feint is der ek.’

‘Dat is moai, dan is der folk genôch.’

‘Aaltsje hat der fan 'e middei west en dy wie wakker sneu, dat heit fuort de earste de bêste saterdei it fjild yn wie.’

‘Dat giet Aaltsje neat oan, dy is op harsels.’

‘En Bearend en Hindrik hawwe op 'e bealch hân.’

‘Soa, hawwe dy har master fûn?’

‘It wie in grutten-ien, de heit fan de jonge dy't in gat yn 'e kop hie. Hy spile frij wat op en mem ek. Doe kamen de buorlju en dy wienen lulk omdat se mem en dy man troch de muorre hinne hearre koenen.’

‘Dan moatte se mar bettere huzen bouwe.’

‘Dat frommes hat ús mem útskolden foar fiskwiif en doe soe Klaske har in klap jaan, mar Tsjerk hat se der by wei holden en doe kaam ...’

Durk draait him om.

‘Ho mar, ik krij it moarn allegear wol te hearren en dan kin 'k my noch lulk genôch meitsje. Mar fannacht binne wy te fiskjen en dy wille lit ik my net fergalle.’

Bouwe seit: ‘Ik set de karburateur derop en dan kin 'k him ûnderweis nei Drachten wol even útride. Ik kin foar 't tsjuster noch krekt dien.’

‘Ast mar stil biste en net tefolle yn 't sicht.’

Durk jout him wer del yn 't strie.

‘En no sil ik in kniperke dwaan.’

Mar dy argewaasje fan thús lûkt er him dochs oan.

‘Wat in spul, wat in spul,’ seit er tsjin Willem. ‘As it sa moat dan sil ik aans alris in pear mei de koppen tsjin inoar hâlde.’

‘It sil wol bekomme,’ treast Willem. ‘Mar ik leau net dat ik nei Philips gean.’

Durk wol der wat tsjin yn lizze, mar hy hat der gjin nocht oan.

‘Do moatst it sels witte, kinst it altiten noch dwaan. Der is alle dagen ferlet fan folk.’

Hy slûget in skoftsje oant Willem him wekker makket.

‘Heit, wy moatte los, it begjint te skimerjen.’

Bouwe is ôfset. Hy hat de brommer in eintsje de reed lâns treaun ear't er him oansloech, fertelt Willem.

Se bringe de beide kisten mei ark nei de skou dy't yn 'e sleat neist it hiem in bêst plak hat. Under de beamkes is er suver net te sjen.

‘Mar fan de fierste kant ôf begjinne, heit?’

‘Fuort om 'e hoeke soe 'k sizze. Dan kinne wy op 'e weromreis de earsten oppakke.’

Willem kloetet it Djip lâns. It wetter is aardich heger kommen en der stiet wat stream. De wyn hat him deljûn en it wurdt moai waar. Om 'e hoeke dêr't se fan de brêge ôf net mear sjoen wurde kinne, begjinne se de dôbers út te lizzen. It is dan alhiel tsjuster wurden, mar Durk pakt de dôbers op it gefoel út 'e kiste, hellet de strûp der ôf en lit it lead sakje. Dan kriget er de heak mei it ies en wylst de boat fart, rint de line ôf sadat it lead yn 'e wyn op komt te lizzen en de boel net gau tizet.

As se de dôbers op ha - se binne dan hast by de Kettingbrêge - wurdt de boat oan 'e wâl lein. Willem sjout de kiste mei smytlinen en Durk leit se út. Hy hat in pak kranten ûnder de earm, kreas yn fjouweren skuord en hy stekt it stokje troch sa'n stik krante. Se soenen de smytlinen oars yn 't tsjuster net maklik werom fine.

Der hoecht net by praat te wurden. As alles teplak is jouwe se har del yn 'e rûchte fan de ûnderwâl, achter in pear jonge elzebeammen. Se roke in sigret en skermje de gleone punt mei de hân ôf. Durk hellet de flesse út 'e binnenbûse en beide nimme se der wat út. Se hawwe der rekken mei holden dat it nachts aardich fris wurdt. In lange ûnderbroek ûnder it mesjester, twa truien oer inoar hinne en de kraach fan de jas omheuch. Durk giet op 'e side lizzen mei de holle tsjin de skeane kant en Bijke krûpt tsjin him oan. It hontsjje is al noch wat dampich fan it swimmen yn it Djip, mar dat broeit der aans wol út. It duorret mar even en Durk is ûnder seil. Willem is tsjin heite rêch oanskood sadat er noch wat waarmte kriget, mar de jonge slept fansels net. Hy is fierstente nijsgjirrich en soe it spul daliks wol ophelje wolle.

Durk wurdt wekker troch in stomp fan Willem.

'Heit, der komt wat oan,' flústert de jonge. Durk fear-

ret oerein en harket. In kloet yn it wetter en twa stimmen, in boat dy't it Djip del komt. Se krûpe súntsjes by de wâl op en geane in eintsje tebek. Durk knibbelt en lûkt Willem tsjin 'e grûn.

'Plat lizze, earst sjen wa't it binne.'

Botte mijen binne de mannen net. Se prate lûdop en hawwe der in bûslantearne by. Dom wurk, neffens Durk.

'De konkurrinsje,' gnysket er, 'se lizze ek dôbers út.'

Willem tilt de holle op.

'Streupers, heit?'

'Ik tink it al, even hearre wa't it binne.'

De mannen komme fan de oare kant en farre harren foarby. Durk komt oerein. Hy docht in pear stappen nei foaren en freget: 'Bisto dat, Meine?'

Even stilte, dan it lûd fan Meine van der Heide. 'Wa is 't?'

Hy ljochtet oer it lân.

'Ferduld, Durk Snoad hie 'k tocht.'

'Soest dat ljocht net even útdwaan? Wy hoege Feike Dam der net by, wol?'

De mannen farre nei de wâl.

'Ik wit net wat jim fan doel binne, mar wy ha hjir smytlinen lizzen,' seit Durk. 'Hoe sit it, is Feike Dam der net? Jim koenen wol permisje ha.'

'Sa soest it neame kinne.'

'Is er hjoed te jeien mei de hearen?'

'Hy sit by Elsje te pimpeljen.'

'Mar hy kin jûn noch wol in slach troch it fjild dwaan.'

'Jonge nee, it is syn tredde dei al, hy hat syn bekomst wol.'

De mannen stappe út en geane der even foar sitten.

'Moaie nacht, Durk.'

'Do ek mei, Folkert? Ik tocht al...'

‘Wy ha noch in tritich dôbers,’ seit Meine, ‘en dy moatte wy al kwyt.’

‘Smyt se der mar yn. Wy ha op 'e lêste ein lyntsjes lizzen. As jim de oare kant oanhâlde dan pleagje wy inoar net. Wêr binne jim begûn?’

‘By de Himriker brêge.’

‘Duvel, dan ha jim der wol wat oan dien.’

‘Goed trijehûndert.’

‘As jim hjir even wachtsje, dan kinne wy aans de smytlinen ophelje. Jim soenen ús grouwe ielen ferbalje kinne.’

‘Dan keapje wy ien,’ seit Meine en hy lit de flesse omgean.

‘Hearken Durk, do hast it yn Drachten net lang útholden.’

‘Wy sitte noch yn Drachten, mar wy soenen fannacht even nei it waar sjen. Moarnier geane wy wer op hûs oan.’

‘Foldocht it yn dat Drachten?’

‘Skoan, it hoecht net better. It moat wenne fansels, mar it falt my net ôf. Skjin wurk, moai binnendoar en dat is winterdeis wat wurdich. Freedtejûns fiif oere bist der ôf oan moandei ta. Nee, dan moatst my net prate fan it boerewurk en sa.’

‘It hat wat foar, dat is sa. Ik ha heard datst earst noch in grouwe bok sketten hast, is dat wier? Feike Dam hat in moai skoft fan de wize west.’

‘Soa, sizze se dat ik in bok sketten ha?’

‘Feike Dam hat it by Elsje ferteld.’

‘Hy hat it der tsjin my ek oer hân,’ seit Durk.

‘Ik wie lêsten by lds op 'e Lege Ein en dy hie reefleis yn de fetpanne.’

‘lds moat net safolle prate.’

‘Hy hat ek neat sein, mar ik hie dy twa dagen earder al de Boarnburgumerdyk útfytsen sjoen.’

‘No ja, it let ek neat,’ seit Durk. ‘It wie myn útsetter, moastst rekkenje. Ik woe in goed stikje fleis mei ha nei Drachten en Foekje hie noch in nust lege wekflessen te stean. En it fleis is yn dat Drachten goed djoer. Streupsto noch, Meine?’

‘In bytsje piele, Durk, mar it wurdt nuodlik. De kantonrjochter feecht deryn en ik ha der gjin trije moanne mear foar oer. Ik kin sa hurd ek net mear rinne.’

‘Sa giet it my ek.’

‘Mar do hast in bok sketten.’

‘De gelegenheid wie der, oars hie 'k it net dien. Dizze bok kaam alle dagen by my te dachsizzen, hy woe der graach ôf.’

Meine hat de flesse nochris krigen.

‘Is dit ien fan dyn jonges, Durk? Mei er al in slokje ha?’

Hy wachtet net en langet Willem de flesse oer.

Willem betanket. ‘Ik ha al in pear hân. Sille wy aans mar los, heit?’

De jonge sjocht it swurk driuwen. Heit noflik yn petear mei âlde maten, de flesse der by. En Feike Dam hat genôch oan himsels, dat it driuwt harren net. It sit ek o sa smûk yn 'e wâl. Dit kin lang duorje en de jonge wol fiskje.

‘Wy moatte de iel al de tiid jaan om troch te biten,’ seit Durk. ‘Ik nim noch ien en dan sille wy ris sjen. Jimme kinne fuort wol achter ús oankomme.’

‘As it moarnier sa útkomt, sizze wy even dach,’ seit Meine. ‘Hoe let ha jim de kofje brún?’

It ferget al noch in healoere, Durk kriget noch ien en hy draait der in sigret by.

‘No is 't ús tiid, heit.’

‘Do hast gelyk jonge.’

‘It moat al in aardichheidsje bliuwe,’ besiket Meine, mar Durk is al oerein.

Se pakke har guod by inoar.

‘De segen, mannen.’

‘Doch Philips de groetnis, Durk.’

De earste smytline sit neat oan.

‘Se ha net iens oan de wjirm west,’ seit Willem teloarsteld.

Gjin goed begjin, mar it kin noch komme, der lizze mear.

Trije, fjouwer kear fergees ophelje en dan in iel. Durk slacht him der yn 'e kiste ôf en set op 'e taast nij ies oan 'e heak. Se pakke yn de earste ein in stik as tsien ielen op. Gjin grouwe, mar dat kin ek hast net. De grouwen binne foarsichtiger en happe pas yn 'e neinacht ta.

‘Fangt it in bytsje?’ ropt Meine.

De mannen ha ek oprutsen en komme yn 'e skou achter Durk en Willem oan.

‘It koe minder.’

‘Wy ha de lêsten deryn, oant moarnier dan mar.’

Se hearre it boatsje werom farren. De mannen hienen tekkens by har, se sille wol yn 'e skou sliepe en oer in oere as twa fan dizze kant ôf begjinne op te pakken. Oan 'e dôbers fangt it aardich better en der is alris in swieren-ien by. As hja by de Sânleane binne ha se dochs in flutsje iel yn 'e beun.

‘As it sa wat troch fangt, krije wy iel genôch,’ is Durk fan betinken.

‘Geane wy der fannacht noch in kear by lâns?’

‘Ik leau net dat it hoecht. Do fangst der net folle mear om en it is better en jou se even de tiid. Ik soe sizze moarnier wer en dan fuort oppakke.’

Willem besiket de ielen te tellen.

‘Altiten wol tweintich, heit.’

‘Net te bot skine mei dy bûslantearne, wy kinne it yn 't tsjuster wol fine.’

Yn de keuken drinke se kofje en ite in brochje. Durk nimt noch wat út 'e flesse en skikt him yn it strie. Willem hat fansels gjin sliepen yn it sin. Hy jout him al del, mar it duorret mar even dan seit er: 'It hie fansels noait wêze moatten, heit.'

'Wat bedoelste?'

'Dy ferhuzerij nei Drachten.'

'Do meist dêr net sa graach wêze, fernim ik wol, mar de oaren hawwe it wakker nei 't sin.'

'Dat miene se miskien, mar it wurdt wol oars. Mem is heulendal út har dwaan.'

'Jawis, it is ek in grutte feroaring.'

'Wy hearre dêr net,' seit de jonge. 'Ik doar te wedzjen dat heit ek wol werom woe.'

Durk hat in hekel oan dit soart petearen.

'Ik kin yn dy fabryk wol âld wurde, ik ha it noch noait sa maklik fertsjinne.'

'Ik leau dat heit himsels wat oanpraat.'

'No moatst net begjinne te wiispraten,' bestruft Durk him. 'Do mienst datst de saak aardich troch it gat sjoen haste, mar ik bin der langer as dy. Wy jouwe ús del, oars binne wy moarnier út 'e liken.'

'Goed heit, mar ik ha gelyk.'

Soenen je sa'n jonge net. Durk is ûnder dat praat al wat ûnrêstich wurden. It leit noflik en de lea befalt him, likegoed is er gâns in skoft wekker en lit it yn him omgean. Hy draait him in pear kear om, mar dat moat net te faak, want dan kriget Willem it yn 'e rekken. It is duvels, mar it sliepen wurdt net folle. Willem docht oars net as mei de lantearne op it horloazje skine. Se binne der fierstente gau út, it is noch roettsjuster as se al yn 'e skou sitte.

'Dit is te mâl,' fûtert Durk.

Willem ljochtet út en troch oer it wetter. Hy hat de houtsjes fan de dôbers wyt ferwe en se moatte wol te

sjen wêze. Dochs misse der in pear en guon oaren lizze net mear yn 'e rige.

'Dat is in goed teken,' seit Durk. 'Wat mear der út 'e rige lizze wat better.'

Durk kriget gelyk, se pakke de iene nei de oare grouwe iel op. Soms moatte se om de dôber sykje as de iel it driuwhoutsje ûnder de pompen lutsen hat. Dan moat der hoeden lutsen wurde om sa'n grouwe iel yn 'e skou te krijen. Se geane der folslein yn op en as hja op healwe binne hat Willem de ielslimen en de drek by klobben yn 't hier sitten.

'Wat in iel, wat in iel,' stint er.

As it begjint te daagjen ha se de lêste smytlinen ek yn 'e boat.

'Ik tink dat wy wol in santich ielen ha, heit,' seit Willem optein.

'Wy ha bêst fongen. Ast op elke trije dôbers in iel hast, is 't bêst en wy ha mear.'

Op 'e weromreis hoffenje se har in bytsje en thús pakke se de boel earst op. De dôbers en smytlinen yn 'e kiste en by Willem achter op 'e fyts, in baalsek der oer hinne sadat der gjin eagen oer geane. De iel yn in plestykpûde yn de fytstas.

'No noch in bakje kofje en in brochje, dan sette wy op Drachten ta.'

Se geane der even by sitten en Willem seit dat er knap slûch is.

'Wy kinne ús wol in oere deljaan, heit. It is noch withoebetiid, wat sille wy sa gau yn dat Drachten.'

Der is wat foar te sizzen.

'Even de sliiep troch de lea, yn Drachten sil dat wol neat wurde.'

Durk smyt de learzens út en lit him yn it strie sakje. En dan duorret it mar in pear minuten of se binne beide yn 'e rêst.

As Durk wekker skrillet, is 't al oer alven.

‘Bliksem Willem, wy moatte al foar iterstiid thús wêze.’

Hastich de boel oprêde en op 'e fyts.

‘Wy geane alris wer, net heit?’

‘Fan 't jier sil 't wol neat mear wurde. It is te let yn 'e tiid, mar fan 't maitiid meitsje wy grif in loop. It hat my skoan foldien.’

Healwe de Sânleane komme se ferduld Feike Dam tsjin. Hy set de fyts dwars oer 't paad sadat se der wol ôf moatte.

‘Wat binne dit foar nuvere oanslaggen, Feike? Wy wolle foar iterstiid thús wêze.’

Feike kriget Willem by de fyts en wol in taast yn de kiste dwaan.

‘Wolst dat litte, brutale hont,’ ropt Durk.

Hy kwakt de fyts tsjin 'e beam en is yn in pear stappen by Feike.

‘Wy binne hjir op de iepenbiere wei en dêr hasto de minsken fan de bealch te bliuwen, tink derom.’

Hy giet deun neist Feike stean, mar rekket him net oan. Yn 't ferline hat er dat wolris dien, mar dan begûn Feike om him hinne te slaan. Willem rydt syn fyts nei foaren, bûten it berik fan de boskwachter. Durk kriget syn fyts en stapt om Feike hinne.

‘Hark ris Feike, asto streupers pakke wolst dan moatst nachts op paad.’

Feike seit neat, mar sjocht ferwoest. Hy is noch knap read yn 'e eagen fan de protte drank dy't er justerjûn grif ta him nommen hat.

As Durk op 'e fyts sit, ropt er oer 't skouder: ‘Miskien sweeft der noch wol in kat om, dan hast dochs wat.’ Willem laket, mar Durk leit it near der op.

‘Even wachtsje, hy moat net dûm wurde en ús yn 'e bealch sjitte.’

Bijke hat it goed begrepen. It hontsjie tippelt rjocht foar de fyts út en docht gjin stap de bosk yn.

It is in wûnder mei dat hontsjie, in ferstân as in grut minske. Yn elk gefal mear as Feike Dam.

Haadstik 13

Sa'n húshâlding as uzes bestiet gjin twadden fan, seit Durk. En bûten de fabryk is ek noch wol in deihier te fertsjinjen.

Alles goed en wol, mar it wenjen tusken de minsken hat syn beswieren dêr't men yn 't foar sasear net oan tinkt. Wol oan de hier fansels, fjouwer-en-tweintich gûne en in kwartsje wyks. Soks wit men en men hâldt der rekken mei. Mar it is frjemd dat sa'n wike sa gau om is. Dat is te sizzen, as it om beteljen giet dan is in wike gau om. Ljocht en gas fergje ek jild en gâns mear as oan de Sânleane. Mei in fetsje petroalje foar de Belgise brander en dy pear oare lampen kamen se op 'e Sweach de winter wol troch. En as de swarte brant oprekke, hellen se hout út 'e bosk. Yn Drachten wurdt it harren allegear troch buizen en triedden thús brocht, mar duvekater wat telt it hurd oan.

‘En dan noch wat,’ krimmeneart Foekje, ‘de bern binne sa rij. In pear skuon is har neat, it slyt sa blikstienders op de strjitstiennen.’

Jawis, it is oeral tegels en klinkers wylst se oan 'e Sânleane yn 'e moude rûnen. Soks skilt in stik. Set in hynder mar ris op izers en lit him alle dagen in ein de strjitwei del fjouwerje, dan sille jo sjen hoe gau dat hynder wer nei de smid ta moat.

Durk wol de jonges op klompen ha lykas oan de Sânleane, mar dat kin neffens de froulju net. It soe ek net in soad jaan, want hout op stien slyt noch hurder.

En dan komt der in man by de doar dy't beweart, dat der betelle wurde moat foar de televisy en de âld radio dêr't Bouwe mei thús kommen is. Krapoan fjirtich gûne en de man neamt it luister- en kijkgeld.

Durk hat der fansels wol ris fan heard, mar hy beart

der mâl fan.

‘No moat it net raarder. Dy radio sil ik it measte net fan sizze, dêr is de jonge geskikt oankommen. Mar dy televisy hat djoer genôch west. En dan ek noch betelje as er oan stiet... Ik sil it jo oars sizze: dat ding komt net iens wer oan, sa is dat.’

‘Dat is my bêst, mar jo moatte der likegoed om betelje. As jo derôf wêze wolle dan moatte jo it tastel de doar út dwaan.’

De froulju wolle him fansels net misse, dat Foekje skrabbet alles by inoar en betellet dat grouwe stik jild. Fan gefolgen dat se de hieropheller in kear foarby stjoere moatte. De oare deis is de maatskiplik wurker fan it bedriuw der al. Oft der miskien swierrichheden binne en oft hy ek helpe kin. In geskikte man, hoe soe 't oars kinne, elkenien is geskikt. Mar dat sa'n grut lichem as in wenningbouferiening daliks dalje makket om in wike hier, dat is lyts.

‘It grutkaptal bern,’ seit Durk. ‘Wat der troch de hearen net fergriemd wurdt dat is yn 't rare, mar om twa tsientsjes hier dogge se ús in proses oan.’

Sa slim is 't net, de man wol allinne mar even prate en dy pear tsientsjes hier komme der wol. Tsjerk en Bouwe skowe daliks de man fiif knaken oer de tafel en klear is 't.

‘Hoe befalt it oars?’ freget de man fan Philips. ‘Jo binne no in skoftsje by ús, de slimste oanpassingsswierrichheden ha jo hân, soe 'k sizze.’

‘It is sjisa gelegen, it wurk foldocht my poerbêst,’ seit Durk.

‘It ynwurkjen hat wol tiid ferge, ha 'k heard.’

‘Dat koe wol, ik wit net hoefolle tiid der foar stiet, mar...’

‘Jo chef soe ek graach wolle dat jo justjes flugger wienen. Mar dat komt wol, de iene hat der langer wurk

mei as de oare.'

'Hy hat it der mei my oer hân, mar ik sis dit: wat jo oanpakke moatte jo goed dwaan. Heal wurk ha 'k in hekel oan. Ik sjoch faak fan dy jonge bazen dy't hjir en dêr in hantaast dogge en dan mar gau roppe dat se dien ha. Dêr mei ik min oer, ik wol goed wurk ôfleverje.'

'Dat is in goede ynstelling en jo sitte net yn de produksje, dat it kin wat lije. Mar de chef seit ek dat jo gauris in skoftsje steane te sjen.'

'Fansels, dat kin min oars. Ik moat sa'n putsje wurk earst oersjen. Dan freegje ik my ôf hoe't ik it op 'en bêsten dwaan kin.'

'Ik begryp it wol en jo moatte út en troch ek even bûtendoar sjen.'

'Feroaring fan lucht docht my goed. Ik bin it bûtenlibben wend, moatte jo rekkenje. Ut en troch stap ik even it magazyn út en sjoch nei it waar.'

'Jo komme der stadich oan wol yn. En ik begryp dat it josels aardich goed foldocht. Falt de tiid jo ek lang?' 'Net yn it minst. Jo moatte tinke ik ha lange dagen wend west. Wy seagen eartiids net op in oere. Sechtich oeren by 't simmer en jo hearden my net krimmenearen. Ik ha der fansels wol wat fan skipe, dy minne rêch ha 'k der fan oerholden. Mar by Philips is it sa, jo binne amper oan 'e slach of it is al wer kofjetiid. Soms is 't my suver yn 'e wei, want as ik wat ûnder hannen ha dan wol ik dat dien meitsje, dat is myn aard.'

'Jawis en dêr kin men sels net folle oan dwaan,' seit de menear.

'In aardige man,' sizze Foekje en Klaske tsjin inoar en dêr kin elkenien it mei iens wêze.

Wienen de buorlju mar sa aardich. De geit stiet no yn 't hok, dat dêr ha se gjin argewaasje mear fan, al

wurdt der klage dat er stjonkt en soms sa mekkert. Bijke leart it ek al. Mar de bern moatte wat útstean. Jantsje har ferkearing is der om útrekke. De jonge wie der op in woansdeitejûn by doe't Foekje in buorfrou de panne útfeegde. It minske kaam te sizzen dat de televisy sa lûd stie. De jonge is sa kjel wurden fan Durk syn froulju dat er net wer west hat. Jantsje fûn it oars net sa slim. Se wie dochs al op him útsjoen, sei se. Hja is no ek op de fabryk en hat yn fjirtjin dagen tiid in soad nije kunde opdien en in protte aardige jonges sjoen.

Tsjerk hat it yn 'e buert goed bedoarn. Dat hat my in trelit west, dy saterdeitemiddei. Hy hie syn seissilinder Ford Zephir goed teplak set, deun tsjin it trottoir oan en net in sentimeter yn it skoatsfjild fan de buorman. Der strúnden al gau wat bern omhinne dy't wakker troch de ruten fan de auto loerden en der freonen en freondinnen by hellen.

'Hast de portieren ticht, Tsjerk?' frege Durk. 'It is allegear bern.'

'Ik wit net, mar se kinne der net in soad oan bedjerre en ik ha de kaikes yn 'e bûse.'

Der wie op 'e Dútse televisy krekt in spannende cowboy-film en omdat Durk oars neat te ferstriken hie, wie hy mar neist Tsjerk sitten gong. Sadwaande tochten se beide net mear oan dy auto. Oant Foekje sei: 'Do meist wolris sjen, Tsjerk, der steane ek al grutten by en se hawwe it portier iepen en dy bern tûgje mei papier om.'

Tsjerk hoegde der net hinne, se kamen al by him. Earst in man, gjin neiste buorlju mar nei alle gedachten wol immen út 'e buert.

'Hjir komme myn bern mei thús,' sei er tsjin Durk dy't iepen die en hy lange him in pear krantsjes oer. 'Se helje se út dy auto en dy is fan jim, net?'

Durk beseach dy krantsjes, allegear foto's fan bleate froulju en manlju en wat dy mei inoar út 'e wei sette kinne.

'Tsjonge,' sei er en doe yn 'e keamersdoar: 'even komme, Tsjerk.'

Tsjerk tsjin it sin by de televisy wei.

'Dit kin net,' sei Durk guodlik, 'sokke unhuere printen wol ik hjir net ha.'

'Och hearken, ha se de boel sweve litten?'

'De achterbank leit besiedde,' sei de man.

Mei syn trijen nei de auto, mar it measte wie al fuort. 'Jo soan sil wol yn dy rommel hannelje, tink? Ik meitsje der wurk fan.'

'Och keardel, dy krantsjes hingje ommers rûnom foar de ruten fan sexshops,' sei Tsjerk. 'Ik ryd oerdei myn maten nei 't wurk en dy hawwe wat kocht foar ûnderweis.'

'Se leinen iepen en bleat op de achterbank.'

'Ik ha der net om tocht, mar dêrom hoege jo bern se der net wei te heljen. Se moatte trouwens fan dy auto ôfbliuwe, oars meitsje ik dêr wurk fan.'

Fansels komme der in pear froulju by. Ien hat sa'n krantsje tusken tomme en wiisfinger en hâldt it safier mooglik fan har ôf, as wie 't in smoarch ruft.

'Jo meie it wol hâlde,' ropt Tsjerk har ta, 'jo kinne der grif wat fan leare.'

It frommes smyt it him ta.

'Wat is dit foar in húshâlding? It is ôfgrysluk,' stammert se.

Der is in langliddich en ûnkreas frommes by, dat har bern derby wei skuort en fyspeuk ropt. Tsjerk wol har ek sa'n krantsje ta ha, hy is der rejaal mei en seit: 'Hjirre, jo ek ien. Kinne jo sjen dat der ek noch moaie froulju binne. Mar net jaloers wurde, hear.'

In pear opslûpen jonges ha de measte wille en der

komt hyltiten mear folk by. Guon manlju sille Tsjerk geweken nimme en it wurdt suver in nuodlike sitewaasje. Se skelle en rache en in âldeftich man kriget Tsjerk by it boarst. De jonge wurdt lulk en hy kriget it miskien ek wol in bytsje benaud.

‘Moatst my loslitte, âlde droechneuker, oars...’

No is 't Durk syn tiid om troch te pakken. Hy hat de krantsjeboel by inoar swile, kringt troch de kloft hinne nei Tsjerk ta en ropt: ‘No is 't út.’

En dêr leit safolle driging yn, dat de minsken tebek stappe.

‘Dy auto ôfslute en yn 'e hûs,’ hjit er Tsjerk.

Durk is min te sprekken oer de jonge, mar as de heule wrâld tsjin jin gearspant, kinne jo de eigen bern net samar ôffalle. Hy bedimmet him, mar sil der strak yn 'e hûs al noch wat fan sizze.

Foekje komt ek daliks foar Tsjerk op, se rekket yn alle steaten en Durk moat har mei ferdrach yn 'e hûs konfoaie.

‘Allegear yn 'e hûs en der net wer út.’

Der bliuwe in pear minsken stean, mar de measten hawwe it no wol sjoen. Tsjerk is oer de skrik hinne en gnysket. Dat makket Durk poer.

‘Dit lapst my net wer heite, oars kinst oppakke.’

Twa dagen letter sweve der noch fan dy krantsjes en foto's om en dan hat de plysje der ek al wer west. Deselde dy't okkerdeis om Bearend en Hindrik west hat en sûnt wol faker mei in akkefytsje oan 'e doar komt. ‘Dy rommel soe ferbean wurde moatte,’ seit Durk. ‘It kin dochs gjin kant út dat soks rûnom te keap is?’

‘Gjin mins hoecht it te keapjen,’ seit de plysje bedaard.

‘Dat is sa, mar jo witte hoe't sokke jonges binne.’

De plysje besiket it del te bêdzjen. Letter docht bliken dat it bestjoer fan de buertferiening der oer praat

hat. Neffens Klaske, dy't dermei thús komt, is der in brief nei de wenningbouferiening stjoerd mei it fersyk om de famylje Lugtigheid yn in oar hûs te setten. Durk moat der om laitsje, mar Klaske sjocht tryst en Aaltsje fynt it beskamsum.

'De minsken hjir ha 'k mei ôfweefd,' seit Durk. 'Wy litte ús net fan de wize bringe troch dat boargerdóm.' Klaske is fan betinken dat se daliks lid wurde moatten hienen fan de buertferiening, dat hie grif skild.

'Nimmen hat ús frege en ik ha der ek alheul gjin ferlet fan.'

'Wy hienen ússels oanmelde moatten en dan hienen de bern ek frij nei de boarterstún kind.'

Want eins is dy tún fan de feriening en meie allinne de bern fan leden deryn. Neffens Durk is soks bespotlik. As de bern al foar 't boartsjen betelje moatte wêr bedarret men dan?

It is dochs al sa'n brike wrâld. Nim no de Sinteklaastiid. Oan de Sânleane waard der net folle drokte fan makke. De bern in grutte taaiman sadat se har in kear sêd ite koenen en klear wie 't. In bulte wille foar in bytsje jild.

No drave de bern by de winkels lâns, sjogge har de eagen út 'e holle en komme thús mei ferhalen oer bern dy't racebanen krije, spoartreinen, horloazjes en mear fan dy lúkse. De froulju stiicht it ek daliks nei de holle.

'Wy moatte meidwaan Durk,' seit Foekje.

'Fanke, wat sjochsto der wurch út.'

'Ik ha myn nocht ek wol in bytsje,' bekennt Foekje.

'Hoe moatte wy dit wer ha?'

Gryt en Tsjerk bringe útkomst.

'Hjir âlde,' seit Tsjerk de jûns en hy skoot Foekje in bankje fan hûndert ta. 'In aardichheidsje foar de bern en ik hoech neat.'

En dan jout Gryt ek sa mar hûndert gûne.

Klaske sjocht sneu.

‘Ik soe der wol út wolle te wurkjen,’ seit se sûntsjes.

‘Nee Klaske, do kinst thús net mist wurde,’ seit Gryt.

‘Do nimst mem in berch wurk út ‘e hannen. Se kin net sûnder dy.’

‘Mar ik ha noait in sint foar mysels.’

Elk is der even stil fan, dan seit Tsjerk: ‘Ferduld, dêr hat se fansels gelyk oan. Wy moatte Klaske leanje, sa is ‘t. Wy lizze by mem yn ‘e kost en Klaske is de faam.’

‘Ik wol gjin jild fan jim ha,’ seit Klaske fûl, ‘ik wol gjin geunsten.’

Gryt seit: ‘Tsjerk hat gelyk. Moatst ris hearre, Klaske: asto der net wieste, koenen wy net allegear yn ‘e hûs wêze. Dat soe mem noait neikomme kinne. Do wurkest eins foar ús.’

Durk seit: ‘Dat is in wier wurd. It is net earder by my opkommen, mar no’t wy it der oer ha moat ik dit sizze: it kin eins gjin kant út dat Klaske neat fertsjinnet. Sa’t Tsjerk seit, it sparret ús in faam út.’

‘Myn jonkje ...’

‘Dat berntsje ha wy oer de heap hinne. Ien mear as minder makket neat út.’

Foekje seit: ‘Hy falt gewoan yn ‘e klean fan lytse Durk, hy kostet ús neat. En it is ek noch it leafste bern dat wy der by ha.’

‘Net langer eamelje,’ seit Tsjerk. ‘Wy jouwe net it measte oan kostjild, ik sko in tsientsje wyks ôf foar Klaske.’

Hy slacht mei de fûst op ‘e tafel om de oerienkomst te besegeljen.

‘Mar dan moatst my al in nije trui breidzje, sa’n grouwen-ien mei slankjes.’

Hy huft Klaske op it skouder.

‘Ik jou ek in tsientsje,’ seit Gryt leaf, ‘dat hat Klaske mear as fertsjinne.’

‘Moai, en Bouwe en Willem kinne elk wol twa ryksdaalders jaan,’ stelt Durk fêst.

Bouwe is der net, mar Willem seit dat it him goed is. ‘Dat smyt tritich gûne op. As Jantsje aans op fol lean stiet, moat dy ek fiif gûne jaan. Wel, ik soe sizze 35 gûne boppe de kost, it is miskien it measte net, mar yn ús tiid moast it foar aardich minder. Wat seist der sels fan, Klaske. Faam by ús mem yn 'e húshâlding?’ ‘Ho âlde, assistinte yn de húshâlding,’ gnysket Tsjerk. En dan begjint my dy Klaske ynienen te snokkerjen en op Tsjerk en Gryt om te tútsjen en Foekje grypt it sa oan, dat se oars net útbringe kin as: ‘Och hearken, och hearken ...’

Durk wachtet even ôf, dan giet er stean en seit: ‘Bern, wat fyn ik dit moai.’

Hy lit him wer yn 'e stoel sakje, pakt Foekje by de knibbel en seit: ‘Leave, wat ha wy bêste bern, net? Wat ha wy it troffen mei de bern.’

‘Ja Durk, it is in segen.’

En Foekje faget har de eagen droech.

Durk seit grutsk: ‘Ik doar te wedzjen dat der yn dizze heule buert sa'n húshâlding net is lyk as uzes.’

En dêr hat er gelyk oan, in seldsum ienriedige húshâlding, út en troch.

Tsjerk giet it nei alle gedachten wat te stoef.

‘Kom, sa kin it wol wer, ik gean even te biljerten.’

Dat Sinteklaasfeest is net iens ûnaardich. It stiet Durk fansels tsjin, dat weeldrige keapjen lyk as lei it skip mei jild foar de wâl. En as de froulju foar elk in dinkje kocht hienen dan hie 't noch hinnebruie kind. Mar it kin sa't liket net op. Der wurde doazen fol ditsjes en datsjes yntôge, jûns let as de bern op bêd binne útpakt en besjoen en dan wer ynpakt. It measte is

ûnnut guod, jildfergriemerij, mar allee, Durk sil gjin spultsjebrekker wêze.

Sinteklaasjûn stiet it hûs op 'e kop. It papier en de doazen lizze by de trep op en de bern ferslane der bytiden yn. Foekje en Klaske, it hier yn 'e eagen en it swit op 'e holle der tusken om de kloft yn de stokken te hâlden.

Foar Durk is der in heale mingel Bearenburch, gâns in konsessy fan de froulju. Tsjerk en hy priuwe der aardich fan, wat sil men oars ek as men mei de hannen omkeard midden yn de feesterij sit. Healwe de jûn is 't al op en sil Tsjerk om noch in flesse út. Dat giet te rûch fansels en Foekje leit it near der op. Se krije der suver noch spul om.

‘Mar no ha wy de feesterij tenearsten ek hân,’ seit Durk as hja de oare deis oan de kofje sitte.

Dêr fersint er him lykwols mei. De krystdagen en âldjiersjûn komme noch.

‘Dat is sa, mar dat hoecht gjin slompe jild te kostjen. Jimme begjinne dochs net wer mei dy pakjeboel?’

It is it doel net, mar Klaske hat al wat yn 't sin. Der moat in krystbeam komme. De heule buert hat in krystbeam en it is sa moai foar de bern.

‘Wa't spjirren sjen wol giet mar nei de Sweach,’ seit Durk, ‘der steane bosken fol en it is mar in healoere fytsen.’

Yn 'e goedichheid, no ha se in fearnsieu tusken de krystbeammen wenne en nimmen hat der oait nei taald, wat sei, de froulju woenen der net langer wêze. Goed en wol yn Drachten moat der sa'n spjuchtich beamke yn 'e hûs komme.

‘Jawis, it heart sa,’ seit Klaske.

It heucht Durk net dat it oait op de Sânleane sa heard hat.

‘Foar trije-fjouwer gûne ha wy in heule moaie.’

‘Wat seiste?’

‘Sa'n beamke jildt mar in pear gûne.’

‘Leave bern,’ seit Durk mei klam, ‘ik leau no dochts wier dat it dy yn 'e plasse slein is. Ik lit jim safolle mooglik gewurde, mar ik tink dat ik no it heft yn hannen nimme moat. Wa jout no jild út oan in pear spjirretûken? Dat doocht dochts net? Dan binne jo dochts net goed wiis?’

‘As heit in fesse Bearenburch ha wol, sjocht heit ek net op in gûne,’ antwurdet Klaske pinnich.

Dat is fansels heul wat oars, boppedat waakst de Bearenburch net oan 'e beam. Mar sokke tiden is der min mei de froulju te praten, dat Durk lit it mar sitte. Mar hy ferbiedt de froulju al om in beam te keapjen.

‘As it dan dochts moat, sil ik wol ien fan 'e Sweach helje.’

Foekje is it dêr mei iens. Wat jo om 'e nocht op 'e Sweach krije kinne, moatte jo yn Drachten gjin djoer jild foar útjaan.

‘Dan kinne wy fuort in pear kninen meinimme,’ stelt Willem foar.

De jonge stiet der al in heul skoft by Durk op oan, dat se in nacht te kninestreupe sille. Alle wiken op syn minst twa kear fytst er fan Lippenhuzen oer de Sânleane nei Drachten en bringt Durk ferslach út oer hoe't it der by it âlde hûs foar stiet.

‘Ja, it is miskien wol in goed ding dat wy yn 'e loop wei in pear kninen snippe. Ha wy wat yn 'e panne. In stik as fjouwer is genôch en noch ien foar Aaltsje har húshâlding.’

Foekje seit: ‘Nee Durk, ik fertrou it net. Ik wol net lije dat jim te streupe geane. En do soest no ek hast wizer wêze moatte.’

‘Do wolst dochts mei de krystdagen wat yn 'e panne ha, of net soms?’

‘Ik hie tocht wy keapje in pear hinnen, djipfriespiken, dy ha se geregeld yn de oanbieding.’

Durk beart der mâl fan, Foekje falt him raar ôf. Se hawwe ien kear earder sa'n bist yn 'e panne hân, in bleek en kwabbich stik guod sûnder rook of smaak. Der kaam net iens bloed út en as jo him kôgen wie 't krekt weakke bôle, mar dan sûnder sûker en keniel. ‘Dat is dochs gjin iten, leave, do kinst ús wol ferjaan. Bist der net iens wis fan dat it in hin is. In krûdige wyld knyn is smaaksum en grif ek folle sûner as sa'n weake hin. Wy sille in stikmennich ophelje.’

Foekje besiket it al noch, mar Durk slacht even mei de fûst op 'e tafel. It is wreed, mar út en troch moat er trochpakke.

Tsjerk seit: ‘Wy hingje it eintsje ketting ûnder de auto en ride in kearmennich de Poastwei op en del.’

Dat falt Willem ôf, hy wol leaver mei de strûpen fuort. Durk seit dat it gemak de minske tsjinnet. Net dat er in soad mei de moderne technyk op hat, mar it soe dom wêze om der gjin gebrûk fan te meitsjen. Sadat der besluten wurdt om tagelyk mei de krystbeam in pear stikjes wyld oan te tugen.

Mar as it safier is wol Tsjerk syn auto net rinne.

‘Tefolle petroalje,’ is er fan betinken. ‘Ik sil om in blik benzine út en dan sil er wol starte wolle.’

Dat wol er net, ek net op klearebare benzine. Tsjerk de moterkappe omheech, as dat net helpt de bealch der op en elkenien der achter te triuwen. Mar de seissilinder Ford Zephir feroft it.

‘It grutkaptal hat ús wer te pakken,’ seit Durk.

‘Hy is dampich,’ seit Tsjerk, ‘even ôfdroegje en de bûzjys skjinn meitsje. Wachtsje mar even.’

Se wachtsje in goed healoere, dan hallet Willem in roltsje kopertried út it hok en stappe heit en hy op 'e fyts. Willem is optein dat Tsjerk syn auto it sitte litten

hat.

Op it Súd komt it Durk yn 't sin.

‘Wat hast deroan dien?’

‘Watte, heit?’

‘Dat dy auto net rinne woe.’

‘O, dat is suver neat, hjir en dêr in kabeltsje los makke, mar ik wit krekt hokker, moarn set ik se wol wer fêst.’

‘Do duvelse jonge.’

Yn it skimertsjuster geane se de Sânleane del en bringe de fytsen teplak yn 't hok. Yn 'e keuken meitsje se in stik as fyftich strûpen klear en Willem snijt in bosk stokjes út 'e wâl.

Mar net tefolle drokte, hat Durk útmakke. It is om in pear kninen te rêden en dy kinne se op it kampke lân achter it hûs, deun neist de bosk, wol krije. Se sykje yn 'e wâl de lopen op. Durk wol de strûpen mar net oan 'e freding ha, want dan kin it sa rattelje as der in knyn yn stoot. Op it lân dêr't de kninepaadsjes yn it gers dúdlik te sjen binne, fangt it trouwens wol sa skerp. Der is in bytsje ljocht fan de moanne, genôch om de strûpen kreas teplak te krijen. Stokje yn 'e grûn, de iene ein fan de strûp der twa slaggen om hinne en fêst sette, de strûp in hanbree boppe de loop en hy stiet.

Der kin har nimmen oer 't mad komme, want Bijke hâldt de wacht. Se ha se yn in healere stean. De earste kninen geane al foar har út, werom nei de bosk, mar dy komme wol wer.

Werom nei de âld klinte en oardel oere skoft yn de keuken, lang genôch foar in bakje kofje, in flaubyt en in sjekje.

‘Der mar op los,’ seit Durk, ‘wy hoege se net allegear en der sille genôch op 'e greide wêze.’

Se rinne by it Djip lâns oant op 'e midden fan in

kampke lân en dan dwarsoer op de boskrâne ta. Se sjogge de wite sturtsjes fan de kninen foar har op. It kriget Bijke te pakken, mar hy wit wat er fan him ferwachte wurdt. Hy rint lykop mei de manlju en docht net ien kear in wraam nei foaren. De kninen moatte net te wyld wurde, dan nimme se te grutte sprongen, rinne de strûpen oer de kop of stowe dwars it lân oer. Se moatte moai kalm nei de bosk dreaun wurde sadat se har eigen lopen lâns geane. Mar it moat ek wer net te stadich, want dan berûke se elke strûp en stappe der omhinne, sa skrandere binne se wol.

‘Dat is ien,’ flústert Durk en hy bliuwt stean.

It lûd komt fan rjochts, it knyntsje giselt om de stok hinne.

‘Toe mar Bijke, wiis him mar oan.’

It is in stap as tweintich oerdwars. De moanne is wei woarn en dêr is 't net minder om. Durk falt op 'e knibbels, Bijke hat de knyn al yn 'e bek en jout him Durk oer. Hy pakt him yn 'e rêch en slacht him mei de sydkant fan de rjochterhân achter de earen.

‘Dêr hear ik noch ien,’ seit Willem súntsjes.

Se geane der op ôf en pakke de twadde op. It fangt goed, der is hjir nei alle gedachten fan 't hjerst noch net streupt, oars soenen de kninen der sa maklik net ynrinne.

As se by de bosk binne hat Willem yn elke hân trije kninen.

‘Mear as genôch, no moat Bijke de lêsten mar opsykje.’

De lege strûpen moatte ek noch oppakt wurde, Durk wol net dat der letter kninen lizzen bliuwe.

Se sykje noch in healoere it fjild ôf, Bijke bringt noch ien knyn oan en dan ha se op twa nei alle strûpen.

‘Samar, dy lêsten sille wol plat rûn wêze.’

Thús pakke se daliks yn, want Durk wol op 'e tiid yn

Drachten wêze.

Underweis noch even ôfstappe en in knappe krystbeam meinimme.

‘Sa en no mar gau op hûs oan.’

Willem hie noch wol in haal dwaan wold en eins hie Durk syn nocht ek noch net. Mar it ferstân moat foarop, se ha genôch en men hoecht net mear as men op kin, is 't net sa.

Durk helpt de knyntsjes deselde jûns noch út 'e jas en sa bot is Aaltsje net op streupen tsjin, dat se der net ien fan ha wol. Dat dy sân kninen fine har plak wol. En de krystbeam is sa grut útfallen, hy kin amper troch de doar.

‘Dy kostet wol trije ryksdaalders,’ seit Klaske fol bewûndering.

‘En sân kear fiif gûne foar de kninen,’ seit Durk, ‘it slachtsjen ynbegrepen. Wel, dan ha wy jûn in deihier fertsjinne.’

Haadstik 14

It stjonkt hjir nei minsken, seit Durk. Mar dêrom hied er dat eptige mantsje fan it kantoar net sa'n reis ferkeapje hoegd.

Durk hat it al foarsein: op in hjerst mei in soad bûkels en ikels folget in strange winter. Dat hat noait oars west en dat sil ek noait oars wurde. De natuer is net om 'e nocht rynsk mei fruchten. Alle bisten dy't yn it wyld libje, krije de kâns de goede jeften te sammeljen, sadat se der winterdeis tsjin kinne. Yn âlde tiden holden de minsken der ek rekken mei, mar dy binne hjoeddedei sa bedoarn dat se net mear oan de tekens fan de natuer leauwe. Se hoege trouwens ek gjin foarrie oan te lizzen, lyk as de iikhoarntsjes, de murden of de fjildmûzen. Se hoege har net iens fet te iten lyk as de reeën en de kninen. De minsken rêde har wol sûnder in kelder fol jirpels of in side spek.

Durk hie wol rekken mei in strange winter holden, mar yn Drachten hoecht er gjin maatregels te treffen. It gas rint ek winterdeis wol troch en by Philips fernimt men yn de fabryk net iens oft it winter is of simmer. En it liket der yn it earstoan ek heulendal net op dat it winter wurde sil. Mei de krystdagen is it bûten suver noch myld. Op 27 desimber lykwols giet it los en âldjiersdei binne de iisbanen iepen en wjukkelfe de earste reedriders de fearten en sleatten lâns. In wike letter leit der sa'n bonke iis yn dat de belsliden foar 't ljocht komme.

'Duvekater, wat in genot dat men jins wurk binnendoar hat,' huvert Durk.

Dochs geane hy en Willem der saterdeis op út. Yn it Djip leit it iis samar oan 'e boaiem ta en soks betsjut dat der wat te heljen is. Se slane op de djipste plakken

bitten yn it iis en skeppe de snoeken en mûdhûnen der samar út. Jûns kappe se lytse gatten deun tsjin de wâl oan en tropje der proppen hea en strie yn. Sneintemoarns betiid der wer hinne. Grouwe ielen binne nachts yn dat hea en strie krûpt. Se geane der foarsichtich op ôf, dan mei in haal de toppe hea en strie oer it iis smite. De iel rûgelt der út en leit foar it oppakken. Fûl wurk. De jûns mei de lea fol kjeld nei hûs en de moarns mei de stive rêch fierstente ier fan 't nust. Mar dat let allegear neat. Dat is te sizzen, Durk rekket al út 'e tiid. Ferkâlden, pyn yn 'e holle, spue as in ielreager. It net leauwe wolle fansels, dus dochs nei de fabryk. Net dat er him net deljaan wol, mar hy wol it net wêze foar Foekje, dy't him warskôge hat foar dy reizen nei de Sweach. In dei letter in heale longûntstekking en dan helpt de Bearenburch net iens mear.

'It komt fan dy ferrekte fabryk,' seit Durk. 'In mins wurdt dêr folslein bedoarn. Jo kinne op 't lêst gjin sigentsje mear ferneare.'

'In sigentsje, seiste? It himd siet dy saterdei oan it gat ferzen,' hunet Foekje.

'Jawis, mar dêr moat men tsjin kinne. Hoe lang is it lyn, dat ik yn dat wek rûn doe't Feike Dam my achter de broek siet? Tsien jier, langer net. Hoe lang haw ik doe oan 'e skouders ta yn 't iis stien ear't ik der útkomme doarst? Altiten wol in healoere. Ik frear der suver yn fêst, ik moast my dersels út bikje. En ha 'k der wat fan skipe?'

'Bist net sa jong en sterk mear, Durk.'

'It is gjin kwestje fan leeftyd mar fan behurdzjen.'

Sa leit Durk goed twa wike op bêd te fûterjen en der ûntkomt him fan alles. As it begjint te teien - it giet like hurd as it ferzen hat - mei hy der noch net út. Wylst dan krekt de fisk fan benaudens by de wâl op-

krûpt.

Ein febrewaris kin it wer wêze. De earste de bêste saterdei fytst er nei de Sânleane en sjocht it spul oer. Underweis nimt er waar dat de einen al begjinne te pearjen, jawis, as it trochset binne de earste aaien der samar. De foarlikste ljippen moatte ek hast komme. Hy eaget de greide oer en sjocht even by de heide. Der komt libben yn, it is oan alles te sjen. En it wyld hat net folle lit, want de winter hat wol fûl west, mar net lang duorre.

Durk stiet op 'e brêge en snúft de lucht op. Hy heint de rook fan de kommende maitiid op en hy kin der mar min wei komme. Hy strúnt om it âlde stee hinne, besjocht de ierdbeiplanten en hy hellet in tûkje fan de wylgepôle by it Djip. Hy pluzet de skyl derôf en rûkt. Allegear libben en it sop rint him oer de fingers.

‘Duvel Bijke, wat giet it no hurd. It is my fansels troch dat siik wêzen wat ûntkommen, ik hie net yn 'e rekken dat it sa foarlik wie.’

Hy hie dêr salang net bliuwe moatten. As er yn it skimertsjuster op 'e fyts stappe sil, heart er ynienen de guozzen. Se sitte heech, dat hy kin se net sjen. Mar hy wit wêr't se hinne geane. Nei it lege lân oan 'e súdkant fan it Djip, dat om diz' tiid fan 't jier yn 'e gros leit. Hy heart de guozzen noch as er de Sânleane lâns fytst. Hy dikert tusken de keale krunen fan de beammen omheech nei de heldere loft.

Miskien ha de guozzen it him wol dien. Hy is thús sa ûnrêstich as in aaisike hin. Hy dangelte op it hiem om en hat in sin as in baarch.

As Foekje him yn 'e hûs ropt, seit er ûntefreden: ‘No is 't febrewaris en yn 't fjild kinst de maitiid oankommen fiele, do kinst it rûke. Mar hjir is 't bare winter, ik rûk hjir achterhûs alheul neat.’

Hy snúft as in speurhûn. ‘It stjonkt hjir,’ stelt er fêst,

‘it stjonkt hjir nei minsken.’

‘It kriget jim heit wer te pakken,’ krimmeneart Foekje tsjin Klaske. ‘Ik hoopje dat it goed giet.’

Wêrom soe it net goed komme? It ferstân moat foarop, is 't net sa? Mar se moatte Durk yn dizze snorje gjin dwerse kneppels smite. Thús hâlde se der rekken mei, mar yn de fabryk leit dat oars.

‘Durk, gjin ferkearde dingen dwaan,’ warskôget Foekje moarns.

By it kofjedrinken freget Klaske: ‘Wat hat der eins west mei heit en wêrom sit mem der oer yn as er sa'n frjemde rite hat?’

Foekje prakkeseart der op om.

‘Do hast gelyk, der hat wat mei him west.’

‘Wat dan mem?’

Foekje betinkt har.

‘Nee, dat hoecht net ien te witten, no ja, letter miskien.’

Letter duorret yn dit gefal net lang. Durk hat de kantine oanfage, de taffeltsjes himmele en alles klear set foar it kofjedrinken. Hy drinkt sels in bakje yn 't foar en giet dan nei it magazyn om dêr syn dingen te dwaan. As der spoarweinen lost of laden wurde, is 't dêr allegear rommel. Net dat it Durk yn 'e wei leit, mar de chef wol it graach sa gau mooglik opromme ha.

As er even letter yn de kantine komt om in brede feger op te heljen, sitte de measten al te skoftsjen. Twa fan dy gystene jonges binne oan it wrakseljen, stompe tsjin it taffeltsje oan en der knoffelt in breatrompke ôf. De brochjes der út en dan kwakt de iene de oare der op 'e rêch yn. De bûter en de sjem sitte him yn 't hier en op de skjinne flier sit de bringst ek.

‘Even opromje jonges, ik ha 't hjir krekt skjin,’ seit Durk.

Sa'n oanmerking hat men neat fan te sizzen, wier of net. Mar dan moatte sokke mannen net lêbich wurde en sizze: feie jo dat mar oan, dêr wurde jo foar betelle. Sok praat stiet Durk de kop net nei en dat fernimme se gauetich.

'Oppakke dy rommel,' hjit er de jonges gleon.

'Kalm oan, heite,' seit de iene.

Se geane oerein en sille fuort. Durk grypt se by de tûfe, yn elke hân ien. Hier genôch, dat hy hat se goed beet. Yn elke fûst in holle en hy triuwt se even stevich tsjin inoar oan. Net te rûch, mar it komt al aardich oan. De beide mannen sûzebolje der oer en sitte ferstuivere neist inoar op 'e flier. Durk kriget syn ark en giet fuort. Mar der wurdt fansels wol even oer praat. 'Sa moatte wy net, Lugtigheid,' seit chef Hiemstra. 'Sokke bongels fertsjinje it fansels wol, mar dit is de wei net. Yn sokke gefallen moatte jo in klacht yntsjinje by my.'

'Och, dit helpt folle better,' seit Durk guodlik, 'tink om myn sizzen.'

Sa rint dat ôf.

De pear moaie dagen dy't febrewaris plachtet te hawwen - mar dêr't Durk neat oan hat, omdat er yn dy fabryk wêze moat - binne noch net om.

De oare deis mient Durk ûnderweis nei it wurk in ljurkje te hearren. Hy harket mei niget, mar der sûzje him auto's en brommers foarby en dy fergalje de wille.

De man fan it kantoar dy't gjin each en earen hat foar ljurken en noch minder foar Durk syn swierrichheden, hie de moarns better net yn it magazyn komme kind. Hy dangelt der om mei listen en rint dan mei Hiemstra by de steapels kisten en doazen lâns. Se streekje de foarrie ôf op de listen. In eptich man, hy seit gjin mins dach mar kommandeart ta. Hy ropt

Durk oan en seit: 'Zeg, loop even voor me naar de administratie en vraag heer Jacobse naar de stukken ...' Durk harket net iens mear. Hy draait him om en faget fierder. Dy man seit ferheard: 'Hee, ik vraag je wat.'

'Dêr bin 'k net foar ynhierd,' seit Durk en hy giet syn wegen.

De man is even ferslein, mar dan draaft er achter Durk oan en leit him de hân op 't skouder. Dom dwaan fansels, mis, heulendal mis. Durk draait him om, ûnderhellet de fûst en jout dy man in bêste pomp yn 'e mage. De eptige menear teart dûbel en saait oer de flier. Durk is op ien ein en as der folk by komt freget er oft der mear by binne dy't ferlet ha. Minsken genôch, mar net ien hat ferlet. Hiemstra komt der op in draaf oan, mar bliuwt op feilige ôfstân stean. Durk stiet as in oansketten foks midden yn de rûnte en wachtet ôf.

'Oan it wurk minsken,' moannet Hiemstra mei senuwachtige gebearten en hy triuwt de manlju alle kanten út. It folk giet ûnwillich oan 'e slach.

'Even in bakje kofje, Lugtigheid,' beart Hiemstra en hy komt justjes tichterby.

'Dat is goed.'

Hiemstra draaft nei it buffet. Hy stelt him oan as hied er in gefaarlike gek foar him en sa mâl hoecht it ek wer net. Durk mei dy man hiel wol lije, sadwaande hâldt er him kúm.

De menear is oerein riisd en sjocht ferslein om him hinne. Hiemstra jout him de wink en de man lûkt him ûnopfallend werom.

'Sa, gean sitten, ik helje twa kofje.'

'Sûker en molke graach,' seit Durk.

Hiemstra sjocht him nuveraardich oan.

'Komt klear, Lugtigheid, komt klear,' en hy draaft al

wer.

Yn it fierdere ferrin giet de lieding mei ferdrach te wurk. De sociale wurker wachtet oan jûns njoggen oere ta, as de lytsen op bêd binne en de âldsten der út stjoerd wurde kinne. Yn it húslike fermidden mei allinne Klaske en Foekje derby doart dy man it wol te sizzen.

‘Hoe't jo it ek besjogge, Lugtigheid, dit kin fansels net. Hjir is gjin ekskús foar. Ek al hie dy man jo noch sa misledige - mar neffens it rapport hat er allinne wat bazich en nei alle gedachten ûntaktys west - dan noch kinne jo der net sa mar yn huffe.’

‘Wat hast dan dien, Durk?’ freget Foekje benaud, want Durk hat summier west yn syn meidielings.

Sokssawat as spul hân en even ien geweken nommen. ‘By ús wurdt net gau immen ûntslein, mar yn dit gefal bin ik der net wis fan oft wy dat keare kinne.’

Durk seit der net folle fan.

‘It moed rûn my even oer en dan stean ik net alheul foar mysels yn.’

‘Jo binne in opljeppen man, dat hie 'k al begrepen, mar...’

Och, dy sociale wurker is in poerbêste man en hy hat net alhiel ûngelyk. Mar hy hat gjin weet fan guozzen, ljurken en de rook fan de maitiid.

Foekje en Klaske knikke wakker by alles wat de man oanfiert.

‘Hy kin it moai sizze,’ seit Foekje as er de doar út is. ‘In ôfgryslík aardige man,’ befêstigt Klaske. ‘Mar no wol ik al witte wat der yndertiid mei heit west hat.’ Foekje suchtet djip.

‘Durk, wat seiste?’

‘Bern, ik ha it noait stil holden, dat is fan dy útgien. Ik stean der noch altiten foar.’

‘Jim heit,’ begjint Foekje gewichtich, ‘jim heit hat sit-

ten.'

Klaske wurdt der yn earste ynstânsje net kjel fan.

'Foar streuperij?'

'Nee, dit wie wat oars.'

'Leave,' seit Durk, 'do hoechst der net in foardracht fan te meitsjen.'

En dan tsjin Klaske: 'Yn 1938 ha 'k in opsichter fan de Heidemij tenei west en dêr ha 'k njoggen moanne foar sitten. It wie yn de wurkferskaffing en wy sieten yn de Beetster krite. Dêr waard doe lân oanmakke en wy moasten der hinne. Wy waarden dêr negere. Dêr krige ik myn nocht ôf en doe ha 'k yn 'e slach west mei dy opsichter. Oars wie 't noch net folle wurden, mar hy krige in lep wylst ik mines krekt dellein hie. Ik hie him in klap tsjin 'e kop jûn en dêr wie 't fan myn kant mei ôfdien. Mar hy kaam mei de lep achter my oan, dat doe moast ik ek wol. Ik ha him mei de F.Herder in pripper jûn en hy hat my mei de bats de earm heal lam slein, mar dat hat de rjochter noait hearre wollen. Alles draaide om dy pripper mei 't mes.'

'Wied er dea?' freget Klaske, no dochs wol wat ûnder de yndruk.

'Welnee, wat tochtste? As er dea west hie, wie ik noait wer frij man wurden. Hy wie it deaskoppen ek net wurdich, dy hont.'

'Durk, wolsto dyn mes wol thús litte?' freget Foekje. Durk laket.

'Wat moat ik yn dy fabryk mei in mes? It sit al tiden yn myn âlde broek.'

'Gelokkich,' stint Foekje.

Durk kriget net dien. Nei alle gedachten is dat allinne in gefolch fan de frees foar opskuor. Yn it magazyn meie se Durk wol lije en dat eptige hearke dêr't er sa linich mei ôfweefde, kin elk wol sjitte. As Durk

ûntslein wurdt kinne guon it wolris yn 'e kant sette; der arbeidzje mear Wâldmannen yn it magazyn.

Durk sels hat it slimste hân. It wurdt ûnlijich en kâld meartwaar mei sniebuien, nachtfroasten en hagelstiennen. Der binne dagen dat it jin oangriist om der út. Durk priizget it grutkaptal dat him ûnderdak ferskaft. It is wol spitich dat Willem dan krekt mei sokke alarmearende berjochten fan de Sânleane komt.

Op in jûn stapt hy deryn en seit sljochtwei: 'Us hûs giet derôf.'

'Wat seiste?' ropt Durk ferheard.

'Se brekke meikoarten ús hûs ôf. Ik ha it heard fan de man fan de gemeente.'

Durk riist út 'e stoel.

'Dat kin fansels neat wurde.'

'Durk, dat hûs binne wy kwyt, dat ha 'k dy al sa faak sein.'

'Gjin sprake fan, ik stean op myn rjocht.'

'It is net beskreaun, Durk,' eamelt Foekje. 'Wy kinne der neat oan dwaan.'

'Se komme sa net fan my ôf. Ik sil myn maatregels treffe.'

En dat docht er. Hy stapt de oare deis nei Hiemstra ta en seit: 'No jout it neat, mar ik moast moarn al in pear snipperoeren ha.'

It hinget deryn fansels. Soks moat fier fan te foaren oanfrege wurde. Boppedat kin Durk mei de trije moanne dy't er by dizze baas is net folle rjochten jilde litte. Hy rêdt it dochs op omdat Hiemstra foar him pleitet.

Hy seit de oare moarns tsjin Foekje: 'No gean ik earst even fuort.'

'Silst net nei 't wurk?'

'Nee, ik ha in pear boadskippen op 'e Sweach.'

'Och hearken, silst foarsichtich wêze, Durk. En hast

dochs wol frij frege?’

‘Dat is yn oarder bern, ik ha in snippermoarn.’

Durk giet yndied hoeden te wurk. Earst stapt er nei gemeentewurken en fuort mar oan 'e direkteur ta.

‘Dus jim slane dat âld hûs oan 'e Sânleane derôf?’

‘Lugtigheid leau ik, hen, ja, ik sjoch it al. Jo wenje no yn Drachten ha 'k heard. Jo wolle dochs net werom nei de Sânleane?’

‘Och heden nee, ik prakkesear der net oer. Tige nei 't sin yn Drachten.’

‘Moai sa, wêr giet it dan om?’

‘Ik woe witte oft it ôfbrutsen wurdt.’

‘Wêrom wolle jo dat witte?’ freget de direkteur erchtinkend.

‘Dat sil ik jo sizze, ik ha der noch it ien en oar yn. In âld kachel, in pear mud jirpels ûnder it bedstee. En dan op it hiem wat planten, ierdbeien, beiepôlen en sa. En op 'e sydmuorre ha 'k okkerjiers krekt in moaie klimop oanset. Ik wol dat guod der wei ha ear't jimme begjinne te slopen.’

‘Dêr kin 'k ynkomme. Ha wy dat krot ferline hjerst net kocht?’

‘Dat sil't wol.’

‘Ik wit net krekt wannear't wy der oan ta komme. Woenen jo it op slach witte?’

‘As dat kin.’

‘Dan moat ik even freegje.’

De direkteur skillet mei ien fan de meiwurkers: ‘Earst noch dy dûbele wenning yn Duerswâld en dan... Krekt, dan wit ik it wol sawat.’

Hy leit del en seit: ‘It hinget fansels fan 't waar ôf, mar de earste fjirtjin dagen sil it noch net folle wurde. Dochsoe 'k jo boel der mar gau weihelje, want ik kin jo net garandeare dat it der oer trije wike noch stiet. En as de bulldozer der foar stiet, is 't yn in dei beslik-

ke. Fan jo moaie struken en planten sil dan net folle oerbliuwe.'

Twa wike, seit Durk bûtendoar tsjin himsels, twa wike en langer net.

Hy giet mei de fyts oan 'e hân nei de húshâldster fan Ale de Haan, mar dat mins sjocht him oankommen. De doar op in kier en de grouwe lea der achter. Hy set noch al de skoech der tusken, mar fierder komt er net.

'Wat ha jo der foar bard?'

'Ik leau net dat ik jo ferantwurding skuldich bin.'

'Aardich minder as jo tocht hienen. Foar de rekreaasje wie 't mear wurdich. Jo hawwe my der oars net yn kend en dat is my min nei 't sin. Hoefolle hienen jo tocht?'

'Och man.'

'Net dat ik genoegen nim mei in ôfkeapsom, mar ik moat witte hoefolle it opbrocht hat, sadat ik myn maatregels treffe kin. Jo ha fansels wol yn 'e rekken dat ik mei jo yn proses gean.'

'Man, pak op. Veldstra is myn saakwaarnimmer, gean dêr mar hinne.'

'Sels witte, ik kom it by de gemeente wol oan 'e weet.' Se wipt moai handich syn skoech der wei en klapt de doar ticht.

No ja, it wie it besykjen wurdich.

Fjirtjin dagen, seit er ûnderweis nochris tsjin himsels, twa wike.

Hy snúft de lucht op. It waar sil mei gauwens omslaan en dan is 't maitiid.

Fjirtjin dagen, it is koart dei.

Haadstik 15

Om in lang ferhaal koart te meitsjen. En wêr't feroaring fan lucht al net goed foar wêze kin.

De opset wie goed en der is ek mei ynmoed besocht om it dêrhinne te lieden, dat wy Durk-en-dy yn dit lêste haadstik as tefreden minsken yn har bestean achterlitte koenen. De âldste bern krekt as Aaltsje yn 't fatsoenlike troud en yn earsume beroppen it deistich brea fertsjinjend foar frou en berntsjes of as deeglike húsfroulju de boel by inoar hâldend. De jongsten flitich studearjend oan Mavo, technise skoalle en ien fan de tûksten op de Havo.

Foar Klaske wie ek al in oplossing betocht. In kreaaze widner mei twa bern soe gading oan har meitsje. Miskien gjin boppeslach, mar Klaske wie der mei rêden. En by wize fan boetedwaniing foar de mistap dy't hja ienris begien hat en dy't wy net ferjitte meie, hoegden wy har ek wer net it aldergrutste lok te skinken.

Wat Willem oanbelanget, dy soe ta ynkear komme kinne, in ôfgriis krije fan it streupen en fia de dierebeskerming syn bestimming fine: boskwachter op 'e Sweach, mar dan in goeden-ien en net sa'n heale streuper as Feike Dam.

En Durk dan? Wel, dy hie út en troch syn mankelike rite ha sild en maitiids soe it bloed gauris sprekke. Want wy moatte reëel bliuwe: it kwea wol maklik yn de minske del, mar jo krije it der sa mar net út. Dochs soe Durk sterk stean en net beswike foar de ferlieding, dêryn stipe troch syn alles begripende Foekje. Mooglik wie hy nei ferrin fan jierren noch chef wurden fan it magazyn.

Jawis, sa soe it, mar mannen as Durk Snoad geane har eigen wegen. En wa is dizze skriuwer dat er de skied-

nis ferfelse mei? It hat dan ek gjin eigenskip en hâld de lêzer langer op 'e tok. It hat net wêze mocht sa't wy graach wold hienen. It griist jin oan, benammen foar de berntsjes dy't it libben noch foar har ha, mar it is net oars.

Der komt noch wat by. Durk hat de saak fan de yndustrialisaasje gâns ûnderstek dien. Dêr tinke sokke mannen fansels net oan, mar in oar sit der mei. Nim bygelyks dat akkefyttsje mei dat eptige mantsje fan it kantoar. Goed, dy man hat skuld, hy hie Durk sa net oankomme moatten. Mar ja, Eindhoven stjoert langer elkenien mar nei Drachten.

Wat binne lykwols de gefolgen fan sa'n aksidint? Dy man docht de holle in pear dagen sear. Thús yn Brabân fertelt er nuvere ferhalen oer Wâldsers dy't der samar yn huffe. Hup, wer in fikse dûk yn it imago fan Fryslân. En ús provinsiaal bestjoer mar skreppe om dy der wer út te krijen. Dit hat Drachten op syn minst in middelgrutte yndustry koste. Want soks sprekt fier: in grutyndustriëel, op 'e reesprong om syn heule bedriuw nei Fryslân te ferpleatsen, heint it ferhaal op. Bliksem, is dat sok mâl folk? Wat stiet my dêr eins te wachtsjen? Dan leaver nei de Europoarte, yn 'e stank en de stakings. Sa, wer in stik goodwill nei de barrebysjes.

Dit der even tusken troch, al moat hjir net te licht oer praat wurde. De p.r.-minken op it provinsjehûs te Ljouwert dy't Fryslân ferkeapje moatte, sille der hooplik wol mei rêde. Wy bejouwe ús dêr fierders net yn. It giet ús yn 't foarste plak om Durk en syn húshâlding. En dêr sil no even koart mei kriemd wurde, sadat de lêzer yn elk gefal wit hoe't it ôfrint. Wolno, Durk sit der dagen lang op om te brieden ear't hy de oaren dermei oankomme doart. Hy nimt earst Foekje ûnder hannen.

'Leave, do sjochst min ta. Kinste hjir eins wol aardzje?'

It falt mei Foekje oars wol wat ta. Se hat it drok, dat is sa, mar hat dat oait oars west? Oan 'e Sânleane liet se wat mear oer har kant gean, yn Drachten kostet it ynspanning om de boel by inoar te hâlden, mar dat it sa slim mei har is ... No nee.

Durk beart lykwols dat mem wat ûnder de lea hat.

'It falt ôf leave, ik wit it wol. Ik ferwyt dy ek neat. Do hast der it meast op oanstien om hjir hinne, mar do moatst dysels gjin skuldgefoelens oanprate.'

'Dat doch ik ek heulendal net, Durk.'

'Let neat, wy sille wat better om dy tinke.'

Dan de bern. Willem hoecht neat sein te wurden. Tsjerk en Bouwe leit it wol sljocht, hoewol't Tsjerk by neier ynsjen wol sa leaf op 'e Sweach bleaun wie. Yn dy sin hat er him alteast útlitten. Hindrik en Bearend komme him aardich temjitte. De jonkjes kleie dat se gjin oanslach ha. De boarterstún binne se al lang op útsjoen. Se begjinne te swalkjen of hingje thús om dêr't se Foekje en Klaske foar de fuotten rinne. En altiten mar foar de televisy sitte, jo wurde der aaklik fan.

'Jonges, gean te boartsjen,' ropt Foekje harren ta.

Durk seit berêstend: 'Se ferfele har, dat kin 'k my yntinke. Ik rin hjir yn myn frije tiid ek mei de siel ûnder de earm om.'

'Do komst net mear út 'e stoel wei,' seit Foekje.

'Nee, it is mysels ek yn 'e wei, mar hjir is ommers neat te ferstriken. No kin 'k jûns de strjitte wol op en del drave, mar dan sjoch ik oars net as televisytastellen en minsken dy't der mei de kramp yn 't gesicht foar sitte. It is allegear gelyk, itselde hûs, itselde wurk, itselde iten, deselde bank en stuollen. It kin net útbliuwe of de minsken wurde ek allegear gelyk. Ik ha der soms al

muoite mei om de buorlju út inoar te hâlden.'

Klaske seit: 'As heit him ferfeelt wêrom giet heit dan net by in feriening? In sportklub of sa, der is genôch.' 'Och fanke, dat is dochs neat foar my.'

'De fiskklub dan, der is hjir in grutte fiskklub.'

'Fiskje, ikke? Wês dochs wizer.'

'Heit fiske eartiids in soad.'

'Op in simmerjûn in oere oan it Djip sitte dêr mocht ik hiel wol oer. Mar by in klub en dan mei de angel oan 'e fyts der op út ... Stumper nee, dan soe 'k tsjin mysels stean. Ik bin in streuper en sok folk ha se by fiskkluppen in hekel oan.'

Foekje seit: 'Asto it sa swier hast Durk, dan moatte wy dochs wat foar dy útfine.'

'Nee, dat hoecht wier net leave. Ik hâld it wol út, ik ha it measte dochs hân, mar ik fyn it wol slim foar de bern. Dy hawwe it libben noch foar har en dan sa. As ik Bearend en Hindrik sjoch dan tink ik wolris: komt dit wol goed? Krije dy mantsjes har gerak wol? Se swalkje oeral hinne en jûns hingje se by dy barren om en by de bioskoop. Sokke bern hearre en sjogge in soad wêr't se eins noch te jong foar binne.'

'No moatst it net oerdriuwe, Durk.'

'Ik wit wol datsto it te drok hast om der om te tinken, mar as ik dy bern praten hear ...'

Sa besiket Durk de geasten ryp te meitsjen foar in feroaring.

Aaltsje kriget der weet fan en besiket it mei wat oars. 'Miskien moast heit ris omsjen nei in oar hûs. Yn 'e Folgeren of op 'e Pein is miskien noch wol wat, in bytsje út 'e minsken, mei wat romte om hûs en dochs net te fier út 'e reek.'

'Dat soe miskien wat wêze,' beart Durk. 'Sa'k sei, om my hoecht it net, mar wy moatte om de bern tinke.'

Hy is net fan doel om der wurk fan te meitsjen, mar dat docht Aaltsje yn 'e mande mei Klaske en Gryt. De sociaal wurker fan de fabryk wurdt derfoar spand en komt in jûn te praten. It is Durk min nei 't sin, mar hy kin him der net foarwei wine. It komt safier dat er nei it kantoar fan de wenningbouferiening moat om te praten oer in hûs yn 'e Pein dat meikoarten frij komt. In geskikt hûs, wol yn it doarp en der sit noch ien tsjin oan, mar it fjild leit der fuort achter en der is dus ûntwyk.

De man fan de wenningbouferiening wit it ien en oar. De sociaal wurker hat sines dien en de buertferiening sil der ek wol achter oan west ha om Durk-en-dy fan de Hoannekamp yn Drachten te krijen.

'Soa, dus jo woenen dat hûs wol ha. Ja, wat moat men der al fan sizze.'

Der is Durk net folle oan gelegen.

'Dat moatte jo witte, ikke net.'

'Miskien ha wy noch wat oars foar jo. Oan 'e Suderdwarsfeart ha wy ek noch in pear huzen. Moai frij, in grut stik tún en net te fier út 'e reek. Ik tink wol dat it wat foar jo is.'

'Jo wolle my nei de Forten ha, begryp ik wol.'

'Dat hûs yn 'e Pein is net sa grut en jo hawwe nochal wat bern, net wier?'

'Tolve en mei Klaske harres der by trettjin, mar de âldste is troud.'

'Dat is wol in soad bern foar sa'n hûs.'

Durk seit koart: 'Sis it mar, hoefolle moat ik der fan fersûpe.'

'Net sa mâl, Lugtigheid, net sa mâl.'

'Ik hear it wol, in arbeider mei in grutte húshâlding wurdt hjir net teld.'

De man protesteart, mar Durk is de doar al út.

'Wurdt neat,' rapporteart er thús. 'Se wolle ús dêr

net ha. De Forten hied er it oer, dêr koenen wy wol hinne.'

'De Forten hie 'k tocht,' seit Foekje. 'No sis ik it dy, wel as dat moat ...'

'As dat moat, giest wol sa leaf werom nei de Sânleane,' besiket Durk.

'Nee, ik woe sizze, dan bliuwe wy hjir wol.'

It is de earste kear dat Durk it planút seit en de timing is goed. Bearend en Hindrik binne fuort optein en Willem seit: 'Wy hienen al earder werom moatten.' De froulju spue raar guod, mar it is sein en der bliuwt wat fan hingjen. De sociaal wurker en Aaltsje nimme Durk geweken fanwegen syn ûnbehoarlik gedrach tsjin dy man fan de bouferiening oer. Durk wol der neat fan hearre.

'Dy man ha 'k mei ôfdien,' seit er ûnferskillich. 'Nei de Forten woed er ús ha. Ik kin lang fatsoenlik bliuwe, mar it hâldt in kear op.'

Der barre in pear dingen dy't Durk net foarsjoen hie, mar dy't him aardich yn de kaart spylje.

Sa, en no docht him foar de skriuwer de mooglikheid foar om dochs noch neffens it oarspronklike skema ien fan Durk syn bern teplak te bringen en dat is Klaske. Jawis, wy binne it net fergetten, mar se hat no wol safolle goede wurken dien dat har in man takomt. Hoe't hja oan dy man slagget, is wol oannimlik te meitsjen, lykas út it folgjende bliken docht.

Klaske hat al in heul skoft de rin nei Aaltsje. Se wol wat, dat is dúdlik. Se kriget har jild mar dat se har net deljout, lit him skoan begripe. Har jonkje is aans twa jier. It is sa'n aardich mantsje, mar wol in hannebinkerke fansels. Durk en Foekje hawwe mear as ien kear sein, dat se it bern mei alle leafde op har noed nimme wolle. Dat wol Klaske net en soks moat men yn har priizgje. Guon memmen stopje de bern hjoeddedei o

sa maklik yn in crèche en geane har gong, mar by Durk-en-dy jilde oare noarmen. Jo hawwe bern om der noed foar te stean en dêrmei út.

Goed, der komt op in dei in man en Aaltsje is tafallich yn it âldershûs. Se ken dy man tafallich ek en oan Klaske is te fernimmen dat dy him net foar it earst sjocht. In widner en hy hat thús trije lytse bern en in winkel. In fotosaak dy't fierders net folle drokte jout. Want dy man fertsjinnet syn jild mei fotoreportaazjes fan benammen trouwerijen. In aardige breawinning, seit er, want as der troud wurdt, sjocht men net op in gûne. Wat mear foto's wat better. Hy fotografeart fan moarns oant jûns en plakt de brut yn grutte albums mei keunstlearen bannen en hy docht der in grouwe rekken by dy't altiten flot betelle wurdt. In frjemde manier om oan de kost te kommen, mar hawar. Syn mem docht de húshâlding, mar it minske wurdt aans santich en se kin de drokte eins net mear oan. It is samar klear. Durk hoecht der neat oan te dwaan omdat de froulju alles al regele ha. Hy mei dy man net lije, mar dat skynt dochs syn foarlân te wurden wat de skoansoannen oanbelanget. En op it earste gesicht stiet de man him minder tsjin as dy flapdrol fan Aaltsje. It kin him fierders neat skille. Klaske is âld en wiis genôch en Aaltsje sil earst wol goed neifraach dien ha. Klaske húshâldster yn it hûs mei winkel oan de Kade en it sil wol gau trouwen wurde. Durk en Foekje misse it jonkje earst al, mar der bliuwe genôch bern oer. En dan kundicht Gryt oan dat se mei trije freondinnen in flatsje hierd hawwe. Dy fammen ha jild by de rûs en gedrage har al sa frij. Se fertelt thús gewoan dat har feint nachts gauris bliuwt en de oare froulju dogge dat ek. En jûns feestje fansels en oeral hinne. Gryt wol har rydbewiis helje en fan 't simmer nei it bûtenlân ta op fakânsje. As Foekje skruten freget oft se net better

sparje kin foar de útset dan laitsje dy froulju har slop. Wa praat oer trouwen? Mar se hawwe dochs ferkearing, seit Foekje. Der wurdt noch lûder lake.

'Komt dit wol goed, Durk?' freget Foekje.

'Ik wit it net, leave. Ik tink ek wolris dat it mei de wrâld gauachtich op 'e non rinne sil. Mar it is in oare tiid, seisto dan, en dy bern nimme har trekken waar. Alhiel ûngelyk kin 'k se net jaan. Wy ha de kâns net hân en dat makket ús miskien wat skou.'

Ferstannich praat en Foekje jout har derby del.

'Mar ik leau safier is 't hinne al, dat wy net mear yn dizze wrâld thús hearre, Durk.'

Dat is Durk folslein mei har iens. It is syn wrâld ek net en hy seit planút: 'Ik woe stomme graach werom nei de Sânleane.'

Foekje wurdt der net iens mear kjel fan.

'Ik soe der hast frede mei ha kinne, Durk.'

'Wat let ús dan, leave?'

'It kin ommers net, Durk.'

'It kin wol.'

'Miskien is 't hûs der al ôf.'

Dat wit Durk wol better, mar it begjint al te driuwen. Willem hâldt de boel fan dei oant dei yn 'e gaten en hat fan de gemeentemannen heard dat it meikoarten wêze sil.

'Wat let ús en pak saterdei de boel by inoar?'

Safier is Foekje noch net, al hat se it fansels oankommen field. It giet har fierstente stoef. Se sit in skoftsje swijend foar har út te stoarjen en jûns op bêd begjint se sa mar te gûlen.

'It kin dochs net, Durk, dit kin dochs net...'

Mar se hat al belies jûn. Letter begjint se al noch te redendielen.

'Se brekke it ommers ôf, it is dochs fan de gemeente?' 'Se sille it ús net ûnder it gat ôfbrekke, leave.'

'Wy krije der spul mei, Durk en do krigest gjin tastimming om deryn.'

'Dat bin 'k ek net fan doel, om tastimming te freegjen.'

En dan is 't al sa let wurden dat se noadich sliepe moatte. Foekje leit fansels de heule nacht wekker en sjocht der moarns min út. Durk hâldt him even kúm, mar de jûns wurdt de striid fuortset. Hy siket yn 'e âlde kranten om en leit dy Foekje foar.

'Asjeblyft, wat stiet hjir?'

'Woningen gekraakt in Amsterdam,' lêst Foekje.

'Dat hie 'k ek tocht. En soenen wy hjir net dwaan meie wat yn Amsterdam hast alle dagen dien wurdt?' No, en sa is dat gien, mar it soe der noch swier ynhongen ha as Willem de saak net forseard hie. En it wie net iens ôfpraat spul.

'Moandei giet it los,' seit er de jûns. 'Der komt in bulldozer en dy raust de heule boel plat.'

Dan wurdt de kûgel troch de tsjerke jage. Yn in oere ha se der oer ôfpraat. Tsjerk sil de frachtauto fan 'e baas liene en Willem nimt in trekker mei oanhingwein mei. Saterdeitemoarn ier de heule brut deryn en yn ien kear oer, oars soe de gemeente der noch in skoattel foar strike kinne. Hindrik en Bearend wyld fan blidens en de grutte jonges ha der nocht oan. Jantsje protesteart en Foekje gûlt. Durk moat even hurd wêze, mar dat is net oars.

'En tink der om bern, gjin wurd, ek net tsjin Aaltsje. Se moatte ús net foar wêze.'

Wat sil men der fierders fan sizze. De kreakasje fan Durk-en-dy slagget oer alle boegen, al hat der nooit in rigel oer yn de krante stien. It hat wol in soad dalje jûn fansels. Earst komt de wethâlder derby, in eigenwiis man dy't mient dat er al hast boargemaster is. En dan is de grutte baas sels der ek al.

'Wel duvel, Doorlugtigheid, wat hast ús no te pakken? Hoe moat ik hjir mei oan?'

'Wier boargemaster, it koe dêr net langer,' seit Durk. 'Myn heule húshâlding wie deroan gien as ik noch langer yn dat Drachten bleaun wie. Jo witte net heal hoe mâl as it dêr om en ta giet. Ik wit dat it in sterk stik is, mar it is út need.'

'Do bist in grutte rakkert, Doorlugtigheid. Wat let my en lit dy daliks oppakke en dan de boel plat? Mar do hast it goed besjoen, dan sit ik mei dyn húshâlding.'

'Sa is 't.'

'Jawis, mar dan fersinst dy nuver, heite. Do hearst yn Smellingerlân thús en as ik dyn heule klub nei Drachten bringe lit, bin ik derôf.'

'Mar dat dogge jo my net oan.'

'Ik tink it ek net, it beroerde is dat ik dy wol lije mei.' De boargemaster set skodholjend ôf.

It is fansels net dien, noch lang net. Hast alle dagen komme der wol minsken dy't op Durk begjinne yn te praten. Mar hy hâldt hoek en se litte him tenearsten mei rêst.

It is nuver, mar as it moaie waar oankomt, kriget er lêst fan de rêch en de kontrolearende dokter kin der net ûnderút: Durk rekket yn de syktewet. Der binne dy maitiid gâns aaien en sa't liket sil der fan 't hjerst ek in protte wyld wêze. Durk pendelt letter, as er wer sûn ferklearre is, noch in skoftsje tusken de Sânleane en Philips, mar as it losse wurk ôf komt, seit er Philips op en Hiemstra dach. It muoit net ien fan beide partijen.

En sa hâldt dit ferhaal op.

O ja, der is noch ien kear nijs fan de Sânleane kommen. Wy skriuwe dan in moanne as fjouwer-fiif letter, it is al aardich yn de simmer op.

'Durk,' seit Foekje op in dei mei in nuveraardich lûd

yn har stim, 'Durk, ik kin it mysels net begripe, mar ik bin swier.'

No is Durk in soad wend en hy wist fan himsels wol dat er ûndanks syn minne rêch it lizzende wurk aardich neikomme koe, mar dit komt him al oer 't mad. Hy seit dan ek planút dat er hjir fersteld fan stiet.

'Mar it is wier, Durk.'

Durk sjocht op syn raap. It is noch gjin tiid mar hy draaft nei it hok om de hoarn.

'Wat silst no, Durk?'

'Appèl, dit moatte de bern witte.'

'Doch dat no net, it kin noch wol.'

'Welnee bern, dit nijs moat net stil holden wurde.'

En hy blaast de reveille dat it op 'e Sweach te hearren is.

Wylst syn folkje fan alle kanten opdraven komt, seit Durk: 'No kinst ris sjen leave, hoe goed dy feroaring fan lucht ús dien hat.'